

KENING LEAR

WILLIAM SHAKESPEARE

Kening Lear

yn Fryske oersetting fan

Douwe Kalma

Mei in ynlieding fan Eric Hoekstra

BORNMEER & STICHTING ELF | 2003

Dizze útjefte is mei mooglik makke troch
de Provinsje Fryslân en de Douwe Kalma Stifting.

ISBN 90 5615 064 2

NUR 675

Earder ferskynd yn diel VII yn de rige Shakespeare's wurk,
Fryske Shakespeare Stifting 1969

© Douwe Kalma Stifting, Eric Hoekstra, 2003

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat der skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôf giet.

Omstavering: Eric Hoekstra

Foarmjouwing: Gert Jan Slagter

Setwurk: Robert Seton, Wânswert

Printwurk: Wöhrmann Sutfen

In útjefte fan de stichting ELF en útjouwerij Bornmeer

www.bornmeer.nl

www.elf.nl

Oer Shakespeare en Kening Lear

It libben fan Shakespeare

Shakespeare is berne yn 1564. Syn bertedatum kenne wy net, mar hy waard doopt op 26 april. Syn âlden wiene fan goed komôf. Syn heit John Shakespeare hat ferskate bestjoersfunksjes hân, ûnder oaren dy fan boargemaster. Syn mem Mary Arden Shakespeare wie de dochter fan in rike grûnbesitter. Dat Shakespeare sil goed ûnderwiis hân ha. Ut syn stikken blykt dat er op 'e hichte is fan 'e klassiken.

Yn 1582 troude er Anne Hathaway. Se krigen trije bern: Susanna (1583) en in twilling, Hamneth en Judith (1585). Tusken 1585 en 1592 hearre wy neat oer Shakespeare. Wy witte ek net wat er yn dy jierren útheefde of út 'e wei sette. Yn 1592 wurdt foar it earst yn Londen melding fan him makke. En dan hearre wy ek faak fan him, of better sein, fan syn stikken, oan 1612 ta.

Shakespeare wie ek akteur. Hy wie lid fan 'e toanielgroep 'The Lord Chamberlain's Men', dy't ek wol foar de keninginne foarstellingen joech yn 1594-1595. De groep spile har stikken yn 'The Theatre', boud troch James Burbage. Doe't der wat juridyske problemen mei dat plak wiene, bouden se har eigen teater 'The Globe Theatre', dat eigendom wie fan sân haadakteurs fan 'e groep. Ien fan harren wie Shakespeare.

Shakespeare brocht syn lêste jierren, fan 1597 ôf, troch yn Stratford, dêr't er ien fan 'e bêste huzen kocht hie, mei de namme 'New Place'. Ut dokuminten blykt dat Shakespeare in betûft sakeman wie. Dat wie syn heit oars ek, dy't yn it sakelibben sukses hân hie, ear't er yn bestjoersfunksjes telâne kaam. Shakespeare ferstoar op 23 april 1616. Neffens in ûnbewiisd ferhaal soe dat ek syn jierdei west ha. Neffens in oar ûnbewiisd ferhaal soe er

ferstoarn wêze nei't er tefolle mei Ben Jonson en Michael Drayton, twa oare skriuwers út dy tiid, pimpele hie. Fierders binne der ek ferhalen dat de toanielstikken fan Shakespeare net troch Shakespeare mar troch in oar skreaun wêze soene. Mar dy ferhalen komme nefeens de learden út deselde koker as ferhalen oer UFO's en Atlantis.

It ferhaal fan Kening Lear

Kening Lear is skreaun earne tusken 1603 en 1606; better kinne de learden it stik net datearje. It is basearre op âldere ferhalen, mar Shakespeare hat it materiaal op eigen wize bewurke. Kening Lear is it ferhaal fan in misset, teweibrocht troch healwizens, gekkichheid, in ûnfermogen om jinsels en minsken om jin hinne emosjoneel-psychologysk goed yn te skatten; en dêrtroch ek in ferhaal oer heechmoed, flaters en it dêrtroch skriklik lije moatten ear't it emosjoneel wer goed komt – ek al hat it stik fierders gjin lokkige ôfrin want de haadpersoan Lear giet dea, en de dochter dy't safolle fan him hold en oarsom, allyksa. Mar yn alle gefallen sjocht Lear syn emosjonele en dêrtroch teweibrochte praktyske flaters ear't er stjert wol yn, en is er ek fermoedsoene mei syn dochter as er stjert. By einsluten moat Lear miskien ek stjerre om't er neat mear ha kin. Hy is op.

Lit ús earst it ferhaal fan Kening Lear fertelle. It stik begjint daalks mei spanning, drama. Lear fiert syn idioate plan út om it keninkryk te ferpartsjen ûnder syn trije dochters en dan sa, dat dy't him it measte priizget it grutste stik krije sil. In útnoeging om te sjerpsmarren en alhiel gjin wier hifkjen fan tagedienens, lykas Lear yn syn healwizens ûnderstelt. De twa âldste dochters, Goneril en Regan, besjerpsmarre de âlde kening om it hurdst. Cordelia, dy't Lear syn eachappel wie, wol oan dat spultsje net meidwaan. As de kening har freget wat sy as lof te sizzen hat, seit se 'Neat'. De kening wurdt dûm en ûntervet Cordelia, wylst de twa oare dochters in helte fan it keninkryk taskikt wurdt. De

trouwe ealman Kent, dy't foar Cordelia in goed wurdse dwaan wol en behoedzje de kening foar oerhastige misse setten, wurdt troch de (ûntankbere) kening ferband. Hy sil lykwols trou bliuwe.

De twa âldste dochters betoane hielendal gjin tankberens. De âlde kening dy't om bar by harren útfanhuzet mei sa'n hûndert man gefolch, fine se te lêstich en hy moat him mar bekrimpe en syn minsken moatte har mar koest hâlde. Hy kriget te hearren dat âlde minsken lykas him gjin al te grutte mûle ha moatte, ek om't se sa stadichoan de senile kant neist wurde. Lear rekket fansels troch alles hinne, troch de misledigingen en ûntankberens fan syn dochters, mar ek troch syn ûnmacht om der wat oan te dwaan. Hy hat ommers syn macht út hannen jûn, oan de ferkearden. Lear fljocht midden yn in stoarm út 'e hûs it fjild yn mei syn nar, dy't ommers de healwizens fan 'e kening becommentarierje mei, as nar (= healwizeling). Nei in barre tocht fynt er Cordelia wer. Se fermoedsoenje har en Lear sjocht no ek yn dat er Cordelia ûnrjocht oandien hat. Beide wurde nei in fjildslach lykwols finzen nommen. Krekt as it liket dat se rêden wurde sille, blykt Cordelia al eksekutearre te wêzen. Lear komt op mei har lyk, rekket troch alles hinne en stjert. Merk op dat Lear syn ellinde troch himsels teweibrocht wurdt.

Parallel oan dy ferhaalline, dat de haadline is, is in twadde ferhaalline mei de 'earl' fan Gloster. Dy hat twa soannen (Edgar en Edmund), en ien derfan, de bastert Edmund, is in smjunt. Troch handige yntriges makket Edmund earst syn broer sa swart dat dy troch syn heit ferstjitten wurdt. Edgar, syn libben ûnwis, fermomt him as de gek (healwizeling) anneks bidder 'earme Tomke'. Dêrmei komt it tema healwizens nochris nei foaren, en mei de dûbele boaiem dat dy healwizeling, likemin as de nar (healwizeling) fan Lear, echt healwiis is: beide sizze besteklike dingen. De wiere healwizeling is gjin healwizeling, mar kening. In oare smjunt, Cornwall, makket Gloster blyn, en soan

Edmund docht neat om it te behinderjen. Gloster kriget dan it wiere aard fan Edmund yn 'e rekken. Gloster wie ek ta in hichte healwiis om him troch Edmund te pakken nimme te litten, mar Edmund syn yntrige wie ek hiel knap. Gloster is folle minder ferantwurdlik foar syn eigen trageedzje as Lear, folle mear slachtoffer fan oaren. Dochs is it ferskil tusken Lear en Gloster earder gradueel as absolút. Gloster lit him, no blyn, liede troch de healwizeling 'earme Tomke', sûnder te witten dat it syn soan Edgar is. Edgar / Tomke lit syn heit syn eigen dea belibje, troch him wiis te meitsjen dat er (hy wol selsmoard plege) fan in klif ôfspringt. Yn wurklikheid is der gjin klif. Nei dy psychoterapy fermoedsoenje de twa har, en foar har rint it stik goed ôf. Behalve dat har (kweade) broer en soan Edmund oan 'e ein stjert. De twa plots wurde mei-inoar ferbûn, trochdat de kweade dochters fan Lear beide fereale wurde op de kweade soan fan Gloster, Edmund.

Kening Lear is Shakespeare syn meast kontroversjele trageedzje. Dat komt troch de ein. It liket op in lokkige ôfrin ta te gean en dan is der hommels, as in tongerslach by heldere loft, Lear mei de deade Cordelia yn 'e ears. De kritisy ha dêr mar wakker mei ompakt. Ik tink lykwols dat de treast sit yn it feit dat Lear en Cordelia har fermoedsoenje foar harren dea, en dat Lear syn flater ynsjocht foar't er stjert. Likegoed is it in ridlik wrede ein, mar net sa wanhopige pessimistysk as guon kritisy ha wolle. It is oars al wier dat Lear net fredich stjert, mar folslein troch alles hinne. Fan datoangeande hat er neat leard: hy is minsklik, hy is healwiis.

De twa ferbaallinen fan Lear en fan Gloster

Lear ferrifelt himsels wylst Gloster earder it slachtoffer fan 'e ferrifeljende yntriges fan syn bastertsoan Edmund is. Yn beide gefallen is in bern ek slachtoffer: dochter Cordelia by Lear, soan Edgar by Gloster. Beide wurde ommers ferstjitten. De parallellen en kontras-

Gloster tinkt dat in heech klif is:

Gloster Hoenear ha wy de top no fan dy hichte?

Edgar Jo gean der no by op. Wat kliuwt it swier!

Gloster My tinkt, de grûn is sljocht.

Edgar In skrik, sa steil.

Hark! Hearre jo de see?

Gloster Nee, neat dêrfan.

Edgar Faaks wurde dan jins oare sinnen minder
Troch 't lijen fan jins eagen.

Gloster 't Kin sa wêze.

My tinkt, dyn lûd is no ek oars; do praatst,
Fan stof en foarm, ek better as koart lyn.

Edgar Dat roait nei neat; ik bin yn neat feroare
As yn myn klean.

Gloster My tinkt, jo sprake is better.

Edgar Kom, fierder, hear; hjir is 't. Bliuw stean. Hoe grousum
En dûzjend is 't, it each omleech te slaan!
De ka's en krieën, wjokjend djip hjirûnder,
Hja lykje krobber, grutter net; dêr hinget,
Seefinkel garjend, healwei jit in man,
Skraach grutter as syn holle; in skriklik fak!
De fiskers, dêr oan't kui'rjen op it strân,
Bin mûzen lyk; en dat grut boat, foar anker,
Lyts as syn jôl; syn jôl in boei, te lyts
Hast om te sjen; it rûzjend sêfte dynjen,
Dat sljurket oer ûntelb're stientsjes grint,
Heart men sa heech hjir net. Mear wol 'k net sjen,
Oars draaide it my, en fan 't omdii'z'ne sjen
Foel ik foaroer faaks.

Gloster No sjoch ik alles klear; tenei wol ik
Dit libben tôgje, oant it út eigen driuw
“Genôch” ropt, en dan stjerre.

[I V - 6]

En as Gloster it al wer efkes ferjit om't de troepen dy't foar Lear stride de fjildslach ferlern ha, bringt Edgar (weromkend as Tomke) him de fitalistyske basishâlding wer yn it sin:

Edgar Kom mei, âld man; jou my jins hân; hjirwei.
Lear hat ferlern, is finzen mei syn dochter.
Jou my jins hân, kom gau.

Gloster Net fierder, hear; ek hjir kin men fergean.

Edgar Wat, wer dy tsjoede tinzen? Wy as minsken
Moatte ús ús fuortgean treastgje, lyk ús kommen.
Ree wêze is alles, kom.

Gloster Ek dat is wier. (*Of.*)

[V - 2]

It Gloster-ferhaal is mear as in didaktyske yllustraasje fan Lear syn ferhaal. By Gloster is de ellinde dy't de wrâld him oandocht folle grutter as wat Lear te fernearen kriget. Mar by Lear sit it djipper om't it foar in grut part út Lear sels komt. Lear draait himsels de bedelte yn, net allinne troch syn flater oan it begjin fan it stik, mar ek trochdat er hieltyd net troch hat wat der bart. Hy brekt leaver as dat er bûcht en begrypt. Yn in suver komyske sêne suggerearje de kweade dochters dat heit him mar bekrimpe moat wat tsjinners oanbelanget. En om't Lear syn status hast eksklusyf oan it tal tsjinners en sokke bûtekantsaken ôfmjit, meitsje se himsels sa hieltyd lytser, en sa fielt Lear dat ek. Oan it begjin fan it stik ha se him lykwols

earst mei wurden priizge en opblaasd, om in part fan it keninkryk te krijen. As priuwke folget hjir de lofsang fan Goneril:

Goneril

Hear,

Mear leavje ik jo as 't wurd it ea beskriuw,
Djoerder as ljocht yn d' eagen, romte en frijdom,
Heger as hokfoar wearde, ryk of frjemd;
Sa leaf as libben, trêft, rom, sûnens, skientme;
Sa tige as 't bern ea fiede, in heit ea fûn;
Leafde dy't earm it lûd, 't wurd machtles makket;
Sa, fier jit oer dat alles, leavje ik jo.

[I - I]

En no't se fan him ha, wat se ha woenen, prippe se him lek. Se begno-
je him op syn tsjinnern, syn folgers, oant der neat fan him oerbliuwt:

Regan Hear, ik doar der foar stean. Wat, fyftich folgers?
Is dat net moai? Wêrta ferlet fan mear?
Sels fan safolle, om't lêst en noed har beide
Tsjin sa'n heech tal fersette? Kin sa'n heap,
Yn ien hûs gear en hearrend nei twa masters,
De frede warje? Slim is 't, hast ûnmooglik.

Goneril Wêrom, hear, kinne jo net tsjinne wurde
Fan dy't behearre ta har folk, of mines?

Regan Wêrom net, hear? Fersleauken hja jins winsken,
Wy setten har te plak. Dat, woll' jo komme, –
Want no sjoch ik ek spoek – nim dan net mear
As fiif-en-tweintich mei; mear bergje ik net,
En wol 'k gjin spul mei ha.

Lear Ik joech jim alles –

Mar sjoch dochts, sjoch har lippen, sjogge jim 't?

O sjoch dêr, sjoch – (*Stjert.*)

[v - 3]

*De beakwizens as boarne fan tragyk en fan wierheid
en 'la condition humaine'*

In oare parallel tusken Lear en Gloster is dat se yn har ellinde beide beselskippe wurde fan in gek. Lear ûndergiet de stoarm yn it selskip fan syn nar. Gloster ûndergiet syn blinens yn it selskip fan earme Tomke, dat eins syn soan Edgar is. Kritisy ha wol suggerearre dat de nar fan kening Lear eins Cordelia yn fermomming wêze soe. Dat koe maklik want alle frouljusrollen waarden yn 'e tiid fan Shakespeare troch jonges spile. Dat sokke 'froulju' koene maklik wer foar manlju trochgean. Ut it eachweid fan parallellisme soe it moai wêze dat de gek by Lear krekt as de gek by Gloster in eigen bern yn fermomming is. Fierder is it sa dat Lear syn gek ferdwynt koart foardat de kening Cordelia wer sjocht. De gek en Cordelia binne nea tagelyk op it toaniel. Oan 'e oare kant komt by Gloster foar it ljocht dat syn gek syn bern is. By Lear is dat nea sa. Dat soe der miskien op wize kinne dat Lear syn eigen gekkens nea ynsjocht, sels net as er him mei Cordelia fermoedsoenet. Yn alle gefallen is it in nijsgjirrich idee.

It gek, it healwiis wêzen fan 'e minske is in wichtich tema yn Shakespeare überhaupt, en benammen yn Kening Lear. Dat blykt út de oanwêzigheid fan 'e twa healwizelingen dy't Lear en Gloster begeliede op himsels al. En Lear seit oer de wrâld en de minsken:

Lear Wolsto myn lot beskrieme, nim myn eagen.

Ik ken dy guoddernôch: dyn namme is Gloster;

Ei, jou dy del; wy kamen kritend harren;

Do witst, sadree't wy d' ierde' loft mar rûke,
Dan gûzje en gûle wy. Hear ta; 'k wol preekje.
Gloster Wee, wee sa'n dei!
Lear Daalk by ús berte skrieme wy ta 't kommen
Op sa'n toaniel fan sotten. –
[IV - 6]

Dat lêste sitaat reflektearret in earder petear tusken kening in nar,
dêr't de nar de kening in sot neamt:

Lear Neamsto my in nar, feint?
Nar Al dyn oare titels hast ommers weijûn; dizze bist mei
berne.
[I - 4]

De gek mei de wierheid sprekke: 'do hiest lyts fernim yn dyn keale
kroan, doesto dyn gouden weijoechst'. (I.4.) De gek stekt ek de draak
mei Lear syn selsmeilijen en syn narsistysk rjochte wêzen op himsels.

Lear Wee my! Myn hert, it smoart my! Del, hert, del!
Nar Ja heitsje, dat moastst it mar taroppe, lyk as de kokenfaam
tsjin de ieltsjes, doe't hja se libben yn it daai die; hja
sloech se mei in stôk boppe op 'e kop, en rôp: "Lizze,
jim springers, lizze".
[II - 4]

De gek is by Shakespeare hast in mytyske figuer. Hy wurdt it sym-
boal fan de paradoksale sitewaasje dêr't de minske himsels yn fynt as
produkt fan it rasjonele en it yrrasjonele. Deselde paradoks fine wy ek

hiel dúdlik yn Erasmus syn ‘Stultitiae Laus’ (‘Lof fan ’e Healwizens’, Fryske oersetting fan P. W. Brouwer, Stifting ELF, Ljouwert), dat Shakespeare grif kend hat, en dêr’t de gek allyksa it paradoksale symboal fan ‘la condition humaine’ is, en sels de wiisheid noch as in part fan syn rike, alomfiemjende healwizens yn him hat.

‘Kening Lear’ yn Fryslân

Douwe Kalma, de oersetter fan Kening Lear en fan it folsleine wurk fan Shakespeare, waard berne op 3 april 1896 te Boksum, groeide op te Dearsum en stoar op 18 oktober 1953. It libben fan Kalma is oer te lêzen op de webside fan it FLMD.

Kalma hat noch krekt foar syn dea de oersetting fan it folsleine wurk fan Shakespeare dien meitsje kinnen. De Shakespeare-stifting naam it útjaan fan dat wurk op him. It waarden acht mânske dielen, dy’t útkommen binne yn ’e perioade 1956-1976.

Foar Kalma wie der earder al ris ynsidinteel wurk fan Shakespeare oerset, lang foar’t de Hollânske Burgerdijk-oersetting ferskine soe. Rinse Posthumus makke oersettingen fan ‘De keapman fan Venetië’ en ‘Julius Caesar’ (1829), ‘As jimme it lije meie’ (1842) en ‘De Stoarm’ (1852, pas útjûn as Estrik troch it Frysk Ynstitút te Grins yn 1957). Letter makke T.E. Holtrop in oersetting fan ‘Julius Caesar’ en fan ‘Hamlet’. Sjoch fierder it wiidweidige essay fan Jo Smit, dêr’t wy boppesteande ynformaasje fan oernamen: ‘Shakespeare en wy’, (De Tsjerne 1964, werprinte yn Jo Smit ‘De moderne roman as moraliteit’, 133-179).

Hoewol’t der in protte dokumintaasje is oer de earste fjouwer dielen fan it Shakespeare-projekt, dy’t útkamen tusken 1956 en 1963 (respektivelik 1956, 1959, 1962, 1963), hat de oersetting fan ‘Kening Lear’ yn Fryslân net folle omtinken krigen. Yn ’e dokumintaasje fan it FLMD wie neat te finen, en al likemin yn de Taaldatabank

fan 'e Fryske Akademy. It brek oan omtinken foar 'Kening Lear', dat yn 1969 ferskynd is, stiet net op himsels. It hat nei alle gedachten te krijen mei it weromrinnend omtinken foar it Shakespeare-projekt fan 'e ein fan 'e jierren '60 ôf en mei in weromrinnen fan omtinken foar oersettingen yn it algemien yn dat a- of sels antyhystoaryske tiidrek.

It fyfte diel (1965) befettet de skiedniskundige toanielstikken. Dy binne útsoarte minder nijsgjirrich, dat in brek oan belangstelling foar krekt dat diel hoecht ús net te fernuverjen. Mar 'Kening Lear' is ien fan Shakespeare syn absolute klassikers. It sit by Kalma yn diel 7, tegearre mei Othello (de moar fan Venesje), Macbeth, Timon fan Athene en Antonius en Cleopatra. Diel 7 is dus in sterke bondel, en it brek oan belangstelling dêrfoar moat dan ek op konto fan 'e tiidgeast skreaun wurde (as it FLMDalleast net fan dokumintaasje-styl feroare is yn dy tiid). De tiidgeast soe ek it brek oan omtinken ferklearje foar diel 6 (1966), dat trageedzjes lykas 'Hamlet' en 'Romeo en Julia' befettet.

It Shakespeare-projekt hat dus fral omtinken fan 'e media krigen yn 'e fyftiger jierren en de earste helte fan 'e sechtiger. Ferskate kritisy ha Kalma syn oersettingen kritysk hifke. Dat binne net de minsten: Anne Wadman, Jo Smit, om mar ris in pear te neamen. De algemiene teneur is yn trije punten wer te jaan. Foarst, it wurdt algemien beskôge as in goede saak dat Shakespeare yn it Frysk oerset wurdt. Twad, der sit wolris in Kalma-rookje oan de oersetting, dy't wat fierder giet as wat de tafallige persoanlike sinjatuer fan de oersetter rjochtfeardiget. Der falle wolris konkrete wurden of frazen wei lykas 'inside lip', 'clock' en ynstee dêrfan dûke bytiden al, bytiden net sloppe abstrakta op, lykas 'ynlik' en 'tiid' (sjoch niisneamd artikel fan Smit foar mear foarbylden). Tred, it algehiele effekt fan 'e Kalma-oersetting op 'e lêzer, los fan rasjoneel analysearre oersettingskwestjes, is sûnder mear ymposant.

De Shakespeare-oersettingen fan Kalma binne wat te stiif om sûnder oanpassingen samar op te fieren. Lykwols kinne se hiel goed as basis foar in mear sprekjalige opfiering tsjinje. Nett-sjinsteande de krityk op it Kalma-rookje oan de oersetting en dy syn oanstriid ta ynsidinteele ûnnedich brûken fan abstrakta, liket it oardiel fan Yge Foppema ('Monumint foar in trijetal', De Tsjerne 1960) de lêzersûnderfiningen goed gear te fetsjen:

'... de krityk woe te'n earsten net swije, mar mear en mear krige ik it gefoel dat ik troch alles binne Shakespeare bearde en seach – Shakespeare 'vu a travers un tempérament', Kalma syn temperamint, mar dochs Shakespeare. Komt it om't der foar de lekken en brekken safolle moaie fynsten oer steane?'

Foppema ferfettet mei in oanhelling fan Kalma dêr't wy dit stik mei ôfslute:

'Ik moat earlik sizze, dat as it oersetten fan Shakespeare foar my net sa'n grut geniet wie, wierskynlik noch nasjonale plicht, noch bokfoar oare oantún my de krêft jaan soe dêr jier yn jier út mei fuort te farren.'

ERIC HOEKSTRA

LJOUWERT

april 2003

Oer de oersetting en de werútjefte dêrfan.

De oersetting fan dr. Douwe Kalma is yn syn hiele hear en fear oernommen. It artistyk-keunstmjittige Frysk fan Kalma is in perfekt stik ark foar it werjaan fan it artistyk-keunstmjittige Ingelsk fan Shakespeare, dat yn Shakespeare syn tiid nammers ek hiel gewoan wie. De noaten fan Kalma binne allyksa oernommen. De tekst is omstavere fan 'e âlde stavering (de Akademystavering, 1948-1980) nei de nije stavering (de Steatestavering). Kalma syn brûken fan apostroffen om ritmyske weilittingen fan ûnbeklamme lûden wer te jaan, hawwe wy oernommen.

Wy betankje de Provinsje Fryslân en de Douwe Kalma Stifting. Sy ha ús fernijende Shakespeare-projekt mooglik makke: tanksij printing-on-demand sil dit boek nammentlik net lykas oare útjeften nei in pear jier út de boekhannels ferdwine, mar besteld wurde kinne sa lang as de stifting ELF en útjouwerij Bornmeer besteane.

Persoanen

Lear, kening fan Brittanje.

De kening fan Frankryk.

De bartoch fan Boergonje.

De bartoch fan Cornwall.

De bartoch fan Albanje.

De greve fan Kent.

De greve fan Gloster.

Edgar, soan fan Gloster.

Edmund, bastert-soan fan Gloster.

Curan, in hofling.

Oswald, hofmaster fan Goneril.

In âld man, hiersman fan Gloster.

In dokter. In nar.

In ofsier, yn tsjinst fan Edmund.

In ealman, út it gefolch fan Cordelia.

In beraut, Tsjinners fan Cornwall.

Goneril, Regan, Cordelia, dochters fan Lear.

Ridders út Lears hofsteat, ofsieren, boaden, kriichslju en tsjinners.

It stik spilet yn Brittanje.

BEDRIUW I

TOANIËL I

*(Yn it paleis fan kening Lear.
Op komme Kent, Gloster en Edmund.)*

Kent Ik hie tocht, de kening fielde mear foar de hartoch fan Albanje ¹ as foar dy fan Cornwall.

Gloster Sa hat it ús altyd talike; mar no, by de ferdieling fan syn keninkryk, docht it net bliken wa fan de hartoggen hy heechst hat; want har parten binne ôfwoegen mei sa'n krektens, dat, mei hoe'n soarch beide ek hifkje, hja dochts net it iene diel boppe it oare kieze kinne.

Kent Is dit jins soan net, hear?

Gloster Hy is op myn kosten grutbrocht, hear; en ik ha sa faak in kaam set as ik him mines neamde, dat ik der no yn behurde bin.

Kent Ik fetsje jo wier net.

Gloster Hear, dat die de mem fan dizze jongkeardel wol; en fan gefolgen waard hja gâns swierder, dat hja krige sawier, hear, in soan yn 'e widze ear't hja in man betroud hie. Rûke jo de misse set no?

Kent Ik kin de misset net ûngedien winskje, no't dy sokke skoandere fertuten hân hat.

Gloster Mar ik ha ek jit in soan neffens de wet, hear, in jier sawat

âlder as dizze, dy't lykwols net heger by my oanskreaun stiet; al kaam dizze rakker dan ek drystwei op 'e wrâld ear't er bean waard, syn mem wie in moai froumins; wy fermakken ús skoan doe't er makke waard, dat ik moast de skabant mines neame. – Kensto dizze nommele ealman, Edmund?

Edmund Nee, hear.

Gloster Myn hear de greve fan Kent. Tink tenei oan him as oan myn heech fereare freon.

Edmund Ik bin jins ealheids tsjinner.

Kent Ik sil wiis mei jo wêze, en kom jerne better mei jo yn 'e kunde.

Edmund Hear, ik sil my derop útlizze dat te fertsjinjen.

Gloster Hy hat njoggen jier om utens west, en hy sil wer fuort. Dêr komt de kening.

(Fanfare. Op komt ien dy't in kroane draacht, dan kening Lear, Cornwall, Albanje, Goneril, Regan, Cordelia en gefolch.)

Lear Beselskipje de foarsten fan Frankryk en Boergonje, Gloster.

Gloster Dat sil ik, hear. *(Gloster en Edmund ôf.)*

Lear Wylst wolle wy 't ferhoalen doel ferklearje. –
Jou my dy kaart dêr. – Wit dan dit: wy dielden
Us lân yn trijen, fêst fan doel ús jeld
Te feil'gjen foar de noed en soarch om 't ryk,
Soks jonger krêft ta plicht, wylst, lêst-befrijd,
Wy pylg'rje nei it grêf. – Do, soan fan Cornwall,
En do, Albanje, as soan ús like leaf,
Dizze oere wytgje wy mei duors'me wizing

Us dochters harren breidsjeft, dat wy no
 Foarkomme skeel tenei. Boergonje en Frankryk, prinsen,
 Fûl stykjend om ús jongste dochters hert,
 Ha lang, út leafde, toeve oan dit ús hof,
 En ha no rjocht op andert. – Dochters, sis ús,
 No't wy dan ôfstân dogge fan 't bewâld,
 Beide fan baten en de lêst fan 't ryk,
 Wa, moatt' wy sizze, hat it meast ús leaf?
 Dat ek ús rynskens dêr jout op it swiidst
 Dêr't neffens rjocht natoer dat easket. – Goneril,
 Foarst berne, sprek do foarst.

Goneril

Hear,

Mear leavje ik jo as 't wurd it ea beskriuw,
 Djoerder as ljocht yn d' eagen, romte en frijdom,
 Heger as hokfoar wearde, ryk of frjemd;
 Sa leaf as libben, trêft, rom, sûnens, skientme;
 Sa tige as 't bern ea fiede, in heit ea fûn;
 Leafde dy't earm it lûd, 't wurd machtleas makket;
 Sa, fier jit oer dat alles, leavje ik jo.

Cordelia (*fansiden*) Wat moat Cordelia dwaan? Leafhawwe, en swije.

Lear Dit grut gebiet, fan dizze grins safier,
 Oan skaad'ge wâlden ryk en wide fjilden,
 Foldied'ge streamen, greiden, hein en fier,
 Stiesto no oer; dit heart yn ivichheid
 Dyn en Albanje' laach. – Wat seit
 Us djoerste Regan, boaske oan Cornwall? Sprek.

Regan Myn susters grûnaard is ek mines, hear,
 Har wearde achtsje ik mines. Djip yn 't hert
 Ferstie 'k, hja neamde wat myn leafde wol,

En dochts skeat hja tekoart; want ik hâld my
Fijannich foar elts oare blydskip oer,
Hoe djoer, hoe djip my dy yn 't wêzen fielt,
En wit, der is foar my gjin sillichheid
As yn jins heechheids leafde.

Cordelia (*fansiden*) Earm do, Cordelia!

En dochts ek net; want ik bin wis, myn hert
Weacht swierder as myn tonge.

Lear Dy en dyn neiteam bliuwt foar jimmer jûn
Dit ryk tred part fan ús grut keninkryk,
Yn romte, wearde en leaflikens net lytser
As Goneril har diel. – No do, ús noft,
De lêste, net de minste, om waans jong hert
No Frankryks winen en Boergonje' molke
Stykje foar duorjend bûn, hok wurd kin dy
Jit swider part bringe as dyn susters? Sprek.

Cordelia Neat, hear.

Lear Neat?

Cordelia Neat.

Lear Fan neat komt wis ek neat. Sprek jitris dus.

Cordelia Hoe near my 't moed ek is, ik kin myn hert
Net ta myn lippen twinge. Nei myn plicht
Haw ik jins heechheid leaf, safolle krekt.

Lear Wat, wat, Cordelia? Kies dyn wurden better,
Datst dyn fertún net tsjinstiest.

Cordelia Goede hear,

Jo ha my wûn, my leave en grutbrocht; ik
Kom sa foar jo myn plichten nei mei foech,
Bin hearrich, ha jo leaf, en set jo heech.
Hoe koen' myn susters boaskje, as hiel har hert'

Jo eigen is? Faaks, as ik boaskje sil
Nimt hy, dy't ik myn wurd jou, wol de helt
Fan al myn leafde, fan myn noed en plichten.
Wis, nea sil 'k boaskje lyk myn susters diene,
En jou heit al myn leafde.

Lear Mar sprekt dyn hert hjiryn?

Cordelia Ja, goede hear.

Lear Sa jong en sa ferhurde?

Cordelia Sa jong, hear, en sa swier.

Lear Dan wêze it sa; dyn wierheid sij dyn breidsskat;
Want by de sinne' hillich strielerûn,
By Hecate' mystearjes en de nacht, ²
By al wat wurket út it stjerte omheech
Dy't macht ha oer ús libben en ús dea,
Sis ik my los fan al myn heitesoarch,
Fan sibskip yn it bloed, fan mienskips bân,
En foar myn hert en my bestiest as frjemd
Fan no oant ivich. Sels wylde Skyth, ³
Ja hy, dy't eigen skaai as fiedsel daat
En honger dêrmei dwêst, sil mei myn hert
Sa'n neie buorskip ha yn noed en stipe,
As do, myn dochter ienris.

Kent Eale foarst –

Lear Stil, Kent!

Kom net tusken de draak yn en syn grym!
Har leave ik meast, en fan har bernesoarch
Hope ik myn rêst. – Hjirwei, en út myn each!
Sa sij myn grêf myn frede, as ik har 't hert
As heit ûntkear! – Rop Frankryk; wa wol gean?
Rop ek Boergonje. Albanje en Cornwall, jim,

Dat foar dy weage waard; ik doar it oerjaan
As 't om dyn rêding giet.

Lear Wei, út myn each!

Kent Sjoch better, Lear; lit my foar jimmer bliuwe
Dyn eagene eigen wyt.

Lear No, by Apollo, -⁴

Kent No, by Apollo, kening,
Omdôch beswarst dyn goaden.

Lear Lienfeint, smjunt!

(Slacht de bân oan syn swurd.)

Albanje + Cornwall Goe'heit, byn yn.

Kent Deadzje dyn dokter mar, en syn fertsjinst
Jou dy dyn tsjoede sjochtme! Rop werom
Dat oardiel, of, salang ik sykje kin,
Sis ik dy, do dochst tsjoed.

Lear Hear my, opstann'ge!

Hear, by dyn plicht as lienman!
Dêrsto ta wurdbrek ús ferliede woest,
Eat, nea fan ús bestien, en heilleas dryst
Dy ynkrongst tusken ús oardiel en ús macht,
Lyk noch ús wêzen noch ús rang ferneart,
Lear wat ús macht is dan, en haw dyn lean.
Fiif dagen bin dy gund, datsto dy rist
Hoesto de wrâldske pleagen bêst wjerstiest,
En op 'e sechste kearst dyn hate rêch
Us rykslân ta; as men tsien dagen letter
Dyn weiband omskot werfynt yn ús kriter,
Slacht dy stûn' ek dyn dea. Hjirwei! By Jupiter,
Ik rop dit nea werom.

Kent Kening, farwol; wolsto sok ûnrjocht wier,
 Dan is men balling hjir, en frijdom fier.
(tsjin Cordelia:) Dy meie, faam, de goaden nimme yn noed;
 Want watsto tinkst en seist, 't wie wier en froed.
(tsjin Regan en Goneril:) Jim grut ûnthjit mei blike yn
 jimme dwaan;
 Dat leafde' wurden leafde' riscing jaan.
 Sa, prinsen, seit jim Kent farwol yn 't gean;
 Yn nij lân set er fuort syn âld bestean. *(Of)*

*(Fanfare. Gloster komt wer op, mei
 Frankryk, Boergonje, en tsjinnners.)*

Gloster Hjir, eale hear, bin Frankryk en Boergonje.

Lear Hear fan Boergonje,
 Foarst giet ús wurd nei jo, dy't om ús bern
 Mei dizze kening stiken. Hoe grut is
 De leechste breidsskat, by har boask te jaan,
 As jo by 't oansiik bliuwe?

Boergonje Hege kening,
 Mear freegje ik net as wat jins heechheid bea;
 Jo mind'rje it wis ek net.

Lear Eale Boergonje,
 Doe't hja ús djoer wie, achten wy har sa;
 No sonk har hege priis. Dêr stiet hja, hear:
 As eat yn dy lyts-weardige ferskinning,
 Of alles, no tegearre mei ús grym,
 En neat, neat mear, jins heechheid haagje kin,
 Dêr stiet hja, jowes dan.

Boergonje Ik wit gjin andert.

Lear Wat is jins winsk, by al har lek en brek,
Sûnder in freon, no fan ús hate it bern,
Us flok ta breidsjefte, ôfsnien fan ús eed,
Har nimme of litte?

Boergonje Ealste foarst, ferjou;
By dy betingsten kiest gjin minske mear.

Lear Dan lit har, hear; by Him troch wa't ik libje,
Har hiele skat ha 'k neamd. (*tsjin Frankryk:*) Jins leafde,
kening,

Fierde ik net jerne sa slim op 'e doele,
En jou har wat ik haatsje; ik bid jo dus,
Lit waard'ger wegen lâns jins leafde gean,
As nei d' ûnsill'ge, dy't Natoer mar skraach
Har bern mear neame doar.

Frankryk It is wol frjemd,
Dat hja, sa koart jit lyn jins libbens wyt,
Ryk troch jins lof, de balsem fan jins jeld,
It bêste en djoerste, yn dit lyts hoartsje tiid
Sa'n grousum stik bestie, dat al jins geunst
Weiglied as manteltearen. Wis, har dwaan
Moat skriklik west ha en natoer ta hún,
Of al jins leafde, ús earder lûd ferkund'ge,
Untaarde sels; en twingt gjin wûnder my
Te leauwen tsjin myn rede, nea soe ik
Tsjoad fan har tinke doare.

Cordelia Ik bid jins heechheid
(As my dy glêde en lyn'ge keunst ûntbrekt
Fan praten bûten tinken; wat my driuwt
Doch ik ear't ik it sis), lit elts hjir hearre,
It is gjin earleas stik, moard, lege skande,

Gjin ûnkein libben noch ûnweardich dwaan,
Dy't my fan jins genede en geunst berôve;
Mar 't wie in brek dêr't ik my ryk om achtsje,
Eagen dy't freegje aloan, in tonge, as 't my
Wol bliid is net te hawwen, – koe 't ûntbrekken
My dan jins leafde ek nimme.

Lear Better wiest

Nea berne, datsto my net better hagest.

Frankryk En oars is 't neat? In skrút'nens fan bestean,
Dy't faak gjin wurd fynt foar de goede die,
Dy't wol lei yn it doel? – Hear fan Boergonje,
Wat is ta har jins wurd? Leafde is gjin leafde,
Giet mei har in berekk'ning mank, dy't fier
Fan har djip wêzen wykt. Is hja jins winsk?
Hja is in breidsskat sels.

Boergonje Heech-eale Lear,

Jaan my it part dat jo sels útsteld ha,
En hjir nim ik Cordelia' hân, en s' is
Boergonje' hartogginne.

Lear Neat. Ik ha 't sward; 't stiet fêst.

Boergonje My muoit it, dat jins heit sa te ferliezen,
Jo ek in man ûntkeart.

Cordelia Boergonje, gean yn free!

Om't sa syn leafde langet nei wrâldsk goed,
Sil ik syn wiif net wêze.

Frankryk Keinste Cordelia, yn dyn earmoed rykst,
Ferstaat, en jitte djoerst, ferhúnd, djipst leave,
Hjir nim ik dy en wat dy siert as rjocht;
't Is foechsum, no't in oar dy sa fersmiet.
Jim goaden! Frjemd dat hún, sa kâld en njoer,

Myn leafde en earbied fyt'ret ta in fjoer!
Dyn dochter, kening, sûnder skat my jûn,
Hat wâld oer ús en Frankryks mylde grûn;
Gjin foarsten fan Boergonje' sompich gea,
Untkeapje myn ferkeazen faam my ea.
Al wien' hja hurd, Cordelia, sis farwol:
Ferliesto hjir, ús folk is myld en gol.

Lear Dan is hja dines, Frankryk, troch dyn wil;
Wy ha dat bern net mear; har antlit sil
Gjin minske hjir wer sjen. Gean dus hjirwei;
Noch geunst, noch leafde' seine jaan wy mei. —
Eale Boergonje, kom.

*(Fanfare. Allegearre ôf, bûten Frankryk,
Goneril, Regan en Cordelia.)*

Frankryk Sis no jins susters dei.

Cordelia Jewielen fan myn heit, mei trienwiet each
Ferlit Cordelia jim. Ik ken jim goed;
En, as in suster, skamje ik my en neam
Mei 't goede wurd jim brekken. Leavje heit,
Oan jim ûnthjitten noed betrou 'k him ta;
Mar mocht ik, earme, yn syn geunst jit stean,
Dan waard him ringen better oarde bean.
Farwol, jim beide dan!

Regan Skriuw ús ús plicht net foar.

Goneril Nee, stribje leaver
En wês dyn hear nei 't sin, dy't lyk in jelmis
Fan 't lot dy krige. Ploaie woest noch bûge,
En waardsto earm dêrtroch, 't wie rjocht en foege.

Cordelia Tiid strykt de tearen sljocht, fan liepens lein;
Ferhoalen sûnde komt te skande yn d' ein.
Goed sil 't jim gean!

Frankryk Keine Cordelia, kom.

(Frankryk en Cordelia ôf.)

Goneril Suster, ik ha net in bytsje te sizzen oer wat ús beiden
neist oanbelanget. Ik tink dat heit tejûn hjir wei wol.

Regan Dat is bûten kiif, en dan by jo; de oare moanne by ús.

Goneril Jo sjogge hoe't syn âlderdom fan 't iene yn 't oare falt; wat
wy dêrfan merkbieten hat net in bytsje west; altiten hie er
meast mei ús suster op; en no komt it mar al te klear út
op hokfoar earne grûnen hy har ôfsnien hat.

Regan Dat is it swak fan syn hege jierren, mar hy hat him altyd
mar min yn betwang hâlde kinnen.

Goneril Yn syn bêste en súnste jierren wie er jit opljeppen; dat wy
kinne fan syn âlderdom net allinne de ûnfolsleinheden
ferwachtsje dêr't er al sa lang mei oanhelle west hat, mar
dêrby ek de ûnbrûksume eigensinnigens, dy't de swak-
kens en wranteligens fan syn hege jierren meibringe.

Regan Sokke hommels opkommende fleagen sille wy fan him
ferwachtsje moatte, lyk as fan Kents ferballing.

Goneril Dan is der jit de wize fan ôfskie nimmen tusken Frank-
ryk en him. Beleaven, lit ús meïnoar oerlizze; as heit
trochgiet syn macht te brûken op sa'n foet as no, dan
sille wy fan syn ôfstân neat as fertriet belibje.

Regan Wy sille der fierders om tinke.

Goneril Wy moatte wat dwaan, wylst it izer hjit is. *(Beide ôf.)*

*(Yn it paleis fan de greve fan Gloster.
Op komt Edmund, mei in brief.)*

Edmund Natoer, do bist myn godheid; nei dyn wet
 Wol ik hearrich wêze. Wêrom soe 'k
 Fan wenst my nytgje litte, en daaie dat
 Lef folksfoaroardiel my myn rjocht ûntkeart,
 Om't my myn broer tolf, fjirtjin moannegongen
 Foarút wie? Wêrom bastert? Wêrom leech?
 Wylst ik fan bou sa geef en krêftich bin,
 Fan geast sa kundich en fan foarm sa fiks,
 As skaai fan ears'me froulju? Wêrta 't mark,
 Dat brânmark: bastert, leech, leech basterts bloed?
 Wylst wy, troch noft, ûntfytmanne oan natoer,
 Mear fjoer en wylde krêft yn d' ieren ha,
 As op in slûch, âldwenstich, ôfbrûkt bêd
 In hiele kliber jobben troait yn 't wêzen,
 Sleau tusken sliep en weitsjen? No dan, skoan!
 Dyn lân, goe-wettige Edgar, moat ik ha!
 De bastert Edmund hat ús heite leafde
 Sa goed as 't wettich bern. Moai wurd, dat wettich!
 No, wett'ge broer, as 't goed giet mei dit brief,
 En wat ik úttocht, dijt, dan sil lege Edmund
 Jit delsjen op de wett'ge. Ik waaks, ik win;
 No, goaden, help ús basterts!
(Op komt Gloster.)

Gloster Kent sa ferballe! En Frankryk fuort, yn grime!
 En jûn de kening gien! Syn macht al oerjûn!

- Gjin middels as in jierjild! Alles bard
Hookstrooks, op 't stuit! – Edmund, wat no! Wat nijs?
- Edmund Neat, as 't jins ealens haget.
- Gloster Wêrom dochsto dyn bêst dat brief wei te moffeljen?
- Edmund Ik ha gjin nijs, hear.
- Gloster Hokfoar pompier liesto dêr?
- Edmund Neat, hear.
- Gloster Net? En wêrom dan sa heislike hastich om it yn 'e bûse te stopjen? Wat neat is, hat der net sa'n ferlet fan him te ferbergjen. Lit sjen; kom, as it neat is, sil ik gjin bril nedich ha.
- Edmund Ik smEEK jo, hear, ferjou my; it is in brief fan myn broer, dat ik noch net hielendal lêzen haw, en safier as ik it al neigien ha, liket it my net sa gaadlik dat jo it trochsjojge.
- Gloster Jou my dat brief, hearskip.
- Edmund Ik sil argewaasje jaan, oft ik it by my hâld of oerjou. De ynhâld, ynsafier't ik dy dan fetsje, is te lekjen.
- Gloster Lit sjen, lit sjen.
- Edmund Ik hoopje, om myn broer te rjochtfeardigjen, dat er dit allinne skreaun hat om myn tigens te weagen en te hifkjen.
- Gloster (*lêst:*) “Dy earbiedenis foar lju op jierren is in wiisheid dy't foar ús de wrâld bitter makket yn 'e fleur fan ús libben, en ûnthâldt ús ús goed oant ús jeld it swiete dêrfan net mear priuwt. Ik begjin dy twang fan tirannije-op-jierren te fielen as in ûnsinnige, sotte slaafskens; hja hearsket net nei't hja macht hat, mar ynsafier't men har duldet. Kom by my, dat ik hjir mear fan sizze kin. As ús heit sliepe woe oant ik him wekkermakke, soesto foar altyd it geniet ha fan de helte fan syn ynkomsten, en libje yn de leafde fan dyn broer, Edgar.”
Hm, in gearswarring! Sliepe woe oant ik him wekker-

makke – soesto foar altyd it geniet ha fan de helte fan syn ynkomsten – Myn soan Edgar! Koe syn hân soks skriuwe, koene syn hert en brein soks útbriede? – Wannear hasto dit krige? Wa hat it dy brocht?

Edmund It is my net brocht, hear, dat is krekt it fyn-ynleine fan de saak; ik fûn it, en it wie ta it finster fan myn keamer ynsmiten.

Gloster Do bist der wis fan, dat it skrift dyn broer sines is?

Edmund As de ynhâld goed wie, hear, dan doarst ik swarre, it wie sines; mar, wat dat oanbelanget, soe ik leaver tinke, it wie sa net.

Gloster It is sines.

Edmund It is syn hân, hear, mar ik hoopje, syn hert is net yn de ynhâld.

Gloster Hat er dy nea earder yn dizze kwestje tante?

Edmund Nea, hear; mar ik ha wol faak heard dat er úthâlde, it wie goed, dat as de soannen woexen jeld en jierren hiene en de heiten waarden minder, dat dan de heit de soan oer him ha moast as fâld, en de soan moast gean oer syn goed.

Gloster O smjunt, smjunt! Krekt syn betinken yn dit brief ek! Groulike smjunt! Unnatoerlike, wearzige, bистeftige smjunt! Slimmer as bистeftich! – Sykje him op, tsjirl! Ik sil him finzen nimme litte! Illindige smjunt! Wêr is er?

Edmund Ik wit it net sa lyk, hear. As it jo haagje koe en hâld jins ferûntweardiging tsjin myn broer yn twang oant jo klearder tsjûgenis fan syn doel ôfliede kinne út syn dwaan, dan binne jo op in wissers wei; wylst, as jo him mei geweld oantaaste soene en wat hy fan doel is, ferkeard opfetten, jo jins eigen eare in slimme feech jaan soene, en de piid fan syn hearsumheid faaks ferneatigje. Ik doar myn libben foar

him yn pân jaan, hy hat dit skreaun om myn fieling foar jins ealens te hifkjen, en mei fierders neat nuodliks yn it sin.

Gloster Tinksto dat?

Edmund As jins ealens it foechsum achtet, koe ik jo in plak oanwize dêr't jo ús hjiroer redendielen hearre kinne, en mei eigen earen jo folslein bewisje, soks sûnder fierder útstel as oan jûn ta.

Gloster Sa'n meunster kin er net wêze. –

Edmund Dat is er wis ek net.

Gloster Foar syn heit, dy't him sa ynlik en folslein leafhat. By himel en ierde! Edmund, sykje him op; kring troch yn syn ynderlik, bid ik dy; regelje de saak nei dyn eigen ynsjoch. Ik joech der alles foar, as ik krekt wist hoe't it mei him stiet.

Edmund Ik sil him dalik opsykje, hear; de saak klearje sa goed as ik mar kin, en jo der goed fan op 'e hichte hâlde.

Gloster Dy sinne- en moannefertsjusterings fan de lêste tiid wytgje ús neat gjin goeds; alhoewol't de natoerwitis der sa en sa oer riddenaarje kin, de natoer sels wurdt mar de lider fan wat der út fuortkomt: leafde ferkuollet, freonskip belunet, bruorren krije skeel; yn 'e stêden, reltsjes, yn lannen, twaspjalt, yn paleizen, ferrie, en de bân tusken heit en soan ferbrutsen. Dy smjunt fan mines falt grif ûnder sa'n foarsizzing; it giet soan tsjin heit; de kening giet dwers tsjin de natoer yn; dêr giet it heit tsjin bern. Wy ha it moaiste fan ús tiid sjoen: kûperijen, hollens, ferrie, en alle ferdjerlike krupsjes folgje ús yn ûnrêst nei ús grêf. Kloarkje dy smjunt út, Edmund; do silst der neat by ferlieze; doch it mei soarch. En dy eale en oprjochte Kent ferballe! En syn earlikens de misdie! 't Is frjemd! (*Of*)

Edmund Dat is de seldsume ûnnoazelens fan de wrâld, dat, as wy fernimme, ús lok is mislik – alfolle om't wy ús fan hâlden en dragen oeriesd hawwe –, wy de sinne, de moanne en de stjerren ús ûnheilen bylizze; oft wy smjunten wiene út needsaak, sotten troch himelske twang; smychten, tsjeaven en ferrieders troch de ynfloed fan himellichem; sûpers, ligers en houlikskeinders troch in ús opleine hearrigens oan de macht fan de planeten; en alles dêr't wy tsjoed yn binne, trochdat wy fan godswegen dêrta dreun wurde. In wûndermoaie útflecht foar dy huorrejager fan in minske, om syn biste-bigearnten op rekken fan in stjer te skriuwen! Myn heit ferkearde mei myn mem ûnder de sturt fan de draak, en myn berte barde ûnder de Grutte Bear; en dêr folget dan út, dat ik rou bin en jachterich.⁵ Ei wat, ik hie west dy't ik bin, al hie de fammichste stjerre oan it firmamint flikkere doe't hja my bastert makken. Edgar – (*Op komt Edgar.*) en dêr is er, sa hommels as de omslach yn in âldwrâldsk toanielstik. Smjunterige swiersettigens moat ik no spylje, en suchtsje as Tomke út it gekkehûs.⁶ O, dy fertsjusteringen wize fargoed op sa'n twaspjalt! Fa, sol, la, mi.

Edgar Wat no, broer Edmund! Hoe stiesto dêr sa earnestich te mimerjen?

Edmund Ik liet in foarsizzing yn my omgean, broer, dy't ik okkerdeis lies, oer wat op dizze fertsjusteringen folgje soe.

Edgar Makkesto dy drok oer soksoarte dingen?

Edmund No, ik wik dy, de útwurkings dêr't hy fan skriuwt, komme mar al te heislik nei; lyk as ûnnatoerlikens tusken bern en âlden; gâns ferstjer, krapte, ûntbining fan âlde freonshipsbannen; ferdieldheden yn 'e steat, drigeminten en

ferwingskingen tsjin kening en adel; wantrouwen sûnder grûn, ferbaljen fan freonen, fersiljen fan legerkloften, houlikstebrekken, en ik wit net wat allegearre.

Edgar Hoe lang hasto no al mei dy stjerrekeunst pield?

Edmund Ja, toe mar; hoenear hasto heit foar it lêst sjoen?

Edgar Wel, justerjûn.

Edmund Hasto mei him praat?

Edgar Wis, twa oeren oan ien stik.

Edmund Binne jim as freonen skaat? Hasto oan syn wurden en antlit net murken dat der wat wie?

Edgar Hielendal net.

Edmund Gean ris goed nei wêrsto him faaks yn op 't sear kommen bist; en kom, op myn oanstean, him net ûnder de eagen oant de hitens fan syn grime mei in setsje wat ôfkuolle is; want op dit pas lôget dy sa yn him, dat dy, sels as er dy tenei kaam, mar amper belúnje soe.

Edgar Dan hat de iene of oare smycht my berabbe.

Edmund Dêr bin ik bang foar. Ik freegje dy tige, hâld dy mijen wat op in distânsje oant syn woede wat minder foarsje hat, en lyk as ik sis, jou dy by my op myn keamer, dêr't ik dy nei in gaadlik plakje bringe kin datsto hearre kinst wat heit seit. Beleaven, gean no; en asto bûten bist, ha dyn wapens by dy.

Edgar Myn wapens, broer?

Edmund Broer, ik ried dy ta dyn bêst; ha dyn wapens by dy; ik bin gjin earlike keardel as hja it goed mei dy foar hawwe. Ik ha dy sein wat ik sjoen en heard ha, mar bedutsen, sûnder eat fan de groulikens dy't dêr yn wierheid mei mank wie. Ik bid dy, gean no.

Edgar Ik hear mei gauwens mear fan dy?

Edmund Rekkenje op myn stipe yn dizze saak. (*Edgar ôf.*)
Heit slim lichtleauwich, en in broer sa eal,
Dy't fan bestean sa fier fan tsoeddwaan is
Dat hy yn nimmen erch hat; op syn goedens
Rydt myn betûftens licht. Ik sjoch de wei.
Sa jout my snoadens 't lân, fan berte ûntkeard;
En tsjinnet it myn doel, dan skromje ik neat. (*Of.*)

TOANIEL 3

*(Yn it paleis fan de Hartoch fan Albanje.
Goneril komt op, mei Oswald, bar hofmaster.)*

Goneril Hat heit ien fan myn eallju slein, om't dy syn nar út-
makke?

Oswald Ja, frouwe.

Goneril Oan ien stik wei ha 'k lêst fan him; eltse oere
Boarst er wer los yn sa'n ûnskeamel dwaan
Dêr't spul fan komt en skeel. Ik kin 't net daaie;
Syn ridders wurde oerhearrich; sels spat hy
Om't neatichste op tsjin ús. Komt er wer thús
Fan 't jeien, 'k wol him net te wurd; sis mar,
Ik bin net goed; en fljogge jo net foar him
As earder, 't is my tige; ik stean dêrfoar.

Oswald Dêr komt hy, frouwe; ik hear him.

Goneril Hâld jim mar sleau en achtleas lyk jim wolle,
Jo en jo maats; lit dêr mar waar op komme.
Hat er syn nocht hjir, dan mar nei myn suster,
Dy't hjir allikens ûnder stiet as ik,
Dat hy ús net oer staach set. Sotte âldman,

Dy't wier de macht jit brûke wol, dy't hy
Sels weijûn hat. No wrychtich, by myn libben,
Bern bin dy sljochte âldlju, men moat har fiks
Te plak sette, as hja net yn goedens wolle.
Ferjit net wat ik sei.

Oswald 't Is tige, frouwe.
Goneril Doch fral syn ridders ek gjin sier en tier;
Wat dêr fan komt, bruit neat; sis dat jo maats;
Ik wol sa reden fine, en 'k sil it ek,
En sprek planút. Ik skriuw myn suster dalik
Dat hja sa docht as ik. Ris 't miel no ta. (*Beide ôf.*)

TOANIEL 4

*(Yn it paleis fan de Hartoch fan Albanje.
Kent komt op, fermomme.)*

Kent Kin ik sagoed as klean in tongfal liene
Dy't ek myn spraak ferklaait, dan sil myn plan
Him trochsette oant dy útkomst, fol fan frucht,
Dêr't ik in oar foar waard. Ferballe Kent,
Kinsto, ek nei dyn fonnis, jitte tsjinje,
Dan kin 't betoare, dat dyn hear, dy djoer,
Fernimt, do hast dy ward.

*(Efter it toaniel boarne-lûd.
Op komme Lear, ridders en tsjinnners.)*

Lear Lit ús gjin tel op dat iten wachtsje; lit it ree set wurde.
(In tsjinner ôf.) No sis, wa bisto?

- Kent In man, hear.
- Lear Wat bin dyn affearen? Wat silsto hjir by ús?
- Kent Myn affearen binne net minder as ik lykje; ik tsjinje trou dy't my betrouwe wol; leavje dy't earlik is; gean om mei dy't wiis is en net folle seit; ha freze foar it oardiel; fjochtje as it net oars kin, en yt gjin fisk.⁷
- Lear Wat bisto?
- Kent In keardel dy't earlik is fan herte, en sa earm as de kening.
- Lear Asto sa earm bist as ûndersiet as hy earm is as kening, dan bisto sa earmernôch. Wat woesto einliks?
- Kent In tsjinst.
- Lear Wa woesto tsjinje?
- Kent Jo.
- Lear Kensto my, keardel?
- Kent Nee, hear; mar jo ha wat oer jo dat ik jerne yn myn master sjen woe.
- Lear Wat is dat?
- Kent Masterskip.
- Lear Hokfoar tsjinst kinsto dwaan?
- Kent Ik kin swije as in pôt, ride, rinne, in opsierd teltsje bedjerre mei it te fertellen, en in ienfâldich boadskip botwei oerbringe; dêr't gewoane minsken foar doge, dêr bin ik bedreaun yn; en it bêste yn my is myn iver.
- Lear Hoe âld bisto?
- Kent Net sa jong, hear, dat ik in frouminske leafha om in lietsje, en net sa âld dat ik sljocht om har bin om alles wat mooglik is; ik ha acht-en-fjirtich jier op myn rêch.
- Lear Kom mar mei; do silst my tsjinje; as ik nei it iten noch likefolle mei dy op ha, wol ik dy net gean litte. Iten, hei, iten! Wêr is dy skarlún, myn nar? Gean do, en rop myn

- nar harren. (*In tsjinner ôf.*)
(Op komt Oswald.)
 Do tsjirl, sis op, wêr is myn dochter?
- Oswald As 't jo haget – (*Of.*)
- Lear Wat seit dy keardel dêr? Rop dy omkoal werom.
(In ridder ôf.)
 Wêr is myn nar dochts? De hiele wrâld koe wol sliepe.
(De ridder komt wer op.)
 No, wêr is dy smycht?
- Ridder Hy seit, hear, jins dochter is net goed.
- Lear Wêrom kaam dy smjirkert net werom doe't ik him rôp?
- Ridder Hear, hy andere my sa planút as 't mar koe, hy woe net.
- Lear Woe net!
- Ridder Hear, ik wit net wêr't it oan leit, mar nei myn betinken, wurdt jins heechheid hjir net bejegene mei dy hoaske tawijing dy't jo wend wiene; men kin fernimme, likegoed yn it boadefolk yn it miene as yn de hartoch sels en jins dochter, beklinkt de freonlikens gâns.
- Lear Soa, tinkt dy dat?
- Ridder Ik bid jo, hear, ferjou my as ik my fersin; want myn plicht stiet my net ta te swijen as ik tink dat men jins heechheid te koart docht.
- Lear Do bringst my allinne mar myn eigen tinken wer yn 't sin. Ik ha yn 't lêst in lichte achtleazens opmurken, dy't ik leaver lekke ha as myn eigen te gau rekke erchtinkendheid, as dat ik dêr ûnfreonlikens mei opset sin yn seach; ik sil dêr fierders om tinke. Mar wêr is myn nar? Ik ha him al twa dagen net sjoen.
- Ridder Sûnt ús jonge frouwe nei Frankryk tein is, hear, is de nar mar slim fan 't stel.

- Lear Dêr net oer; ik haw it merkbiten. Gean do, en sis myn dochter, ik woe har te wurd. – Gean do, rop myn nar harren.
(Oswald komt wer op.)
 Do, hearskip, kom do hjir ris, hearskip. Wa bin ik, hearskip?
- Oswald Myn frouwe' heit.
- Lear Myn frouwe' heit! Myn masters smjunt! Do hûnige smycht! Do slaaf! Do leffert!
- Oswald Nim my net kwea, hear, ik bin neat fan soks.
- Lear Doarsto my sa grimich oansjen, smjunt?
- Oswald Ik lit my net bruie, hear.
- Kent Ek net skonkjelichte, do mislike fuotbalder?⁸
(licht him de fôet.)
- Lear Ik tankje dy, keardel; do tsjinnest my, ik sil dy heechhâlde.
- Kent Kom, hearskip, oerein! Hjirwei! Ik sil dy leare ûnderskie te meitsjen! Gau hjirwei! Wolsto dyn olfertslingte jitris metten hawwe, bliuw dan; oars ôfmars, fuort! Begrypst it? Tige.
- Lear No, maat, ik tankje dy; hjir hast wat foarút foar dyn byspringen.
(Op komt de nar.)
- Nar Dy moat ik ek hier. – Hjir hasto myn hoannekaam, myn kape.
- Lear Do dêr, bêste skabant! Hoe stiet it?
- Nar Wier, maat, do dochst wiis en nim myn hoannekaam.
- Kent Wêrom, nar?
- Nar Wêrom? Omdatsto it hâldst mei ien dy't út 'e graasje is. Nee, asto net leaf glimkje kinst lyk as de wyn draait, dan silsto gau kjeld skyppje; dat dêr, nim do myn hoannekaam; hark ris, dy feint hat twa fan syn dochters ferballe, en de

trede seine tsjin syn wil; wolsto him folgje, dan kinsto it sûnder in sot syn hoannekaam net stelle. – Hoe is 't, heitsje? Och, hie ik mar twa hoannekamen en twa dochters!

Lear Wêrom, boi?

Nar As ik har al myn hawwen en dwaan joech, dan hâlde ik alteast myn hoannekamen sels. Dêr is mines; freegje dyn dochters om in oaren-ien.

Lear Pas op, hearskip; de swipe!

Nar Wierheid is in hûn dy't yn it hok moat; hy moat nedich mei 't swypke ha, wylst juffer Hazzewyn by it fjoer stean mei te stjonken.

Lear Unhjirmlik stekt my dat!

Nar Hearskip, ik sil dy in wiis wurd leare.

Lear Goed.

Nar Goed om tinke, heitsje:

Ha mear as dyn skyn is,
Swets net as wa't blyn is;
Ferdoch net wat dyn is,
Mar syl as der wyn is;
Betrou net wat spyn is
As 't lân yn trewyn is;
Mij wyn ek en Tryn,
Gean net út, bliuw deryn;
Dan silst sjen, in dozyn
Hat faak trettjin yn.

Kent Dat is neat, sot.

Nar Dan is it lyk as it wurd fan in ûnбетelle abbekaat; do hast der my ek neat foar jûn. Kinsto neat net earne foar brûke, heitsje?

Lear Ei nee, boi; fan neat kin men ommers neat meitsje.

- Nar (*tsjin Kent*) Och sei, fertel him ris dat de hieren fan al syn lân net heger komme; in sot wol er ommers net leauwe.
- Lear Nar, do bist bitter.
- Nar Jonkje, kensto it ûnderskie tusken in bittere nar en in swietenien?
- Lear Nee, feint; dat moatst my leare.
- Nar De hear dy't sei tsjin dy:
 "Ei jou dyn lân in oar."
 Kom, set dy hjir nêst my,
 Stel do him sels mar foar;
 De swiete en bitt're nar,
 Dy ken men sa gau wer;
 Hjir stiet de fakman mar,
 En d' oare, dy stiet dêr.
- Lear Neamsto my in nar, feint?
- Nar Al dyn oare titels hast ommers weijûn; dizze bist mei berne.
- Kent Dat is net hielendal narrepraat, hear.
- Nar Nee, sikersonk, hearen en grutte mannen wolle my net betsjen litte; hie ik de allinne-ferkeap, hja woene der wis in part fan ha; en dan de hege froulju, it liket har nei neat dat ik alle narrerij ha sil; hieltyd gnobje hja derfan. Heitsje, jou my in aai, dan krigest fan my twa kroanen.
- Lear Hokfoar twa kroanen sil dat wêze?
- Nar No, nei't ik it aai middentroch snien ha en it hielendal leechiten, de twa skylkroanen fan it aai. Doesto dyn kroane middentroch kleaun hast, en beide helten weijûn, hasto dyn ezel op dyn rêch oer 'e weaze droegen; do hiest lyts fernim yn dyn keale kroan, doesto dyn gouden weijoechst. As ik hjiryn praat neffens myn fak, lit him

dan mar giselje dy't dat earst útfynt.

(sjongende:)

Foar narren wiist de tiid mar tsjoed,

Want wizen drage kapen;

Mar sjoch, har geast dy túcht net goed,

Hja bliuwe yn alles apen.

Lear Sûnt hoenear sitsto sa fol fan sankjes, hearskip?

Nar Dat is my hiem wurden, heitsje, sûnt datsto fan dyn dochters dyn mem makkeste; want doesto harren de roede joechst en sels de broek del strûpste,

Doe laken hja fan nocht mar ta,

My ferge smerte in liet,

Dat sok in kening sei piip-ba

En no mank narren giet.

Och, beleaven heitsje, hâld der in skoalmaster op nei dy't dyn nar ligen leare kin. Ik woe sa jerne ligen leare.

Lear Asto liichst, feint, dan krigest mei de swipe.

Nar Ik woe wol ris witte hoefier dyn dochters en do besibbe binne; hja wolle my mei de swipe jaan om't ik de wierheid sis, do wolst my mei de swipe jaan om't ik liich, en soms krij ik mei de swipe om't ik neat sis. Ik soe leaver alles wêze, as nar; mar ik woe dy dochs net wêze, heitsje; do hast dyn ferstân oan beide kanten ôfskyld en neat yn it midden oerlitten. Hjir komt ien sa'n stik skyl.

(Op komt Goneril.)

Lear Sei, dochter, wêrom de foarholle sa yn tearen? My tinkt, do fronselest te folle, de lêste tiid.

Nar Do wiest in man mei in rêch doesto om har fronseljen net hoechste te jaan; no bisto in o sûnder sifer dêrfoar; ik bin no mear asto bist; ik bin in nar, do bist neat. – Ei

ja, wis, ik sil my stil hâlde; dat hjit dyn antlit ommers, ek
al seisto neat. Koes, koes,

Dy't koarste en krommel smyt te-sleat,
't Muoit him ienris, hat er neat.

(*nei Lear wizend*) Dêr is in leechhelle eartepûl.

Goneril Net inkeld, hear, dy nar dy't alles mei,
Mar oaren ek fan jins ûnskeam'le kloft,
Hja binne eltse oere oan 't kreauwen, tsieren, fjochtsjen
Yn reltsjes, rou en net te duldzjen. Hear,
Ik tocht, as ik soks klear te witten die,
't Hie dêrmei út en dien west; no ha 'k noed,
Lyk as josels wol sein ha en jo hâlde,
Dat jo har yn soks stypje en 't slimmer meitsje
Om't it jo noasket; is dat sa, wês wis,
Oersljochte wurdt soks net; dan bin der middels,
Dy't, yn de soarch foar in sûn steats-bestjoer,
Faaks yn har wurking jo sa reitsje koene
Dat it jin oars oandearde, mar út need
Dan giet foar wize foarsoarch.

Nar Want, heitsje, do witst,
De mosk joech de koekút salang te iten,
Yn 't lêst waard fan 't jong har de kop ôfbiten.
Dat it kearske gie út en wy sieten yn tsjuster.

Lear Bisto ús dochter?

Goneril Kom, hear,
Ik woe, jo soene dochts dy wiisheid brûke,
Dêr't jo sa fol fan binne, en dwaan oan kant
Dy wûnd're sinnen, dy't yn 't lêst jo sa
Ferfrjemdzje fan jo wêzen.

- Nar Soe in ezel it net fernimme, as de karre sa it hynder lûkt?
 Hup, Nynke, ik leavje dy!
- Lear Ken ien my jitte, hjir? Dit is Lear net.
 Rint Lear sa? Sprekt er sa? Bin dit syn eagen?
 't Wurd't minder mei him wis, syn ûnderskie
 Dat doddet yn – ha! Weitsje ik? 't Is sa net.
 Wa hjirre kin my sizze wa't ik bin?
- Nar Lears skaad.
- Lear Dat woe ik wol ris witte, want oan de tekens fan myn
 hearskippij, myn witnis en rede, bin ik mis mei myn fer-
 bylding dat ik dochters hie.
- Nar Dy't wol in hearsume heit fan dy meitsje sille.
- Lear Jins namme, keine frouwe?
- Goneril Hear, dy fernúv'ring hat alhiel de smaak
 Fan al jins nije gritsen. Mar ik bid jo,
 Ferstean my yn myn winsken fierders goed;
 Wês wiis, lyk as jo âld binne en earweardich.
 Jo ha in hûndert ridders hjir en feinten,
 Lju sa balstjurrich, en ûnhuerich dryst,
 Dat, fan har seden oantaast, liket faak
 Us hof in fjochtersherberch. Wylde lusten
 Meitsje it sa earder ta in kroech, in knip,
 As in paleis fol ealens. 't Unfoech dwaan
 Ropt om in died, opslach. Hear nei de winsk
 Fan har, dy't oars wis nimt wat hja no freget:
 Stjoer fan dy folgers-kloft in espel fuort;
 En d' oaren, dy't hjir bliuwe ta jins tsjinst,
 Lit dat guont wêze dy't jins jierren foegje,
 En har en jins plak kenne.
- Lear Dea en duvels! –

Sealje myn hynders; rop myn folgers gear! –
Untaarde bastert! Ha fan my gjin lêst;
Ik haw in dochter jit.

Goneril Jo slaan myn minsken, en jins wylde kliber
Ferhúnt dy't boppe har stean.
(*Op komt Albanje.*)

Lear Wee, dy't te let berou hat! – Hear, jo dêr?
Is soks jins wil? Hear, sprek! – Myn hynders ree!
Do ûntank, duvel mei dyn moarm'ren hert,
Ast bylkest yn in bern, in grouwel, grutter
As 't meunster fan de see!

Albanje Hear, kom, bedarje.

Lear (*tsjin Goneril*) Illindige earn, do liichst!
Myn folk binne eab'le ljuwe, kundich, froed,
Dy't witte, wat yn alles plicht har hjit,
En mei de trouste en keinste soarchsumheid
Har nammen achtber hâlde. – O neatich brek,
Wat likeste yn Cordelia my slim!
In pynbank lyk, sa hast myn lea ferrutsen
Ut d' âlde foegen, leafde ûnttein oan 't hert,
En by de galle dien. O Lear, Lear, Lear!
Bûts op dy poarte, dy't dyn sottens ynliet,
En dyn sûn oardiel út! – Gean, gean, myn folk.

Albanje Hear, ik ha hjir gjin skuld, sa min as 'k wit
Wat jo sa fyt'ret.

Lear 't Kin sa wêze, hear. –
Hear, hear, natoer! Do myn goadinne, hear!
Jou oer dyn stribjen, wiesto ea fan doel
En gun dit skepsel neiteam!
Lit yn har skerte deadskens wêze aloan,

Ferdroegje yn har wat oars nij libben draacht,
Dat nea fan dit ferfijde lichem net
In bern komt ta har eare! Of, moat hja bernje,
Fermearje it bern út grym, dat al syn libben
It in ferdoarn dwerskearich pleachbist bliuwt,
Dat op har jong glêd antlit fuorgen ploeget,
Wylst bitend triennewiet har wangen skeint;
Kear al har memmenoed en ynlik noft
Ta hún en spotske laits; dat hja it fielt,
Gjin slangetosk byt ea sa grym en fûl
As in ûntankber bern. Fuort, fuort, hjirwei! (*Of.*)

Albanje Jim goaden boppe ús hollen, hoe komt dit?

Goneril Jo sykje lêst, as jo nei d' oarsaak sykje.

Mar gun syn tûzelsin safolle bod

As men oan bernskens jout.

(*Lear komt wer op.*)

Lear Wat, fyftich fan myn folgers yn ien slach!

Yn fjirtjin dagen!

Albanje Hear, wat steurt jo sa?

Lear 'k Sil 't sizze. (*tyjin Goneril*) Dea en hel! Ik moat my
skamje

Datsto myn manljus-aard sa skokke kinst,

Dat dizze gleone triennen, my oermânsk,

Dy harren weardich meitsje. Stoarm en nacht

Oer dy! In heite flok mei dy trochgnjirdzje,

Wreed al dyn lidden wûnje! Sotte âlde eagen,

Beskrieme jim dit jitrís, 'k skuor jim út

En smyt jim mei it jim ûntrinnend wiet,

Dat jim mei klaai jim mingel! Sa fier is 't?

Wee, wee; mar goed, ik ha in dochter jit,

Dy't, wit ik, minlik is en ryk oan treast;
Fernimt hja dit, dyn wolvich antlit koe
Hja mei har neils teskuorre. Do silst sjen,
Ik nim de steat werom, dêrsto fan tinkst,
Ik joech har oer foargoed. Wiswier, dat silst.
(*Lear, Kent en de folgers ôf.*)

Goneril Hear, ha jo dat goed heard?

Albanje Hoe tige ik jo ek leavje, Goneril,
Sa nimt my 't hert net mei –

Goneril Genôch, lit my betsjen. Hei Oswald, hjir!
Do fint, mear smjunt as nar, fuort, nei dyn baas!

Nar Heitsje Lear, heitsje Lear, doch wat tiid; nim de nar mei dy!
In fokse, wreed fan bek,
En sa'n stik dochter ek,
Wat soene hja kreas hingje,
Koe ik in strop betingje!
Kom, nar, no hakken op! (*Of.*)

Goneril Hja ha him skoand're rie jûn! Hûndert ridders!
Goed-oerlein wis en feilich, dat men him
Dy hûndert liet, striidree! Der kin neat wêze,
In dream, in klachte, grútsjen, stille wrok,
Of mei sa'n macht kin er syn bernskens sterkje,
En driigje ús yn ús libben. Oswald, sei!

Albanje Faaks giet jo noed te fier.

Goneril Te fier is 't weage,
Nim ik it kwea net wei dat wanke kin
En dêrmei d' eangst foar 't slimste. Ik ken syn hert.
Lyk hy him út're, ha 'k myn suster skreaun;
Nimt hja him mei syn hûndert ridders op,
Nei't ik har skreau, hoe slim –

(Oswald komt wer op.)

Kom, Oswald, einlings.

No, ha jo 't brief al oan myn suster skreaun?

Oswald Ja, frouwe.

Goneril Nim dan wat folk mei jo, en fuort, te hoars;
Doch har wiidweidich al myn noed te witten,
En foegje sels dêr grûnen jit oan ta
Dy't dêr mear klam oan jouwe. Fuort no, hurd,
En wês hjir gau werom. *(Oswald ôf.)* Nee, nee, myn hear,
Al lekje ik net jins molke-swiete sêftens,
Jins hoeden dwaan, de wrâld, ferjou my dit,
Sil oer tekoart oan oardiel earder falle
As priizgje in mylde sin, dêr't skea fan komt.

Albanje Hoe fier jins eagen sjogge, ik wit te skoan,
It goede wurdt om 't bett're faak ferdoarn.

Goneril No, dan –

Albanje Stil mar, de tiid sil 't leare.

TOANIEL 5

*(Plein foar it paleis fan de Hartoch fan Albanje.
Op komme Lear, Kent en de Nar.)*

Lear Gean do foarút nei Gloster⁹ mei dizze brieven. Doch myn dochter gjin oare dingen troch dysto witst, as dêr't hja op ynfreget nei oanlieding fan it brief. As dyn iver dy net hastich makket, bin ik der jit foar dy.

Kent Fan sliepen komt nea yn, hear, ear't ik jins brief net te plak ha. *(Of.)*

- Nar As in man syn harsens yn syn hakken sieten, soene se dan gjin lêst ha kinne fan kjelderigens?
- Lear Wis, boi.
- Nar No, dan hoechsto mei neat noed te hawwen; dyn fernimstogens sil gjin toffels ôfwâdzje.
- Lear Ha, ha, ha!
- Nar Do silst sjen dat dyn oare dochter dy lette en sette sil; want al beliket hja dizze as in wylde apel in nueten, ik wit wat ik wit.
- Lear Wat witsto dan, boi?
- Nar Hja sil likefolle priuwe nei dizze as de iene wylde apel nei de oare. Kinsto sizze wêrom jins noas midden yn jins troanje stiet?
- Lear Nee.
- Nar Wel, om oan wjerskanten fan 'e noas eagen te hawwen, dat in man bekypje kin wat er net berûkt.
- Lear Ik ha har ûnrjocht dien –
- Nar Kinsto sizze hoe't in oester syn skulp makket?
- Lear Nee.
- Nar Ik ek net; mar wol wêrom in slak in húske hat.
- Lear Wêrom?
- Nar Wel, om syn kop yn te stekken; net om it wei te jaan oan syn dochters, dat er gjin skûlplak mear hat foar syn fielders.
- Lear Ik wol myn natoer ferjitte. Ien dy't safolle foar syn bern oer hie! – Binne myn hynders ree?
- Nar De ezels bin der mei dwaande. Wol in aardige reden, wêrom der yn it sânstjerrebyld mar sân stjerren binne.
- Lear Om't der gjin acht binne?
- Nar Krekt sa; wat hiesto in goede nar west!
- Lear It mei geweld weromnimme! Meunsterlike ûntank!

- Nar Asto myn nar wiest, heitsje, liet ik dy strypts jaan omdats-
to âld bist foar dyn tiid.
- Lear Hoe dat?
- Nar Do hiest ommers net âld wêze moatten earste net fer-
stannich wiest.
- Lear O, meitsje my net gek, net gek; o himel;
Gek wurde wol ik net; bedimje my!
(Op komt in Ealman.)
Hoe is 't? Myn hynders ree?
- Ealman Ja, ree, myn hear.
- Lear Kom mei, boi.
- Nar [Soe om myn ôfgean no in faam lûd laitsje moatte,
Ik sis, hja bliuwt gjin faam, wurdt net it spul bekoarte.]¹⁰

BEDRIUW II

TOANIEL I

(Yn it kastiel fan de Greve fan Gloster.

Edmund en Curan komme inoar yn 'e mjitte.)

Edmund De seine, Curan.

Curan En jo, hear. Ik ha by jim heit west, en him te witten dien dat de hartoch fan Cornwall en Regan, syn hartogginne, hjir jûn by him komme.

Edmund Wêrfoar dat?

Curan Ja, dat wit ik net. Jo ha wol heard wat nijs men it oer hat; ik mien wat der grute wurdt, want dit praat aaiket it ear jit mar efkes.

Edmund Ik net; wat hat dat yn, sis?

Curan Ha jo net heard dat der bêst oarloch op til wêze kin, tusken de hartoggen fan Cornwall en Albanje?

Edmund Gjin wurd derfan.

Curan Dan hearre jo der mei de tiid grif wol fan. Farwol, hear.
(Of.)

Edmund De hartoch jûn jit hjirre? Moai sa, tige!

Dat wevet grif mei myn wurk gear; want heit
Hat wachten útset om myn broer te fetsjen;
En in behyplik stik moat ik no spylje,
Op slach en stuit. Jim, help my, lok en hast!

Edmund Dy kant út flechte, hear, doe't oer gjin boech –
 Gloster Him efternei, opslach! – Oer gjin boech, wat?
 Edmund Hy my beprate koe en dei jins ealens;
 Ik hold him foar dat hege goad'ne wreck
 Tsjin heitemoard'ners rjochten al har tongers;
 Beskreau him hoe't mei tal fan sterke bannen
 Ferbûn bin bern en heit; koart kriemend, hear,
 Doe't hy fernaam hoe wers ik oer stie foar
 Syn ûnnatoerlik doel, falt hy ferwoedend
 Mei 't bleate swurd en hommels oan op my,
 Dy't soks net eane, en jout myn earm in feech;
 Mar doe't er seach hoe sterk myn moed, no wekke,
 Dryst yn syn rjochtlik pleit, ta 't fjochtsjen riisde,
 Of faaks ek dreau fan eangst, om't ik sa rôp, –
 Ynienen flechte er fuort.

Gloster Hoe fier er fljocht,
 Wis bliuwt er yn dit lân net lang frijman,
 En dan is 't: dea. Myn eale hear, de hartoch,
 Myn weard'ge hege stiper, komt hjir jûn;
 Ik sil it op syn hearskers-wurd ferkund'gje,
 Dat dy't him fynt, dat dy bloed-gjirr'ge leffert
 Terjocht steld wurdt, ús tank fertsjinje sil;
 Dy't him beskûl hâldt, wankt de dea.

Edmund Doe't ik him fûl syn talis ôfret hie
 En murk, hy woe net oars, drige ik him lilk,
 Dan soe 'k him oanjaan; mar hy and're my:
 “Do bastert sûnder splint! Tinksto dan faaks,
 As myn wurd stie tsjin dines, soe dan wa
 Sa heech dy ha yn wearde, trêft, betrouwen
 En leau dyn sizzen? Nee; wat ik ûntstried; –

Regan Gjin niget, dat hy dêr sa min fan waard;
Hja ha him fyt're ta d' âldman syn dea,
Om fan syn goed te libjen en te tarren.
Krekt dizze jûn ha 'k út myn susters tyngje
Genôch heard fan dat folk; dat ik pas op,
Dat, komt dy kloft by ús om dêr te toevjen,
Dan bin ik fuort.

Cornwall Ik krekt sa, Regan, wrychtich.
Edmund, ik hear, do kaamst foar dyn heit op
Mei wiere bernetrou.

Edmund Myn plicht wie 't, hear.

Gloster Hy hat de talis útbrocht, en waard wûne,
Sjoch, dêre, doe't er d' oare fetsje woe.

Cornwall Hja efterfolgje him?

Gloster Ja, eale hear.

Cornwall As hja him krije, is him de kâns tenei
Foar sok tsjoed dwaan ûntgien. Doch al it need'ge,
En brûk myn namme frij. Mar, Edmund, do,
Waans hearrigens en tigens op dit stik
Dy seldsum earje, komst by ús yn tsjinst;
Fan lju, sa djip betroud, ha wy ferlet;
Do bist ús foarste kar.

Edmund Hoe't ik jo tsjinje,
Hear, wis mei trou.

Gloster Myn tank, hear, ek foar him.

Cornwall Jo witte net wat ta ús komste ús dreau?

Regan By nacht en ûntiid, tein oer tsjust're wegen;
Mar wicht'ge saken bin der, eale Gloster,
Dêr't wy perfoarst jins rie ta hearre moatte.
Us heit en suster ha ús beide skreaun

gapjende, krûpende, trochkrûpte smjirkert; in hearrige mei neat as ien kiste; ien dy't fan syn tsjinstfeardigens ek bêst knipfeint wêze koe, en dy't neat is as it gearstalsel fan in smjunt, biddeler, leffert, keppelder, en de soan en erfgenamt fan in minsoartich hûnebist; ien dy't ik huf jaan sil dat er lûd begjint te janken, asto my it minste wurd fan dizze taheakke ûntstriidste.

Oswald No, wat in aaklike keardel bisto, datsto sa immen útseinest dysto net ienris kenst en dy't dy net ken!

Kent Wat in ûnskeamele smychtetroanje hasto, datsto ûntstride doarst datsto my kenste! Is it al twa dagen lyn sûnt ik dy skonkjelichte, en dy ôfbruide dêr't de kening by wie? Lûk dyn swurd, smjunt, want al is it jit nacht, de moanne skynt; ik sil in moanneskynsopke fan dy meitsje; lûk, do huorresoan, do neatwurdich stik rotsmots, lûk!

Oswald Fuort! Ik wol neat mei dy te meitsjen hawwe!

Kent Lûk, skarlún! Do komst hjir mei brieven tsjin de kening, en hâldst popke Idelheid har wâl op tsjin de keninklikens fan har heit. Lûk, smjunt, of ik meitsje bargelapkes fan dyn skonken. Lûk, skarlún; kom nei foaren.

Oswald Help, hei, moard! Help!

Kent Slaan ta, skobbert; bliuw stean, smycht; slaaf dyste bist, slaan ta.

Oswald Help, hei, moard! Moard!

(Edmund komt op, mei lutsen rapier.)

Edmund Wat is hjir geande? Fjochtsjen? Ut inoar!

Kent Asto sa wolst, boike-baas, my tige; kom mar, dan prik ik dy oan 't swurd; kom op, baasmantsje!

(Op komme Cornwall, Regan, Gloster en boaden.)

Gloster Wat, wapen-swurden? Wat betsjut dit spul?

- Cornwall Gjin fjochtsjen, by jim libben!
Dy't jit in slach docht, stjert. Wat moat dat hjir?
- Regan De boaden fan ús suster en de kening, dy binne it.
Wat wie jim skeel? Sprek op!
- Oswald Ik bin jit efter 'e pûst, hear.
Kent Gjin niget, do hast dy ek sa seldsum ward. Do leffe smjunt, de natoer fersmyt dy; in skroar hat dy makke.
- Cornwall Do bist in nuvere keardel; in skroar in minske meitsje?
- Kent Wis, in skroar, hear; in stienhouwer of in skilder hie him net sa min meitsje kinnen, al hiene hja dat berop jit mar in pear oere hân.
- Cornwall Hoe kaam dy rûzje? Fierder!
- Oswald Dizze bejierre skarlún, hear, waans libben ik sparre haw om't syn griis burd dat frege –
- Kent Do huorresoan fan in iks! Do letter dy't net ien brûke kin! Hear, as jo my frij jouwe, dan sil ik dizze net bûle smjunt stampe ta speesje, en dêr de muorren fan in húske mei beklieme. – Myn griis burd sparje, do wipsturt!
- Cornwall Tsjirl, stil, sis ik!
Do heale wyld, hast nea fan earbied heard?
- Kent Wis, hear, mar likens hat syn rjochten ek.
- Cornwall Wêrom bisto sa lilck?
- Kent Sa'n fint fan neat, ien sûnder eare yn 't hert,
Dat dy in swurd oan 't liif hat! Sok fluensk folk
Byt, rotten lyk, de hill'ge koarden stikken,
Dy't nimmen los krige oars; flaait eltse hertstocht,
Dy't opstiet yn it moed fan harren masters;
Smyt oalje yn 't fjoer, bestivet grym mei iis;
Hjit nee, knikt ja, de bek, waarfûgels lyk,
Keard nei de stoarm en fleagen fan har hearen;

Wit oars net as fan meigean, hûnen lyk.
De pest oer dyn ferlutsen gnizers-troanje!
Gniisto myn wurden út, as wie 'k in sot?
Hie 'k dy, do garre, op Sarums guozzeflakte,¹²
Ik soe dy keak'lje litte oant Camelot.

Cornwall Wat, skierkert, bisto dwyl?

Gloster Hoe rekken jim sa deilis? Sprek!

Kent Gjin wearze driuwt sa utersten ta haat'
As dy't ik yn sa'n smycht ha.

Cornwall Wêrom rachsto him út? Wat leist him by?

Kent Ik mei net oer syn troanje.

Cornwall Faaks ek oer mines, sines, harres net.

Kent Hear, ik bin altyd wend en praat planút;
En yn myn tiid ha 'k better troanjes sjoen
As op har skouders stean, dy't ik dit pas
Hjir foar my sjoch.

Cornwall Dit is wer grif sa'n fint,

Dy't, ienris om syn rûnens priizge, no
Him rou hâldt en ûnskeamel, en him klaait
Oars as er is; hy kin net flaaikje, ei nee;
Hy, sljocht en rjocht, kin neat as wierheid sizze;
Nimme hja soks, no goed; oars, 't is syn aard.
Ik ken dat soart' fan skelmen, yn waans sljochtens
Mear snoadens foar har tsjoede doelen wennet,
As yn it domwei bûgen fan sa'n tweintich
Te tsjinstige eagetsjinnens.

Kent Hear, yn oprjochte wierheid, sikersonk,
As jins ferheven flûnkering soks gunt,
Waans ynfloed, lyk de fjoer'ge strielekrânse
Op Phoebus' ljochtsjend foarhaad, –

Cornwall Wat wolst no?

Kent Ik ferbrek myn taaleigen in bytsje, om't jo it sa tige lekje.
Ik wit, hear, in flaaier bin ik net; dy't jo mei sljochte wur-
den ferrifele, wie wis en planút in dogeneat; en wat my
belanget, dat wol ik net wêze, al koe ik jo yn jo wranteli-
gens faaks wol safier krije, dat jo my dêrta útnoegen.

Cornwall Hoe ha jo him tenei west?

Oswald Yn neat, hear, wier yn neat.
Koartlyn hat it syn hear, de kening, hage
Dat hy my sloech, út misbigryp; doe hat
Hy, mei yn 't span, syn masters lilken flaaikjend,
De foet my licht, en doe't ik lei, my húnd
En útracht, yn syn foardwaan sa'n grut held,
Dat him de kening priizge en heech him sette,
Om sok rou dwaan tsjin ien, dy't dimmen bleau.
No, wis jit grutsk op sa'n heech heldefyt,
Hie er hjir 't swurd wer ree.

Kent Dy leffe smychten is
Jit Ajax mar in sot by.

Cornwall Helje it blok! –
Do stege âld skelm, do skiere poffer, silst
In leksum ha –

Kent Hear, leare kin 'k net mear.
Rop net foar my om 't blok. Yn kenings-tsjinst
Waard ik hjirhinne stjoerd mei tyngje oan jo.
Behyplike eare, tsjoede drystens wie 't
Tsjin 't oansjen en de wearde fan myn master,
En slút syn boade yn 't blok.

Cornwall Bring 't harren! Oant fanmiddei ta sit hy
Dêryn, sawier ik libje!

Regan Middei! Oant jûn ta, hear, nee oant moarn-ier!

Kent Sa, frouwe, foege it net te dwaan, al wie 'k
Jins heite hûn.

Regan Sa sil 't, tsjin heite smycht.

Cornwall Dit is in keardel fan it slach, dêr't krekt
Us suster ús oer skreau. – Kom, hjir mei 't blok!
(*It blok wurdt brocht.*)

Gloster Lit my jins heechheid smeeke en doch dat net.
Syn skuld is grut, en d' eale foarst syn master
Sil him der wol foar fine. Lykwols, dit
Is straffe foar de minste, leechste lidere,
Dêr't gnobjen en sok earleas dwaan, almeast
Mei boete wurdt. Grif nimt de kening 't kwea,
As hy sa syn wytger, leechlein wurdt,
En sa fan twang beronge.

Cornwall Ik stean dêrfoar.

Regan Myn suster koe it oars gâns tsjoeder nimme,
Dat hûn en oerlêst dien wurdt oan har tsjinner,
Dy't trou syn plicht die. – Slút syn skonken yn.
Kom, hear, wy moatte fierder.
(*Allegearre ôf, op Kent en Gloster nei.*)

Gloster Dit muoit my foar dy, freon; de hartoch wol 't;
Syn moed ferneart gjin tsjinwar, sêft of twingend;
Elts wit dat. Dochs, ik wol foar dy yn 't spier.

Kent Doch 't net, hear. Gâns in set ha 'k wekke en reizge;
Ik wol no sliepe, en fierders fluitsje ik wat.
In goed mans lok hat wol ris stikken skuon!
Ik winskje jo goe-moarn.

Gloster Hjir is de hartoch mis; dit set kwea bloed. (*Of.*)

Kent Myn kening, 't giet dy lyk it siske seit:

Do komste út himels seine no foargoed
Yn waarme sinne!
Mar riis, do beaken foar ús lege bol,
Dat by dyn treastlik strieljen ik dit brief
Mei stúdzje lê! Illinde allinne sjocht
Jit wûnders. Fan Cordelia komt it, wit ik;
Dy't hichte krige hat troch seldsum lok
Fan myn fertsjust're libben, en ta ús
Untheist'ring wol in tiid fynt, dat wat lijt
Wer dijt ta bloei. Jim eagen, wurch en swier
Fan weitsjen al mar oan, ei slút jim foar
Dit sa beskamsum sliepstee.
Nacht, lok; mar glimkje jitris, wein it tsjil!
(Falt yn 'e sliep.)

TOANIEL 3

(Yn in wâld. Op komt Edgar.)

Edgar Sels hearde ik my buorkundich makke; ik koe,
Beskûl yn in beams holte, ta myn lok
Dy jacht ûntkomme. Ticht is eltse haven;
Rûnom is elts opmerksum, warber, wach,
Yn hope my te fetsjen. Foar myn libben
Striid ik salang't ik kin; 't is no myn doel
En nim it leechste en earmlikste útsjoch oan,
Dat ea, ta minsk'ne hún, deun oan it bist
Illinde brocht; ik kliem myn antlit smoarch,
Tiis wyld yn knotten 't hier, slaan om de ljisken
In fodde, en sa wjerstean ik, bleat en neaken

De loften en 't hjitfolgjen fan de wyn.
Faak haw ik hjir op 't lân sa'n foarbyld sjoen
Fan bidd'lers út it dolhús, dy't lûd bearend
Houtsplinters, spjelden, spikers, toarne-tûkjes
Djip driuwe yn har útmeag're neaken earms;
En grousum om te sjen, by earne klinten,
By nearz'ge doarpen, skieppeskuorren, mûnen,
Twinge om in jefte, biddend of dûm flokkend.
Sa'n gekke Hoattelstoat, sa'n dûme Tom,
't Is altyd eat; as Edgar kom ik om.

TOANIEL 4

*(Foar it kastiel fan de Hartoch fan Gloster. Kent yn it blok.
Op komme Lear, de Nar en in ealman.)*

Lear Nuver, dat hja sa fuorttein binne, en net
Werom myn boade stjoerden.

Ealman My waard sein,
Hja wiene justerjûn jit net fan doel
En tsjoch sa fuort.

Kent Heil dy, myn eale master!

Lear Wat!
Hasto fermeits yn skande?

Kent Wis net, hear.

Nar Ha, ha! Dat binne gjin sêfte hoasbannen. Hynders
wurde bûn oan de koppen, hûnen en bearen oan de
hals, apen om 'e lea en minsken oan de skonken; en as
in minske wat al te fleurich is yn syn skonken, kriget er
houten hoazzen oan.

Lear Wa hat sa'n min begryp hân fan dyn plak
En set dy dêr?

Kent It wiene in hy en hja;
Dyn soan en dochter.

Lear Nee.

Kent Ja.

Lear Nee, sis ik.

Kent Ik sis, ja.

Lear Nee, nee, hja koene 't net.

Kent Ja, ja, hja diene 't al.

Lear By Jupiter, nee, swar ik.¹³

Kent By Juno, ik swar, ja.

Lear Hja doarsten 't net;
Hja koene, woene 't net; 't is mear as moard,
Wat men earbied'gje moast, sa wyld te hunen.
Ferklearje my, koart kriemend, hoesto soks
Fertsjinne hast, of hoe't hja dy soks diene,
Dyst kaamst fan ús.

Kent Hear, doe't ik by har thús
Oan har de brieven fan jins heechheid joech,
Kaam, ear't ik my oerein jaan koe fan 't stee,
Dêr't ik as tsjinner knibb'le yn tûzen hasten
In boade, swittend, eft'r 'e pûst, dy't fan
Syn frouwe Goneril in groet'nis hime;
Myn boadskip ûnderbrekkend, joech er brieven
Dy't hja fuortdalik liezen; skraach wie 't dien,
Doe rôpen hja har folk en jagen fuort;
My hjittend har te folgjen, dat ik wachte
Op letter andert; 'k seach, hja skoud'ren my;
En doe't ik hjir dy oare boade moete,

Waans kommen mines ta fenynt west hie, –
En 't wie deselde fint, dy't jit koart lyn
Him sa ûnskeamel tsjin jins heechheid hold, –
Doe wie 'k mear man as wize, en loek it swurd.
Syn lef gegûl kaam 't hiele hûs op ôf;
Jins soan en dochter achten dizze oertrêding
Wol dizze skande weardich.

Nar De winter is jit net oer, as de wylde gies dy kant útfleane.
As heit te bidd'ljen rint,
Dan sjocht gjin bern him mear;
Mar hat er sekken splint,
Wat stean syn bernkes klear!
Fertún, dy grut sloar,
Keart d' earmen foar de doar.

Mar likegoed silsto fan dyn dochters wol safolle kroa-
nen krije datsto dêr it hiele jier moai mei biste.

Lear Wee, hoe't dy grime my nei 't herte wâlet!
Utlitten dwylsin, del, do kliuwend leed!
Omlegen is dyn honk! – Wêr is dy dochter?

Kent Hjir by de greve, hear, hjir yn 'e hûs.
Kom my net nei; bliuw hjir. (*Of.*)

Ealman Misdiene jo oars neat as jo niis seine?

Kent Neat. –
Hoe komt de kening hjir mei sa'n lyts selskip?

Nar Asto foar dy frage yn it blok set wiest, dan hiest it tige
fertsjinne.

Kent Hoe dat sa, nar?

Nar Wy sille dy op 'e skoalle dwaan by in miammel, om dy te
learen dat men by't winter net arbeidzje kin. Dy't efter
har noas oanrinne wurde allegear fan har eagen laat op 'e

blinen nei; en der is op 'e tweintich gjin noas of hy kriget wol yn 'e noas oan wa't in rookje is. As in grut tsjil by in hichte del nei ûnderen rôlet, lit it dan los, datsto dy net de nekke brekst troch it fêst te hâlden; mar it grutte tsjil dat by de hichte op rôlet, lit dat dy mar meilûke. Jout in wiis man dy better rie, jou my dan mines wer; ik ha leafst dat allinne skelmen him folgje, want in nar hat him jûn.

Dy't tsjinnet, fûl op winst en jild,
En folget foar de foarm,
Naait út sa gau it reint oer 't fjild,
Ferlit dy yn 'e stoarm.
Mar ik bliuw trou en toevje mar,
Lit wiiz'ren flechtsje, bêst;
De skelm dy't útnaait wurdt in nar,
De nar gjin skelm: dat 's fêst!

Kent Wêr hasto dat leard, nar?

Nar Net yn it blok, nar!

(Lear komt wer op, mei Gloster.)

Lear My net te reden stean? Siik? Slim ynein?
De hiele nacht troch reizge? Neat as keunsten!
Opstannichheid en ôffal wiist soks op;
Bring my in better andert.

Gloster Eale hear,
Jo kenne it fjoerich aard fan Cornwall sels,
En witte, hy hâldt ûnferwrigber fêst
Oan wat er foar him naam.

Lear No dea en duvel! Pleage, wreck, ferdjer!
Fjoerich? Sa is syn aard? Sei, Gloster, Gloster,
Dy hartoch en syn wiif, 'k wol har te wurd.

Gloster Soks haw ik har al trochdien, eale hear.

- Lear Al trochdien, seit er! Man, ferstiest my goed?
- Gloster Ja, goede hear.
- Lear Te wurd wol ik de hartoch, ik de kening;
 Te wurd de heit syn dochter, dat hja tsjinnet.
 Is dat har trochdien? By myn amme en bloed!
 In fjoerich aard? Dan sis dy hite hartoch –
 Nee, no jit net; faaks is er wier net goed;
 En, heal, fersleaukje wy sa faak in plicht,
 Dêr't sûnens ús ta bynt. Wy binne ússels net,
 As de natoer, beneare, mei ús lea
 De geast yn 't lijen twingt. Dat, dêr net fan.
 'k Set leaver sels myn steger wil te plak,
 Dat ik in heale en gamm'le rite hold
 Foar sûne tier. (*as er Kent wer sjocht:*)
 Mar deale en dea! Wêrom
 Moat hy hjir sitte? Dizze die bewiist my,
 Dat hiele fuorttsjen fan har man en har
 Is oars neat as in set. Lit myn feint frij;
 Drui dy twa yn, ik winskje har te wurd,
 No daalk, op slach. Bied har, dat hja my hearre;
 Oars slaan ik op har keamersdoar de tromme,
 Dat it de sliiep de dea docht.
- Gloster Ik winske, goed wie 't tusken jim. (*Of*)
- Lear Wee my! Myn hert, it smoart my! Del, hert, del!
- Nar Ja heitsje, dat moatst it mar taroppe, lyk as de kokenfaam
 tsjin de ieltsjes, doe't hja se libben yn it daai die; hja sloech
 se mei in stôk boppe op 'e kop, en rôp: "Lizze, jim springers,
 lizze". En it wie har broer, dy't sa ynlik folle op hie
 mei syn hynder, dat hy syn hea ûnder de bûter smarde.
 (*Gloster komt wer op, mei Cornwall, Regan en tsjinnens.*)

- Lear Jim beide in goede moarn.
- Cornwall Jins ealens heil!
(Kent wurdt frijlitten.)
- Regan It stiet my oan dat ik jins heechheid sjoch.
- Lear Regan, dat wol ik leauwe; ik wit, ik ha
 Rju grûn en leau 't; wiesto net bliid dêrta
 Dan skate ik my jit fan dyn memme grêf;
 Hja hie har trou wis brutsen. *(tsjin Kent:)* Soa, bist frij?
 Dêroer in oare kear. – Myn leave Regan,
 Dyn suster is neatweardich; Regan, hjir
(wizend op syn bert)
 Bûn hja dy gier, skerptoskige ûntank, fêst.
 Ik kin 't dy amper neame; do leaust nea
 Hoe slim ûntaarde, o Regan –
- Regan Ik bid jo, hear, betwing jo; ik ha hope,
 Jo skatte har fertsjinsten minder goed,
 As hja har plichten heechhat.
- Lear Sei, hoe dat?
- Regan 't Wol my net oan, dat, hoe dan ek, myn suster
 Tekoart sjit yn wat foeget. Hat hja faaks
 It blustrich dwaan beteamme fan jins folgers,
 Hear, dêr is grûn foar, en har doel sa goed,
 Dat nimmen 't lekje kin.
- Lear Myn flok oer har!
- Regan O hear, jo binne op jierren;
 Yn jo stiet al natoer op d' uterste ein
 Fan 't har tametten diel. Dat, lit jo stjoere
 En liede fan goed oardiel, dat jins steat
 Gâns klearder sjocht as jo. Dêrom, ik bid jo,
 Jou jo wer nei ús suster; hear, sis har,

Jo ha har ûnrjocht dien.

Lear Ferjeffⁿ nis freegje?

Jou acht, hoe treflik soks ús sibbe stiet: (*knibbeljend*)

“Myn leave dochter, wier is ’t, ik bin âld;
Jeld hat net folle brek; mar knibb’ljend bid ik,
Ei, gun my myld in bêd, wat klean en iten.”

Regan Kom, heit, hâld op; dit binne núv’re gritsen;
Jou jo wer nei myn suster.

Lear Nea, nea, Regan;

De helte fan myn folk hat hja my naam;
Hja drige my mei d’ eagen, brûkte in tonge,
Dy’t, lyk in njerre, biet oant yn myn hert;
Al himels gearre wreck, del mei er komme
Oer dy ûntankb’re holle! Tref mei lammens,
Ferdoarne loft, har jonkheid!

Cornwall Fij, hear, fij!

Lear Do linich wjerljocht, sjit dyn blynjend fjoer
Yn har ferachtsume eagen! Somp’ge dampen,
Opsûgd fan sinne’ macht, taast oan har skientme,
En knoei en brek har grutskens!

Regan O grutte goaden! Skielk, yn sa’n wyld sin,
Ferwinskje jo ek my!

Lear Nee, Regan, nea sprek ik tsjin dy sa’n flok;
Foar sok in hurdens sil dyn sêft-stimd moed
Dy feil’gje, bern. Wyld bin har eagen; dines
Bin treastlik, barne net. ’t Leit net yn dy
En koartsje my út oergeunst yn myn flak,
Bekrink my yn myn rjocht en grau my ta,
En skoattelje ta einbeslút de doar,
Dat ik gjin tagong fyn; do kenst te goed

Wat bynt as bern, natoere sêfte plicht,
Wat hoaskens docht, wêr't tankberheid ta twingt;
Dy is dy helt fan 't ryk jit net fergetten,
Dy't ik dy joech.

Regan Kom, heit, praat oan op 't stik.

Lear Wa sleat myn feint yn 't blok? (*Fanfare efter it toaniel.*)

Cornwall Wa lit dêr blieze?

Regan Myn suster, sûnder mis. Har brief sei al,
Hja kaam hjir ringen.
(*Op komt Oswald.*)

Is jins frouwe al hjir?

Lear Dêr is dy slaaf, waans grutskens, liend foar neat,
Bestiet by 't wif goed sin fan dy't er tsjinnet.
Do kûper, út myn each!

Cornwall Hear, wat moat dit?

Lear Myn feint, wa sleat him yn? – Regan, ik hoopje,
Do hiest dêrfan gjin witten. – Wa komt dêr?
(*Op komt Goneril.*)

O himel,

Ast âlde minsken leavest, as dyn myldens
Us bynt ta hearsumheid, do ieuwen âlde,
Kom op foar jeld; bewiis dyn stipe oan my!
(*tsjin Goneril*) Skammest dy net dit grize burd te sjen?
O Regan, wolsto jit dyn hân har jaan?

Goneril Wêrom har hân net, hear? Wat ha 'k misdien?
Wat ûnferstân sa achtet, bernskens neamt,
Is dêrom gjin misdwaan.

Lear Boarst, dat kinst ha?

Fernearsto dat? – Hoe kaam myn boade yn 't blok?

Cornwall Hear, dêr haw ik him set; mar syn oerdwealskens

Is sa te heech jit leanne.

Lear Jo! Dus jo?

Regan Ik bid jo, heit, ferbrek jo swakkens net.

As jo, oan d' ôfrin fan jo moanne ta,
Weromgean en dan toevje by myn suster,
Dus mei de helt' fan 't folk, kom dan by my;
No bin ik fier fan honk, en sûnder foarrie
Dy't, as jo by ús toevje, nedich is.

Lear Nei har werom? Fuortstjoere fyftich man?

Nee, earder weeg'rje ik boppe my elts dak
En striid mei wyn en loft'ne fijânskip,
In fjochtersmaat fan ûle en wylde wolf, –
Hoe 't ek de need har knypt. – Mei har werom?
Bepraat my earder dat ik wrot en tôgje
Foar dat ferfijd stik feint. (*Op Oswald wizend.*)

Goneril Hear, lyk jo winskje.

Lear Ik bid dy, dochter, meitsje my net dûm.

Gjin oerlêst wol 'k dy oandwaan, bern; farwol;
Wy sille inoar net moetsje en net mear sjen;
Dochs bisto jit myn flesk, myn bloed, myn dochter;
Of leaver, earne in sjochtme, djip yn 't flesk,
Dy't ik wol mines neame moat; in swolm,
In pestbûde, in karbonkel, woartele yn
Myn oantaast bloed. Fersprekke wol 'k dy net;
Op har tiid komt de skamte, ik rop har net;
Ik bid gjin Tonger-keiler dy te reitsjen,
Doch neat oer dy de heechste rjochter troch;
Ast kinst, ferbett'rje dy, mar nim dêr tiid foar;
Ik kin wol wachtsje; ik kin by Regan toevje,
Ik en myn hûndert ridders.

- Regan Heit, sa net;
Ik hie net op jo rekk'ne, sloech neat yn
Ta in hoask wolkom. Harkje nei myn suster;
Hja, dy't har oardiel brûke by jo fleagen,
Kinne oars net tinke as "hy is âld, en dus –"
Mar hja wit wat hja docht.
- Lear Is soks goed sein?
- Regan Hear, ik doar der foar stean. Wat, fyftich folgers?
Is dat net moai? Wêrta ferlet fan mear?
Sels fan safolle, om't lêst en noed har beide
Tsjin sa'n heech tal fersette? Kin sa'n heap,
Yn ien hûs gear en hearrend nei twa masters,
De frede warje? Slim is 't, hast ûnmooglik.
- Goneril Wêrom, hear, kinne jo net tsjinne wurde
Fan dy't behearre ta har folk, of mines?
- Regan Wêrom net, hear? Fersleauken hja jins winsken,
Wy setten har te plak. Dat, woll' jo komme, –
Want no sjoch ik ek spoek – nim dan net mear
As fiif-en-tweintich mei; mear bergje ik net,
En wol 'k gjin spul mei ha.
- Lear Ik joech jim alles –
- Regan Hear, it waard ek tiid.
- Lear Ik makke jim myn fâden, myn behearders,
Mei foarbehâld fan in gefolch allinne,
Dat tal. Moat ik no by dy komme, Regan,
Mei fiif-en-tweintich? Hasto dat wier sein?
- Regan Ik sis it jitris, hear; by my net mear.
- Lear Faak lykje tsjoede skepsels jit oannimlik
As oaren tsjoeder binne; it bringt wat lof,
Is men de tsjoedste net. (*Tsjin Gon.*) Ik gean mei dy;

(Lear, Gloster, Kent en de nar ôf.)

- Cornwall Lit ús yn hûs gean; it wurdt needwaar.
Regan 't Hûs is mar lyts; d' âldman en al syn folk
Is wierliken gjin plak foar.
- Goneril Syn eigen skuld; syn rêst hat er fersmiten;
Lit him syn sottens priuwe.
- Regan Mei wille naam ik him persoanlik op,
Mar fan dat folk net ien.
- Goneril Ik tink krekt sa.
Wêr is hear Gloster keard?
- Cornwall Hy folge niis d' âldman; dêr is er wer.
(Gloster wer op.)
- Gloster De kening is ferwoast.
- Cornwall Wêr giet er hinne?
Gloster Op 't hynder wol er, mar wêrhinne is riedling.
- Cornwall 't Bêste is, jou him syn sin; hy wol net oars.
- Goneril Hear, freegje him beleaven net te bliuwen.
- Gloster Eilaas, 't wurdt nacht, en skriklik skuort en hellet
De fûle wyn; gjin milen fier yn 't rûn
Fynt men wat beamtespul.
- Goneril Hear, stege ljuwe,
Kin fan de skea dy't hja harsels besoargje,
Bêst wiisheid leare. Slút jins doarren ta;
In kliber heale wylden bin by him;
En wat dat reau him ynbliest, wylst er licht
Fan har ferryf'le wurdt, dat freest dy't wiis is.
- Cornwall Slút ta jins doarren, hear; de nacht is wyld;
Myn Regan ret ús goed. No, út 'e stoarm!
(Allegearre ôf.)

BEDRIUW III

TOANIEL I

(In beide. Jit needwaar. Kent en in ealman komme op; twa kanten út wei.)

- Kent Wa dêr, yn bûn mei 't minne waar?
Ealman Ien mei in moed as 't waar, yn heislike ûnrêst.
Kent Ik ken jo. Sei, de kening, wêr is dy?
Ealman Wyld stridend mei de woedzjende natoer.
De wyn hjit er yn see te bliezen d' ierde,
Of 't wetter op te tuorkjen heech oer 't wiid,
Dat alles oars wurdt of ferswynt. Syn hier
Teskuort er, dat de fleagen, wyld, oerstjoer,
It yn har woede fetsje en wreed fersilje;
Grutsk hûnt er, yn syn lytse minskewrâld,
d' Unwisse wrakselstriid fan rein en wyn.
Sa'n nacht, dat de bearinne, leechsûgd, mêd
Yn 't hoal bliuwt, dat de liuw, de ropp'ge wolf
De pels droech hâlde, rint er om, neat op,
As socht er sa syn ein.
- Kent Mar wa is by him?
Ealman Syn nar allinne, dy't it boarjend leed
Ferdriuwe wol mei tûle.
- Kent Ik ken jo goed,

En doar, hear, mei de waarboarch fan dy kunde,
 Jo in grut ding fernije. Der is twaspjalt,
 Al hâldt ek snoadens fan wjerskanten soks
 Ferhoalen jitte, tuske' Albanje en Cornwall;
 Dy't – en wa giet it oars, as 't stjerte him
 Ta hearsker makke? – tsjinne wurde yn skyn
 Fan guont, dy't as spionnen Frankryks foarst
 Oerbriefkje, wat hjir bart; wat hja fernamen
 Troch 't stúnjen en it kûpjes fan dy twa,
 Of út de hurdens yn har dwaan en hâlden
 Tsjin d' âlde goede foarst, of djippers jit,
 Dêr't al dy dingen ynset faaks fan binne;
 Mar wier is dit: út Frankryk komt in striidmacht
 Nei dit tebrutsen ryk; wiis yn ús sleauwens,
 Ha hja temûk al foet set yn ús lân,
 Yn fan ús bêste havens; ring sil elts
 Har iepen findels skôgje. No jins wurk:
 As jo safier myn wurd betrouwe doare
 En daalk jo jaan nei Dover, dan sil jo
 Dêr tankb're lju fine, as jo krekt sizze
 Hok ûnnatoerlik, rede-deadzjend leed
 Mei rjocht ús hear oer klaget.
 Ik bin in ealman fan komôf en foarming,
 En bied dy tsjinst jo oan, om't ik jo achtsje
 En sterk op jo betrou.

Ealman Dêr letter mear oer.

Kent

Nee, hear, no is 't tiid.

Ta tsjûg'nis dat ik mear bin, as it skynt
 Fan bûten-om, hjir, iep'nje dizze ponge;
 Nim wat deryn is. Sjogge jo Cordelia –

It hat gjin mis, dat bart – toan dizze ring,
En hja fernijt jo wol wa't hjir de maat is,
Dy't jo no jit net kenne. Fij dy stoarm!
Ik wol de kening sykje.

Ealman Hear, jins hân!

Jo ha oars neat te sizzen?

Kent In bytsje, mar dêr't no it measte oan hinget;
Ha wy de kening fûn – gean jo dêrta
Dy kant út, ik gean dizze –, dy't dan foarst
Him sjocht, ropt lûd tsjin d' oare. (*Elds in kant út, ôf.*)

TOANIEL 2

*(In oar diel fan de beide. Fytte needwaar.
Op komme Lear en de nar.)*

Lear Blies, winen! Spjalt jim wangen! Woedzje! Blies!
Jim tongergeaten, wylde orkanen, gjalp
Oant jim de hoantsjes op ús spitsen drinzgje!
Jim swevelflammen, skynsels, tinzen-rêd,
Foarrinders fan 't iikspjaltend wjerljochtsfjoer,
Sinzje dit wite hier! Do, skodder tonger,
Bûts do dizze ierde' tsjûke rûnens plat!
Dylgje natoere foarms, ja eltse kiem
Fan dizze ûntankb're minskheid!

Nar O heitsje, hoflik wijwetter yn in droech hûs is better as
reinwetter bûtendoar. Leave heitsje, yn 'e hûs; freegje
dyn dochters har seine; want sa'n soarte nacht bekrûpt it
net om wizen noch om sotten.

Lear Loft, lit it romm'lje yn dy! Slach, fjoer! Gjalp, rein!

Noch rein, wyn, fjoer noch tonger bin myn dochters!
Nea joech ik jim in ryk, neamde ik jim bern,
Neat binne jim my skuldich; jaan oan my
Jim groust me wille bod! Hjir stean ik, lyts,
In earm, ferachte, gammel, swak âld man;
Dochs neam ik jim jit krûp'rich feintefolk,
Dat jim myn twa ferstoarne dochters stypje
Mei himel-berne klibers, tsjin in holle
Sa âld en wyt as dizze. Smoarch is 't, smoarch!

Nar Dy't in hûs hat om syn holle yn te stekken, hat in skoane
bedekking foar syn holle.

As lolleman it hûs

Al ree hat foar de holle,

Dan tilt it gau fan lûs;

Sa boaskje bidd'lers folle.

Wa't soarget foar syn tean

Lyk as er moast foar 't hert,

In lykdoarn, och sa hean,

Stelt rêst en sliep de wet.

Want der hat jit nea in tsjep froumins west of hja giis-
gobbe tsjin harsels yn 'e spegel.

Lear Nee, 'k wol ferduldichheid ta foarbyld wêze;

Ik sis neat mear.

(Op komt Kent.)

Kent Wa dêre?

Nar Mieri; hjir binne in grut ljocht en in lolleman; te sizzen
in wiis man en in sot.

Kent Laas, hear, jo hjir? Wat oars de nacht jit leavet,

Is wers fan sok in nacht. De grime loft

Slacht sels wat strúnt by tsjuster, kjeltme yn 't hert,

Do nar, skabant, ik ha in plakje yn 't hert,
Dêr't it my muoit om dy.

Nar Dy't fan ferstân mar in lyts bytsje hat,
Hei, ho, yn de wyn en de rein,
Moat nimme wat him 't lot tapart,
Al reint it amers eltse dei.

Lear Wier, boi. – Kom, bring my nei dat hok.
(*Lear en Kent ôf.*)

Nar Dit is in bêste nacht om in ljidske wat ôf te kuoljen.¹⁴

Ik sil in profesije dwaan ear't ik fuortgean:
As wy fan prekers dieden sjogge,
Ta 't bier de brouwers wetter dogge,
As eallju foar har skroarren riede,
Gjin ketters barne en swiften bliede,
As 't rjocht in rjochte wei lâns moat,
Gjin earme jonker skulden hat;
As tongen net mear rabje en dolgje,
En pongesnijers 't folk net folgje,
As neperts jild telle op 'e strjitte
En kniplju tsjerken sette litte,
Dan giet it mei ús Albion mâl
En alles rekket raar oerâl;
Dan sjogge hja, dy't libje sille,
Men moat, by 't gean, de skonken tille.

Dy profesije sil Merlyn dwaan; want ik libje fier foar
him.¹⁵ (*Of.*)

(Yn Glosters kastiel. Op komme Gloster en Edmund.)

- Gloster Slim is it, Edmund, slim; dat ûnnatoerlike dwaan kin ik net goedkrije. Doe't ik har frege om frij dat ik wat foar him dwaan mocht út meilijen, ûntseine hja my it brûken fan myn eigen hûs; hieten hja my, op straffe fan ûngenede foar altyd, ik soe net mear oer him prate, neat mear foar him freegje, of op hokker wize him stypje.
- Edmund Wreder en ûnminskliker kin 't net.
- Gloster Stil mar, sis mar neat. Der is ûnienigens tusken de hartoggen, en jit slimmers. Ik ha jûn in brief krige; 't is nuodlik om der oer te praten, en ik haw it yn myn keamer weisletten. It ûnrjocht dat de kening no te ferduorjen hat, sil wreekt wurde dêr't it moat; der is al in diel fan in striidmacht oan 'e wâl; wy moatte kenings-freonen bliuwe. Ik sil him sykje en him temûk syn gerak jaan; hâld do wylst de hartoch oan 'e praat, dat hy neat fan myn leafde-tsjinst fernimt; freget er om my, dan bin ik siik en op bêd gien. Al moat ik it mei de dea betelje, en dêr ha hja my mei drige, myn âlde master de kening moat stipe ha. Der wanke frjemde dingen, Edmund, dat pas benammen op. *(Of.)*
- Edmund Fan dy ferbeane leafde-tsjinst sil daalk
De hartoch weet ha, en fan 't brief ek;
Sa meitsje ik my fertsjinstlik; my wurdt winst
Wat hy ferliest, dat is, al wat hy hat;
Wat jong is, riist, as d' âld're falle moat. *(Of.)*

(De beide, foar in bok. Op komme Lear, Kent en de Nar.)

- Kent Hjir is it. Gean deryn, myn goede hear.
 Gjin minske kin dy rouwe grym'ge nacht
 Ferduorje op iepen romte.
- Lear Lit my dochs!
- Kent Ei hear, gean der dochs yn.
- Lear Myn hert' wolst brekke?
- Kent Gâns earder mines. Goede hear, wier, doch 't.
- Lear Slim achtesto 't, dat dizze grym'ge nacht
 Us tinget nei de hûd; dat is 't foar dy;
 Mar dêr't de grutter pine woartele is,
 Fielt men de lytse skraach. Do mijst in bear,
 Mar, stiesto flechtsjend foar it bold'rjend wiid,
 De bear rûnst yn 'e tût. Is frij de geast,
 Dan fielt it lichem fyn; mar djip yn my
 Benimt de stoarm myn sinnen eltse fieling,
 Op ien nei, dy't hjir bûnzet. Berne ûntankb'rens!
 't Is oft myn mûle wreed myn hân teskuorde,
 Om't dy him iten rikte. Ik sil har fine!
 Nee, gûle wol 'k net mear. My bûtenslute
 Yn sok in nacht! Gjalp troch; ik wol 't ferduorje.
 Soks yn in nacht as dizze! O Regan, Goneril!
 Jim goede âld heit, waans gollens alles joech, –
 Nee, dy kant út leit dwylsin; dy wol 'k mije,
 Dêrfan net mear.
- Kent Myn hear, ei, gean deryn.
- Lear Gean do doch sels en sykje rêst foar dy;

Dit waar gunt my gjin frij, dat ik my jou
Yn wat gâns djipper wûnet. Goed, ik doch 't.
Nee, boi, do earst. – O earmoed sûnder dak –
Kom, no deryn. Earst bidde; dan wol 'k sliepe. –
(*De nar giet deryn.*)

Jim earme neaken lidere, wa't jim binne,
Wyld gys'le fan dizze ûnmeilyds'me stoarm,
Hoe sil jim bleate hollen, holle siden,
Jim gattich, stikken foddeguod jim hoedzje
Foar sok njoer waar? O, al te min ha 'k hjir
Foarhinne om tocht! Pronk, sykje hjir genêzing!
Jou bleat dy, datsto fielt wat d' earmsten fiele,
Datst, watsto oerhast, skodzje kinste op har
En himels rjocht besterkest.

Edgar (*Yn it bok.*) Oardel fiem, oardel fiem! Och earm Tomke!
(*De nar flechtet út it bok wei.*)

Nar Hjir net ynkomme, heitsje, hjir is in geast. Help, help!

Kent Jou my dyn hân. – Wa dêr?

Nar In geast, in geast; syn namme is fan earm Tomke, seit er.

Kent Wa bist, dy't dêr sa gnoarret yn it strie? Kom hjir, foar 't
ljocht.

(*Edgar op, fermomme as dwylsinnige.*)

Edgar Fuort, fuort! De fûle wrigge folget my!
– De wyn bliest kâld troch skerpe hagetoarneren. –
Gean gau op dyn kâld bêd, en waarmje dy!

Lear Hasto ek alles dyn twa dochters jûn? En is 't sa mei dy
gien?

Edgar Wa jout earm Tomke wat? De fûle wrigge hat him riden
troch fjoer en troch flammen, en troch furde en wieling,
oer sompe en weaze; hat messen lein ûnder syn kjessen en

strûpen yn syn tsjerkebank; rottekrûd set by syn sop; en him sa grutsk fan hert makke dat er ried op in brune hurddraver oer brechjes fan fjouwer tomme, om jacht te meitsjen op syn eigen skaad as ferrieder. God mei by dy oan alle fiif syn seine jaan! Tomke is kâld. O hu, hê, hu, hê, hu. God hoedzje dy foar wirrelwinen en stjerreferdjer en pestswiere loft! Jou earm Tomke in leafde-jeftje, de tsjoede pleaget him sa. Dêr koe ik him no pakke, en dêr, en dêr jitris, en dêre.
(*Stoarm beart troch.*)

Lear Wat! Ha syn dochters ta sa'n steat him brocht?
Koest neat bewarje? Hast har alles jûn?

Nar Wis net; hy hat in tekken oerhâlden; oars hie 't foar ús allegear mar wat beskamsum west.

Lear No, alle sjochtmen dêr't de loftën ús
Mei driigje om skuld, meie oer dyn dochters komme!

Nar Hy hat gjin dochters, hear.

Lear Dyn dea, ferrieder! Neat, neat koe natoer
Sa njoer ferleegje as sokke grym'ge dochters.
Is 't al wrâlds faasje, dat fersmiten heiten
Sa grousum wreed binne oer har eigen flesk?
O goed-oerleine straffe! Ut dat flesk waarden
Dy pelikane-dochters!

Edgar Pillekok heech op 'e Pillekok-berch;¹⁶
Heila! Heilo! Lo! Lo!

Nar Dy kâlde nacht sil fan ús allegearre noch narren en gekken meitsje.

Edgar Pas op foar de wylde wrigge; jou om dyn âlden har sizzen; hâld dyn wurd as in rjochtfeardich minske; flok net; wês net ûndogensk mei in echt boaske wiif; set dyn goed hert net op lege pronk. Tomke is sa kâld.

Lear Wat wiesto?

Edgar Ien dy't de wrâld tsjinne, grutsk fan hert en siele; dy't myn hier krolje liet, wanten droech op myn mûtse, likefolle eden die as ik wurden spriek, en har allegearre briek foar de geast fol plannen ta lichems-wille, en wekker waard om dêrneffens te dwaan; wyn leave ik tige, dobbelstiennen djoer, en op it stik fan froulju hie de Turk gjin hânwetter by my; falsk fan hert, kweanimmend fan ear, moarddiedich fan hân; in swyn yn loaiens, in fokse yn glûperigens, in wolf fan longerjen, in hûn fan dwylsin, in liuw yn it bútmeitsjen. Lit gjin kreakjen fan skuon of gerissel fan side dyn earm herte oan froulju ferriede; hâld dyn foet út de knippen, dyn hân út de lyfkes, dyn pinne út jildlieners-boeken, en stean de wylde wrigge.

Jit bliest troch hagetorn de kâlde wyn –

Seit hoei-soei, hei, nei nonke.

Stil, Hector, stil, myn boi, lit him mar strike.

(Stoarm beart troch.)

Lear Do koest better yn dyn grêf lizze as mei dyn neaken lea partoer te wêzen foar dit oardiels-woedzjen fan de loft. Is de minske net mear as soks? Merkbyt him goed. De wjirm bisto gjin side skuldich, it dier gjin hûd, it skiep gjin wolle, de kat gjin swietrook. Hei! Trije bin hjir dy't har efter skyn ferskûlje; do bist de wiere minske, want ien dy't net optoatele is, dat is mar sa'n earm, keal, strampele dier as do. Fuort, fuort, mei dat liende spull! Kom, dy knopen hjir los!

Nar Beleaven, heitsje, byn wat yn; it is sa'n rare nacht om yn te swimmen te gean. In lyts fjurke op sa'n wyld fjild soe no wêze as it hert fan in gleon âldkeardel; ien lyts fûnkje,

en al 't oare fan syn lichem kâld. Sjoch, dêr komt in wylde lantearne.

Edgar Dat is de tsjoede geast Flibbertigibbet; hy begjint by de nachtklok, en spoeket om oant de foarste hoanne; hy makket it each fluezich en stekkerich, jout skiligens en in hazzemûle, bringt de skimmel yn 'e weet en jout de earme ierde-bern noed en pine.

Sint Wield gie trijeris 't fjild yn 't rûn;
Hy mette de merje en har njoggenbûn;
Hy fjurre: dêrwei,
En hja moast lyk er sei,

Dat, hekse, flean op, flean do hinne!

Kent Hoe giet it jins ealens?

(Gloster komt op, mei in toartse.)

Lear Wa is dat?

Kent Wa dêr? Wat sykje jo?

Gloster Wa binne jim hjir? Hoe hjitte jim?

Edgar Earme Tomke; dy't libbet fan swimmende froasken, fan podden en kikkertsfiskjes, fan lân- en wetter-sallemanders; dy't yn de woede fan syn hert, as de fûle wrigge him tjirget, kowedong yt foar slaad, dy't it griene flaach fan stilsteande puollen opslobbet; dy't fan karspel nei karspel fuortjage wurdt mei de swipe, yn it blok sletten, kastijd en finzen set wurdt; dy't ienris trije goede pakken hie foar syn rêch, seis himden foar syn lichem,

In hynder te riden, in swurd ta swier,
Mar mûzen en rotten en sok lyts dier¹⁷
Is Tomke syn iten, no al sân jier.

Gloster Wat! Ha jo hjir gjin better selskip, hear?

Edgar De tsjust're kening is in ealman grut,

- Hy hjit fan Modo of Mahu.
- Gloster Sa slim ferdoarn is no ús flesk en bloed,
It hatet wêr't it troch bestiet.
- Edgar Earme Tomke is sa kâld.
- Gloster Gean mei my, hear; myn plicht ferneart it net
Te dwaan, lyk as jins dochters hurd my hieten;
Al leine hja my op, de doar moast ticht,
Dat dizze wrede nacht jo wreed tegnjirde,
Dochs ha 'k it weage en sykje jo, dat ik
Jo bring, dêr't fjoer en iten op jo wachtsje.
- Lear Earst moat ik wat mei dizze wiisgear prate.
Sei, hoe ûntstiet de tonger?
- Kent Hear, nim syn oanbod oan; gean dochs yn 't hûs.
- Lear Nee, foarst in wurd mei dy Thebaanske learde.¹⁸
Wat is jins stúdzje?
- Edgar Hoe't ik de duvel stuitsje, en ûnrant deadzje.
Lit my ien wurd jo freegje, tusken ús.
- Kent Stean jitris by him oan, hear; hy moat mei;
Hy wurdt hjir dwilich. (*Stoarm beart troch.*)
- Gloster Nimmen kin dat nij dwaan.
Dea winskje him syn bern. Dy nomm'le Kent!
Hy hat it wol foarsein, dy earme balling!
Do seist, de kening rekket dwyl; goe-freon,
Sels bin 'k ek hast safier. Ik hie in soan,
No ôfsnien, om't er my nei 't libben stie;
Sa koart is 't lyn; ik hie him leaf, freon, tige.
Wier is 't; gjin hert hie ea syn soan mear leaf.
Stomp bin ik fan dat leed. – 't Is slim, sa'n nacht!
Mei ik jins heechheid smeeke –

- Lear Hear, it muoit my.
 Jins selskip, nommel wiisgear.
- Edgar Tomke is kâld.
- Gloster Deryn, tsjirl, yn it hok; dan bliuwst wat waarm.
- Lear Ja, kom, wy ek.
- Kent Dizze kant út, hear.
- Lear Mei him.
 Myn wiisgear wol ik net by wei.
- Kent Jou him syn sin, hear; lit dy fint mar meigean.
- Gloster Nim jo him mei.
- Kent Tsjirl, kom; gean do mar mei ús.
- Lear Kom, eale Athener!
- Gloster Gjin wurden mear, no stil!
- Edgar Hear Roland kaam yn 'e tsjust're toer;
 Hy rôp aloan: wol stom, wol stom,¹⁹
 Ik rûk it bloed fan in Ingelskman!
 (*Allegearre ôf.*)

TOANIEL 5

(*Yn Glosters kastiel. Op komme Cornwall en Edmund.*)

- Cornwall Ik wol my op him wreekt hawwe, ear't ik syn hûs ferlit.
- Edmund Hoe't men it yn my lekje kin, hear, dat de natoer sa belies
 jout foar de trou oan myn foarst, dêr rilje ik suver fan as
 ik dêroan tink.
- Cornwall It wurdt my no wol dúdlik, dat it net hielendal it fer-
 kearde hert fan dyn broer wie, dat hy him út 'e wei ha
 woe; mar dat jim heite wêzen him dêrta dreau, wylst syn
 eigen sûndige minnens him ta de die fitere.

- Edmund Myn lot is dan wol lilkaardich, dat it my no muoie moat dat ik rjochtfearnich hannele! Dit is it brief dêr't er it oer hie, dy bewiist dat er mei alle ferstân it foardiel fan Frankryk fuortsterke. O goede himel! Mocht dit ferrie net bestean, of ik it net ûntdutsen hawwe!
- Cornwall Gean mei my nei de hartogginne.
- Edmund As de ynhâld fan dit brief wier is, dan komme der dingen fan grut belang foar jo op.
- Cornwall Wier of net, it hat dy greve fan Gloster makke. Fyn út wêr't dyn heit is, dat wy sa de hân op him lizze kinne.
- Edmund (*fansiden*) As ik him fine koe wylst er de kening skewiele, soene hja jit in skalker each op him krije. – Ik wol fuortfarre op myn wei fan trou oan jo, al komt it my op swiere striid te stean tusken dy trou en myn bloed.
- Cornwall Ik wol betrouwen yn dy ha, en yn myn leafde silsto in djoerder heit weromfine. (*Beide ôf.*)

TOANIEL 6

*(In keamer yn in boerespul tichteby it kastiel.
Op komme Lear, Gloster, Kent, Edgar en de Nar.)*

- Gloster Hjir is it better as yn 'e iepen loft; mei it jo nei 't sin wêze. Ik sil jo fierder skewiele sa goed ik dat bybringe kin; lang sil ik net fuort wêze.
- Kent De hiele krêft fan syn geast is beswykt foar syn breinroerigens. Meie de goaden jins goedens leanje! (*Gloster ôf.*)
- Edgar Frateretto²⁰ ropt my, en seit, Nero is in angelfisker yn de mar fan de tsjusternis. – Bid, ûnnoazele, en pas op foar de fûle wrigge.

- Nar Ei toe, heitsje, sis my ris, is in dwylsinnige in ealman of
in eigenierde boer?
- Lear In kening, in kening!
- Nar Nee, hy is in eigenierde dy't syn soan earder ealman wur-
den sjocht as himsels.
- Lear O, stoarmen tûzen piken, gleon fan fjoer,
Wyld siizjend op har yn. –
- Edgar De fûle wrigge byt my yn 'e rêch.
- Nar Dy man is dwylsinnich dy't betrouw op in wolf syn nue-
tens, in hynder syn hurdens, in jonge syn leafde en in
hoer har wurd.
- Lear 't Sil barre; ik wol har daalk foar 't rjocht ferkleie. –
Kom, jo mar hjir, heech learde rjochts-bedieler.
Jo wize master, dêr. – No, wyfke-foksen!
- Edgar Wat stiet er driigjend dêr!
Wat, frouwe, wolst foar 't rjocht ús jit betsjoeene?
Kom oer de wjitt'ring, Lys, by my –²¹
- Nar Har boat hat in lek
En hja seit net in sprek
Wêrom hja net oer doar nei dy.
- Edgar De fûle wrigge bespoeket earme Tomke yn it lûd fan in
gealtsje.
Hobberdidûns²² ropt yn Tomke' bûk om twa rikke hjer-
rings. Krôkje net, swarte ingel, ik ha gjin iten foar dy.
- Kent Hoe giet it, hear? Ei, stean net sa ferbald're;
Woll' jo wat lizze en op 'e kjessens rêste?
- Lear Earst har ferhear foar 't rjocht. – Bring no de tsjûgen.
Do, rjochter yn dyn tabbert, do sitst hjir;
En do, yn binlikens syn maat en likens,
Hearst hjir nêst him. – Do bist foar de ferfolging;

- Kom, jou dy del.
- Edgar 't Rjocht moat syn eask ha by ús.
 Bist wekker of sliepsto, fleurige skeper?
 Dyn skiep binne yn 't nôt sa frak;
 Ien fluitsje fan dyn moai mûlke mar,
 Dan komme hja bêst te plak.
 Snoarje! De kat is skier.
- Lear Har it earst ferkleie; dat is Goneril. Foar dizze ealacht-
 bere gearsit wol ik ûnder eed ferklearje, hja hat de earne
 kening, har heit, in traap jûn.
- Nar Kom harren, minske. Jo namme is Goneril?
- Lear Dat kin hja gjin ligen hjitte.
- Nar No, nim 't my net kwea-ôf, ik hâlde jo foar in flapstoel.
- Lear Dêr d' oare, sjoch! Har skean geloer wiist ús
 Hoe'n hert hja hat yn 't liif. – Kear har dêr tsjin!
 Swurd, wapens, fjoer! Bekûpe is hjir it spul!
 Do falske rjochter! Wêrom lietst har flechtsje?
- Edgar De seine foar dyn fiif!²³
- Kent O grouwel! Hear, wêr is no 't sels-betwang,
 Dêr't jo sa faak op rommen, it bleau jins?
- Edgar (*fansiden*) Myn triennen kieze sa te slim syn kant,
 Dat ik myn skyn net folhâld.
- Lear Al dy hûntsjes,
 Kai, Minne, Nopke, kefje my mar oan.
- Edgar Tomke sil syn holle nei har smite. Hjirwei, jim skobbers!
 Is dyn happert swart of wyt,
 Fol fenyn de tosk dy't byt,
 Hazzewynhûn, dogge, brak,
 Spanjel, pronker, wyld of mak,
 Koartsturt, plûmsturt, 't is mar sa,

Tomke komt, dan janke hja;
Want, smyt ik de kop sa wei,
Fuort, hja springe en flechtsje, hei!

Boe, ba, ba, ba. Koest! No fuort allegear, rûnom dêr't it merk is en men merke hâldt. Earme Tomke, dyn hoarn-tsjje²⁴ is droech.

Lear Hja moasten Regan útinoar helje; dan koe men sjen wat der yn har hert libbet; is der in oarsaak yn 'e natoer dy't herten sa hurd makket? – Jo, hear, nim ik yn tsjinst as ien fan myn hûndert; allinne jo dracht haget my net. Jo sille sizze, dat is Perzysk, mar it moat al wat oars.

Kent No, eale hear, jou jo wat del en rêst.

Lear Dan tige stil, tige stil; de gerdinen ta, sa, goed.
Moarnier wolle wy jimmetsje. Goed, goed.

Nar En ik gean de middeis op bêd.²⁵

(Gloster komt wer op.)

Kom hjir ris, freon; wêr is myn hear de kening?

Kent Hjir, hear, mar steur him net; it rint him troch.

Gloster Goe-freon, ik bid dy, nim him yn dyn earms;
Hja lizze it op syn dea ta, ha 'k beharke;
Der stiet in draachbêd ree; lis him dêrop,
En ryd nei Dover, freon, dêrsto wis help
En wolkom fynst. Gau, nim dyn master op;
Ast ien healoere mar ferdiest, dan wie
Dyn libben, sines, en fan elts dy't him
Ferdiig'net wis ferlern. Nim daalk him op
En folgje my, dy't soargje kin foar hynders
En iten ûnderweis.

Kent Beneare, sliedt natoer;
Dy rêst hie faaks dyn sike sinnen hiele,

Dy't, wierret it ús tsjin, net maklik wer
 Genêze. Help do, kom, en draach dyn master;
 Do moatst net efterbliuwe. Fuort, no, fuort!
(Kent, Gloster en de nar, dy't de kening drage, ôf.)

Edgar As wy ús heeg'ren tûgjen sjogge ús leed,
 Treft ús illinde it hert net heal sa wreed.
 Dy't iensum lije moat, lijt dan it meast,
 As wrâlds ryk lok him lokket, him ta treast.
 Mar folle muoite en striid ûntsinkt it hert,
 As leed syn likens, need syn maten met.
 Hoe licht te rissen liket sa myn lêst,
 No't, wat my bûcht, sels op 'e kening rêst;
 Syn bern, myn heit, ien leedzje! Tom, hjirwei;
 Jaan acht op tiids grut lûd; nim waar dy dei,
 As it falsk oardiel, dat dyn namme ûntearret,
 Untbûn wurdt mei bewiis, dat swiid dy klearet.
 Nacht, wat der bart, lit dochs ús hear ûntkomme!
 Beskûl, beskûl! *(Of.)*

TOANIEL 7

*(Yn Glosters kastiel. Op komme Cornwall,
 Regan, Goneril, Edmund en tsjinnars.)*

Goneril Ryd op it alderhurdst nei syn heechheid jins man; lit
 him dit brief sjen; it leger fan Frankryk is lâne. Sykje dy
 smjunt Gloster. *(In mennich tsjinnars ôf.)*

Regan Hingje him dalik op!

Goneril Skuor him de eagen út!

Cornwall Lit him oer oan myn ûngenede. – Edmund, hâld do

ús suster selskip. It foeget net datsto tsjûge bist fan de
wrek dy't wy ferplichte binne op dyn ferriederlike heit te
nimmen. Ried de hartoch, dêrsto hinnegiest, oan dat er
sa hurd as 't kin tarissing makket; wy dogge dat ek. Us
ferbinings moatte ús sa gau mooglik en goed op 'e hichte
hâlde. Farwol, djoere suster; farwol, greve fan Gloster.

(Oswald komt op.)

Hoe is 't? Wêr is de kening?

Oswald Fuort, mei de stipe fan myn hear fan Gloster.

Fiif-, seis-en-tritich fan syn folk, dy't fûl

Him sochten, moeten him, hjir by de poarte;

Mei jit in mennich fan de tsjinstb're eallju,

Bin hja mei him nei Dover tein; dêr wachtsje

Fiks waap'ne freonen, pochten hja.

Cornwall De hynders!

Goneril Farwol, myn hear en suster!

Cornwall Edmund, farwol. *(Goneril, Edmund en Oswald ôf.)*

No dy ferrieder Gloster.

Kneev'lje him lyk in tsjeaf, en bring him foar ús.

(Oare tsjimmers ôf.)

Al kinne, sûnder foarm fan rjocht, wy min

Him reitsje yn 't libben, foar ús grime sil

Hjir noatich bûge ús macht; de wrâld mei 't lekje,

Hja keart it net. – Wa dêre? De ferrieder?

(Gloster komt op, fan twa of trije opbrocht.)

Regan Hy is 't, d' ûntankb're fokse!

Cornwall Byn fêst syn koarken earmen.

Gloster Heechheden, wat is 't doel? Betink dochs, freonen,

Jim bin myn gasten; freonen, wurd net min!

Cornwall Byn him, sis ik!

- Regan Lûk oan! – Do smjunt, ferrieder!
- Gloster Do frouwe sûnder hert, nea ha 'k dat west!
- Cornwall Byn him oan dizze stoel. – Skarlún, do silst –
- Gloster O goede goaden! 't Is in skandlik dwaan
En skuor my sa oan 't burd!
- Regan Sa wyt, en sa'n ferrieder!
- Gloster Tsjoede frouwe,
Dit hier, datsto myn kin ûntskuorst, sil dy,
Wer libben, daagje yn 't rjocht. Jim gasthear bin 'k;
Mei rôvershân in antlit dat jim noege,
Sa wreed te skeinen! Wat bin jim fan doel?
- Cornwall Man, sprek; wat brieven hast út Frankryk hân?
- Regan Koart, op it stik; wy ha fan alles weet.
- Cornwall Yn hoe'n ferbining stiest mei de ferrieders,
Dy't yn ús ryk just lânem?
- Regan Nei wa hast de dwylsinn'ge kening stjoerd?
Beskie!
- Gloster Ik krige in brief fan ien dy't eane,
Mar dy't fan herte alhiel ûnsidich is,
En fêst jins fijân net.
- Cornwall Slûchslim.
- Regan En leagen.
- Cornwall Wêr hast de kening hinne stjoerd?
- Gloster Nei Dover.
- Regan Wêrom nei Dover? Hiest net heard, op straffe –
- Cornwall Wêrom nei Dover? Dêrop earst beskie!
- Gloster Bûn oan de peal, moat ik wat komt, ferneare.
- Regan Wêrom nei Dover, hearskip?
- Gloster Om't ik net sjen koe, datsto wreed dyn neils
Yn syn âlde eagen sloechst, noch wyld dyn suster

- Har swine-tosken yn syn hill'ge fleis.
 De see wie, by sa'n stoarm, lyk, bleat fan holle,
 Hy dulde yn njoerste nacht, omhegen riisd
 Dat er de stjerren dwêste; mar de himel
 Fergeat om him, earne âlde, jit mear rein.
 Hiene oan dyn poarte wolven gûld, sa'n neednacht,
 Do hiest dyn wachter sein: "de doar fan 't slot";
 Sels 't wreedste waard doe lyts. Mar sjen sil ik,
 Oer sokke bern komt, rêd fan wjok, de wreck!
- Cornwall Sjen silst dat nea. – Feinten, hâld fêst dy stoel. –
 Dyn eagen, smjunt, ik set myn foet derop!
- Gloster O, dy't hjir hopet op in âlde dei,
 Lit dy my helpe! – O goaden! Wreedling, wreedling!
- Regan Sa skeint jit ien kant d' oare; 't oare no!
- Cornwall Ast no dy wreck ea sjochst . . .
- 1^e Tsjinner O hear, hâld op!
 Fan bern ôf oan haw ik jins tsjinner west;
 Mar nea die ik jo better tsjinst as no,
 Troch yn te gean tsjin soks.
- Regan Wat no, do hûn?
- 1^e Tsjinner As der in burd woeks op jo kin, ik griep
 It fêst by sok tsjoed dwaan. Wat ha jo foar?
- Cornwall Do fint fan neat! (*Hja lûke it swurd en fjochtsje.*)
- 1^e Tsjinner Kom op dan, en fernim, wat lilkens kin.
 Regan Jaan my dyn swurd. – In boer, dy't him ferset!
 (*Hja nimt in swurd, en trochstekt him fan efteren.*)
- 1^e Tsjinner Dy wûne is deadlik. Hear, mei ien each jit
 Sill' jo de wreck sjen oer him. O! (*Hy stjert.*)
- Cornwall Neat sil it fierders sjen. Hjir, nearzich smots!
 Wêr is dyn strieling no?

- Gloster Ien treastleas tsjuster. Edmund, soan, wêr bist?
Lit yn dy, Edmund, leafde' fonken lôgje;
Nim boete foar dit grou'sme!
- Regan Fuort, ferrieder!
Do ropst ien oan dy't hate hat yn dy;
Hy die 't ferrie ús troch dêrsto mei pielste;
Syn ealens muoit it net om dy.
- Gloster Sot wie ik! Dan is Edgar ek bedragen!
Goaden, ferjou my dat, jou him jim heil!
- Regan Smyt him de poarte út; hy mei sa syn wei
Nei Dover rûke. (*In tsjinner ôf mei Gloster.*)
Hear, hoe is 't? Kin 't skikke?
- Cornwall Ik ha in wûne skipe; folgje, frouwe.
Dy smjirkert sûnder eagen, fuort! Dy slaaf
Op 'e rûchskerne. – Regan, ik blied slim;
In minne tiid foar soks. – Jaan my jins earm.
(*Cornwall ôf, laat fan Regan.*)
- 2^e Tsjinner As 't him goed ôfgean soe, dan skrilje ik net
Tebek foar hokfoar tsjoeds.
- 3^e Tsjinner As hja lang libbet,
En stjert, by einbeslút, krekt as eltsien,
Dan wurde froulju meunsters.
- 2^e Tsjinner D' âld greve nei, en lit dy dolhúsman²⁶
Syn liedsman wêze; yn syn ferbald're dwylsin
Seit dy foar alles goed.
- 3^e Tsjinner Gean do; ik helje wylst wat flaaks en aaiwyt²⁷
Ta 't bliedend antlit. Help him, goede himel!
(*Elts in kant út, ôf.*)

BEDRIUW IV

TO ANIEL I

(De beide. Op komt Edgar.)

Edgar Gâns better sa: ferachte wylst men 't wit,
As leechlein en beflaaike. Wat troch 't lot
It leechste is en it minste, it djipste sonken,
Bliuwt altyd hoopjende, en syn eangstme is fuort;
Want slacht wat swiidst is om, dat wurdt fertriet;
Mar 't earmste, dat wurdt laitsjen. Wolkom dan,
Do loft dy't ik omearmje, al hast gjin foarm;
De lider dysto weibliesd hast ta 't slimste,
Hast neat op te ferheljen. – Mar wa dêr?

(Gloster komt op, laat fan in Aldman.)

Myn heit, laat fan in earme? Wrâld, o wrâld,
Hiest om dyn frjemde wiffens net ús hate,
Nea joech it libben krimp foar jeld.

Aldman O hear,

Jins, en jins heite hierboer haw ik west,
Al fjouw'ris tweintich jier, myn goede master.

Gloster Dochs, goede freon, jou dy hjirwei; och gean;
Dy stipe kin my dochs gjin goed mear dwaan,
En dy faaks kwea.

Aldman Jo kinn' jins wei net sjen.

Gloster Ik ha gjin wei, en dus gjin eagen brek;
Ik stroff'le doe't ik seach. Men sjocht sa faak,
Us goed fiert ús ta oermoed; ús tekoart
Wurdt ús ta rike winst. – O soan, o Edgar,
Dêr't dyn bedragen heit syn grym mei fuorre!
Belibbe ik jit, ik seach dy troch myn taasten,
Ik sei, ik ha wer eagen!

Aldman Stil! Wa dêre?

Edgar (*fansiden*) O goaden! Wa kin sizze: ik ha it slimste?
Sa sloech it ûnk my nea.

Aldman 't Is gekke Tom.

Edgar En dochts, jit minder kin 't; it slimste is 't net,
Salang men sizze kin: dit is it slimste.

Aldman Tsjirl, wêr silst hinne?

Gloster Is dat in bidd'ler faaks?

Aldman In bidd'ler dy't it trochrint.

Gloster Hy hat wis wat begryp; oars bidd'le er net.
Fannacht ha 'k jit sa'n ien yn 't stoarmwaar sjoen;
Sa like my de minske in wjirm. Doe kaam
My ek myn soan yn 't sin; dochts, op dat pas
Wie dy my frjemd. No wit ik mear; lyk miggen
Foar jonges-wille bin, sa wy de goaden;
Hja deadzje ús foar har noft.

Edgar (*fansiden*) Sil ik it weagje?
In min berop en spylje yn 't leed foar sot,
Ta jins en oarlju's smert. – De seine, master!

Gloster Is dat dy neaken tsjirl?

Aldman Dat is er, hear.

Gloster Beleaven dan, hjirwei. Mar wolst, om my,
Hjir in pear mile wei, ús jitris treffe

Op reis nei Dover, doch 't, út âlde leafde;
En bring wat dek mei foar dy earme siel',
Dy't ik om lieding oan wol.

Aldman Hy is gek, hear.

Gloster De tiids pleage is 't, dat sotten blinen liede.
Doch lyk ik frege, of leaver, lyk dy haget;
Mar no, foar alles, fuort!

Aldman De bêste klean dy 'k ha, wol ik him bringe;
't Mei komme lyk it wol. (*Of.*)

Gloster Sei, neaken tsjirl, –

Edgar Earm Tomke is kâld. (*fansiden*) Ik kin net fierder spylje.

Gloster Kom harren, feint.

Edgar En dochs, ik moat. – Dyn eagen, wee! Hja bliede.

Gloster Kensto de wei nei Dover?

Edgar Oer hikke en stek, hynstepaad en fuotpaad. Earme Tomke, hja makken him sa kjel, dat syn ferstân fleach fuort. O, goed minskebern, meisto bewarre wurde fan de fûle wrigge! Der ha fiif duvels tagelyk yn earme Tom west; dy fan sûndige begearte, Obidicut; en de foarst fan de stommen, Hobberdidûns; Mahu, dy fan it stellen; Modo, fan it moardzjen; en Flibbertigibbet, fan it gibeljen en giisgobjen, dy't no yn keamerfammen en hofjuffers tein is. Dat, master, de seine!

Gloster Hjir, nim dy pong; do dy't fan himels pleagen
No alle slaggen duldest, myn illinde
Bringt dy wat lok jit. Doch altyd sa, himel!
Lit dy't yn weelde libbet foar syn lust
En trapet op dyn wetten, dy't neat sjocht
Om't er neat fielt, dochs ring dyn almacht fiele;
Oermjitte swûn dan wei troch rjochtlik parten,
En elts hie sa genôch. Sei, kensto Dover?

Dy't dieden eanget; ûnrjocht fielt er nea,
As 't andert ferget. Wat ús reis ús brocht,
't Mei bloeie! Nei myn broer werom no, Edmund;
Hurd moat syn striidmacht gear; fier do it oan;
Hjir wikselje ik fan wapens, en de wiele
Betrou 'k myn man. Dy trouwe tsjinner hjirre
Hâldt ús ferbûn; mei gauwens hearst moai fêst,
Ast foar dyn lok wat weagje doarst, in biedwurd
Fan my, dyn frouwe. Draach do dit; gjin wurden;
(*Hja jout him in oantinken.*)
No niich dyn holle. Spriek er, dizze pea,
Dyn moed wie til, ja optein ta de himel;
Ferstean my; no farwol.

Edmund Oant yn de dea ta, dines! (*Edmund ôf.*)

Goneril Djoerste Gloster!

O, wûnder ûnderskie fan man en man!
Do hast op frouwe-tsjinsten rjocht; dy sot,
Myn man, misbrûkt my.

Oswald Frouwe, sjoch, ús hear! (*Of.*)

(*Op komt Albanje.*)

Goneril Bin ik gjin fluitsjen wurch mear, faaks?²⁸

Albanje O Goneril,

Do bist it stof net wurch, dat no de wyn
Dy bliest yn 't antlit. Skriklik is dyn aard;
As sa it hert syn oarsprong hún en hatet,
Hat it gjin fêste grins mear yn himsels;
Ien dy't har losskuort, dat gjin tûke mear
Natoere sop har tafiert, dy moat wylgje,
Allinne dea ta nut.

Goneril Genôch; 't is in healwize tekst.

- Dyn biente en flesk; mar wiest de duvel sels,
 Dyn frouljusstal is dy in skyld.
- Goneril No wis, sa'n manlikheid –
(Op komt in boade.)
- Albanje Wat nijs hasto?
 Boade Eale hear, dea is de hartoch Cornwall,
 Daat fan in feint, doe't er oan Gloster ek
 't Oare each ûntskuurre woe.
- Albanje Wat, Glosters eagen!
 Boade Ien fan syn eigen folk, fan meileed draun,
 Yn opstân tsjin sa'n die, loek tsjin syn hear
 It swurd; dy fleach ferwoedend op him oan,
 En stiek, mei help fan oare lju, him dea;
 Mar net, ear't er sels wûne wie, sa swier,
 Dat hy 't bestoarn is sûnt.
- Albanje Dat seit, jim libje,
 Rjochtfear'd'ge goaden, dy't ús wandwaan hjir
 Sa wreke op stee en stûn! O, earne Gloster,
 Ferlear er 't oare each ek?
- Boade Ja, beide, hear. –
 Dit brief moast, frouwe, leafst op slach beand're;
 't Is fan jins suster.
- Goneril *(fansiden)* Oars is dit my tige;
 Mar no't hja widdo is en Gloster by har,
 Koe 't hiele bouwurk fan myn hope licht
 Delkomme op my, ûnsill'ge. Oars is 't nijs
 Sa min jit net. – Ik sil it lêze, en and'rje. *(Of.)*
- Albanje Wêr wie syn soan, doe't hja syn eagen rôven?
 Boade Hjirhinne mei ús frouwe.
- Albanje Hy is hjir net.

Boade Nee, hear; op syn weromreis mette ik him.
 Albanje Wit hy fan 't grousum dwaan?
 Boade Wis, hear; hy hie syn heit sels by har oanbrocht,
 En gie mei opset sin fan hûs, dat hja
 Frij wiene yn har straffe.
 Albanje Ik libje, Gloster,
 Dat ik dyn leafde foar de kening leanje
 En wreck nim foar dyn eagen. – Freon, kom mei,
 En sis my watsto fierder witst. (*Of.*)

TOANIEL 3

(*It Frânske kamp by Dover. Kent en in ealman komme op.*)

Kent Wêrom mei de kening fan Frankryk sa hommels werom-
 gien wêze? Witte jo de reden?
 Ealman Der wie wat yn it steatsbestjoer, dat net yn oarder wie
 lyk as hy it efterlitten hie; earst nei't er hjir kommen wie,
 is dêr oan tocht; en foar syn keninkryk bringt dat safolle
 need en ûnrêst mei, dat syn persoanlik weromkommen
 tige nedich wie en hurd fersocht waard.
 Kent Wa hat er efterlitten as oanfierder?
 Ealman De maarskalk fan Frankryk, Monsieur La Far.
 Kent Koene jo sjen dat jins brieven de keninginne leed diene?
 Ealman Ja, hear; hja lies se dalik, dêr't ik by wie;
 En gauris, seach ik, trille in swiere trien
 Del by har wang. Hja like oer 't leed
 Foarstinne, al twong it sterk opstannich op,
 Yn striid om 't masterskip.
 Kent Dan die 't har oan.

Ealman Mar net mei grym; behearsking stried mei smerte
Wa't har it leaflikst bylke. Men sjocht faak
By rein jit sinneskyn; mar keiner wiene
Har glimke en trien; dy glimkes, om har lippen
Jit lokkich boartsjend, wisten, like 't, net,
Fan d' eag'ne gasten, dy't by 't skieden foelen
As pear'ls fan diamanten. Ja, koart sein,
Leed wie in wûnder, minsk'ne herten djoer,
Wie it sa elts ta sier.

Kent Hat hja neat frege?

Ealman Ien, twaris, út're hja de namme heit,
Swier hymjend, oft dy tige it hert beneare;
En "Susters!" rôp hja "Susters! Froulju' skande!
Kent! Heit! O susters! Yn 'e stoarm? By nacht?
Wa leaut oan meileed mear?" Doe streamden hurd
De hill'ge triennen út har himelske eagen,
Wiette fan 't trelit. Doe gie se hinne,
Wês mei it leed allinnich.

Kent It bin de stjerren,
Heech boppe ús, dy't ús aard en dwaan bestjoere;
Oars kaam fan ien pear âlden sa'n ferskaat
Fan bern net. Ha jo sûnt jit har te wurd west?

Ealman Nee.

Kent Wie 't ear't de kening hûs-ta gie?

Ealman Nee, sûnt.

Kent Sei, hear, hjir yn 'e stêd is d' earme Lear;
Soms, as syn geast in skoftke klear is, wit er
Wat him en ús hjir brocht; mar oer gjin boech
Wol hy syn dochter sjen.

Ealman Wêrom net, hear?

Kent In grutte skamte keart him tsjin; syn hurdens,
Dy't har syn seine ûntkearde, har ferballe
Ta in wif lot om utens, dy't har rjochten
Syn hûnske dochters joech, dat alles priket
Syn geast sa fûl, dat gleone skamte him
Fier fan Cordelia hâldt.

Ealman Och, earme grutte!

Kent Witt' jo faaks fan Albanje' en Cornwall's striidmacht?

Ealman Wis is it, hja tsjogge op.

Kent Ik bring jo, hear, no nei ús master Lear;
Fersoargje jo him goed. In grut belang
Twingt my dat ik in skoft beskûl my hâldt;
Wurd ik wer kend foar dy't ik bin, dan muoit
Jins freonetsjinst jo net. As it jo haget,
Kom, folgje my. (*Of.*)

TO ANIEL 4

*Op 'e beide; in tinte. Op komme, mei tromme
en findels, Cordelia, in dokter en soldaten.)*

Cordelia Wee my, hy is 't. Hja moeten him, niis krekt,
Oerstjoer lyk in ferwoed'ne see, lûd sjongend;
Mei ierdrook wyld bekrânse en ikkertúch,
Mei klitten, skearling, nettels, pinksterblommen,
Mei krôde, en mear dat yn ús streksom noat
As ûnrant waakst. Lit hûndert striders gean,
En sykje eltse ikker ôf yn 't hege fjild,
Dat jim him harren liede.
(*In ofsier ôf.*)

O, hoe kin keunst

Ta sînens de betiisde rede sterkje?

Dokter Dat is jit mooglik, frouwe;
Natoere goede siketrest is rêst,
Dy't him miskearret; om dy op te roppen
Bin folle krûden tsjinstich, dy't leeds each
Sêft tadwaan kinne.

Cordelia O seinjende geheimen,
O jit ferhoalen hielkrêft fan ús ierde,
Riis mei myn triennen! Wês in heils' me stipe
Ta heite slimme need! O, sykje him;
Dat net syn wylde woede taalt nei 't libben,
Fan rede net mear laat! (*Op komt in boade.*)

Boade Grut nijs, o frouwe;
De Britske machten tsjogge hjir op ta.

Cordelia Wy wisten soks; wy binne rist en ree
En kinne it wachtsjen dwaan. – O djoere heit,
Om dy bin ik dit slimme stik begûn;
Hat Frankryks eale kening
Begien west mei myn rouwe en hjitte triennen.
Gjin earsucht is 't, dy't trúnjend mei ús tsjocht,
Mar leafde, leafde, en ús âld' heite rjocht!
Mei 'k ring him hearre en sjen! (*Allegearre ôf.*)

TOANIEL 5

(*Yn Glosters kastiel. Op komme Regan en Oswald.*)

Regan Mar is myn sweagers macht yn 't kommen?

Oswald

Wis.

- Regan Hysels dêrby?
- Oswald Ja, nei gâns omslach, frouwe;
Dan striidt jins suster fûlder.
- Regan Hear Edmund spriek net mei jim master, thús?
- Oswald Nee, frouwe.
- Regan Wat mei syn susters brief oan him betsjutte?
- Oswald Ik wit net, frouwe.
- Regan Hy is hjirwei tein, wis foar ernst'ge dingen.
Grutte ûnsin wie 't, en lit sa sûnder eagen
Dy Gloster libje; rûnom dêr't er komt,
Gean ús de minsken ôf. Ik tink hast, Edmund
Hie doel en meitsje in ein oan dat blyn libben,
Begien mei syn illinde; ek moast er witte
Hoe sterk de fijân is.
- Oswald Ik moat perfoarst him efternei, mei 't brief,
- Regan Us leger tsjocht moarn fuort; bliuw hjir by ús;
De wegen binne nuodlik.
- Oswald Frouwe, ik mei net.
Myn frouwe lei my hurd dit boadskip op.
- Regan Wat moat hja Edmund skriuwe? Koene jo
Har winsk net mûnling trochdwaan? 't Is faaks eat –
Ik wit net wat – mar tankber wie 'k jo, tige, –
Untseeg'lje wol 'k dat brief.
- Oswald 'k Hie leaver, frouwe –
- Regan Ik wit, myn suster hat har man net leaf;
Dêr bin ik wis fan; doe't hja lêst hjir wie,
Joech hja de nommele Edmund núv're winken
En loaiten dy't gâns seine. Ik wit, jo ha
Yn alles har betrou.
- Oswald Ik, hege frouwe?

Regan Ik wit dat guoddernôch; jo ha 't, jo witte it;
Ik ried jo dêrom, tink hjir goed oer nei.
Myn man is stoarn; Edmund en ik bin 't iens;
Him foeget it gâns mear en boaskje my
As har, jins frouwe; jo begripe it oare.
As jo him fine, sei, jou him dan dit:
En dogge jo jins frouwe dit te witten,
Ried har fral dat hja har skikt en wiis is.
Dat, no farwol;
En as jo fan dy bline smjunt wat hearre,
Wa't him oan igge docht, dy wurdt de man!

Oswald Ik woe, ik seach him, frouwe! Dan soe 't blike
Oan hokfoar kant ik stean.

Regan Far do dan wol.
(Beide ôf.)

TOANIEL 6

*(Yn 'e omkrite fan Dover.
Op komt Gloster, mei Edgar, klaaid as in boer.)*

Gloster Hoenear ha wy de top no fan dy hichte?
Edgar Jo gean der no by op. Wat kliuwt it swier!
Gloster My tinkt, de grûn is sljocht.
Edgar In skrik, sa steil.
Hark! Hearre jo de see?
Gloster Nee, neat dêrfan.
Edgar Faaks wurde dan jins oare sinnen minder
Troch 't lijen fan jins eagen.
Gloster 't Kin sa wêze.

My tinkt, dyn lûd is no ek oars; do praatst,
Fan stof en foarm, ek better as koart lyn.

Edgar Dat roait nei neat; ik bin yn neat feroare
As yn myn klean.

Gloster My tinkt, jo sprake is better.

Edgar Kom, fierder, hear; hjir is 't. Bliuw stean. Hoe grousum
En dûzjend is 't, it each omleech te slaan!
De ka's en krieën, wjokjend djip hjirûnder,
Hja lykje krobber, grutter net; dêr hinget,
Seefinkel garjend, healwei jit in man,
Skraach grutter as syn holle; in skriklik fak!
De fiskers, dêr oan't kui'rjen op it strân,
Bin mûzen lyk; en dat grut boat, foar anker,
Lyts as syn jôl; syn jôl in boei, te lyts
Hast om te sjen; it rûzjend sêfte dynjen,
Dat sljurket oer ûntelb're stientsjes grint,
Heart men sa heech hjir net. Mear wol 'k net sjen,
Oars draaide it my, en fan 't omdiiiz'ne sjen
Foel ik foaroer faaks.

Gloster Set my, wêr't jo steane.

Edgar Jaan my jins hân; jo bin gjin fuotstap mear
Fan d' ôfgrûns râne. Ik sprong hjir net oerein,
Foar alles ûnder 'e moanne.

Gloster Lit my los.

Hjir, freon, is jit in pong mei in juwiel,
It nimmen wurdich foar in earne. Goaden,
Jaan it, by him, jim lok mei! No moatst gean.
Sis dei, en lit my hearre datsto fuortgiest.

Edgar Farwol dan, goede hear.

Gloster Fan herten, freon!

- Edgar Sa boartsje ik mei syn lijen, mocht it wêze
Dat ik him sa genês.
- Gloster (*knibbeljend*) O macht'ge goaden!
'k Wol ôfstân dwaan fan dizze wrâld; wês tsjûgen
Dat ik berêstend dellis dit swier leed.
Koe ik it langer tôgje sûnder opstân
Tsjin jim grut wollen, dêr't gjin war tsjin is,
Dan soe de piid fan dit my wearzich libben
Fansels tebarne. Seinje, as 't kin, myn Edgar –
No maat, farwol. (*Hy falt foaroer.*)
- Edgar Al fuort, hear; ek farwol! –
Dochs, kin ferbylding libbens steat net rôvje,
Har lûd waard dwêst, en hja gie fuort, dat hja
As 't libben sels him oerjout oan de tsjeaf?
Hie hy no west dêr't hy ferwachte, it hie
Mei syn ferwachtsjen dien west. Libben, dea? –
Hei dêr, hei freon! Ei sis wat! Hearr' jo my? –
Sa koe hy bêst fertiigje; nee, hy libbet –
Wa bin jo, hear?
- Gloster Hjirwei, en lit my stjerre.
- Edgar Hiesto gjin hjersttrie west, gjin fear, gjin loft,
Safolle fiemen delploft, wiest ferbriiz'le,
In aai allyk; mar amje dochsto jit,
Hast swierens, bliedst ek net; do sprekst, bist sûn.
Tsien mêsten op inoar ha net de hichte,
Dyst fallen bist oan hjir ta, steil, streekrjocht;
Dyn libben is in wûnder. Ei, sprek jitris.
- Gloster Mar foel ik wier, of net?
- Edgar Dêr fan dy krytrotse ôf, dy grou'sme top.
Sjoch ris omheech; sels de klearlûd'ge ljurk

- Heart, sjocht men net safier; sjoch mar omheech.
- Gloster Laas, eagen haw ik net.
Is sels dy woldied oan d' illinde ûntsein,
Har eigen dea te sykjen? 't Wie jit treast,
As 't lijen twangboals grym ferryf'lje koe,
Syn grutske wil oermânsk.
- Edgar Jou my jins earm.
Oerein, sa. Beide skonken hiel? Jo stean.
- Gloster Te goed, te goed.
- Edgar 't Is ûnbegryplik frjemd.
Dêr op 'e krún fan 't klif, wat ding wie dat,
Dat fan jo gie?
- Gloster In earme, illind'ge bidd'ler.
- Edgar Wylst ik hjir stie, tocht my, syn eagen liken
Twa folle moannen; tûzen noazen hied er;
Hoarnen, beskulpe, winend as it wiid;
Grif, 't wie de tsjoede; seine bisto, heit,
Want wit dat hja omheech, dy't gloarje winne
Ut minsk'ne ûnmooglikheid, dy rêden ha.
- Gloster No sjoch ik alles klear; tenei wol ik
Dit libben tûgje, oant it út eigen driuw
"Genôch" ropt, en dan stjerre. It ding, dêrsto
Fan pratest, naam ik foar in minske; it sei
Hieltyd: "o wee, de wrigge!"; it brocht my dêr.
- Edgar Hâld klear en froed jins tinzen. – Wa komt dêr?
(Op komt Lear, wyldeaurwich mei fjildblommen sierd.)
Sa sil it sûn ferstân syn master nea
Utrisse foar de wrâld.
- Lear Nee, nee, foar it muntsjen kinne hja my neat leare;
Ik bin de kening sels.

Edgar O hert-trochboarjende oanloaits!

Lear Natoer stiet boppe de keunst, fan datoangeande. Dêr is dyn hânjild. Dy keardel hantearret syn bôge as in sjamme; span dyn bôge en skroars-jelne wiid. Sjoch, sjoch, in mûs! Stil, stil; mei dit stikje roastere tsiis krij ik him wol. Dêr leit myn want; ik sil him sels tsjin in reus ferdigenje. Harren de brune piken. Goed flein, fûgel! Yn it wyt, krekt yn it wyt; sjoets! – Do, it wachtwurd!

Edgar Swiete marjolein.

Lear Dertroch!

Gloster Dat lûd ken ik.

Lear Ha! Goneril mei in wyt burd! Hja beflaaiken my as in hûn, en makken my wiis, ik hie wite hierren yn myn burd ear't de swarte der jit wiene. Ja en nee sizze op alles wat ik sei! Ja en nee tagelyk, dat is net sûn yn 'e leare. Doe't de rein kaam om my trochwiet te meitsjen, en de wyn makke dat ik klappertoske; doe't de tonger net ophâlde woe lyk as ik hiet, doe krige ik har yn 'e noas, doe fernaam ik wa't ik foar hie. Rin hinne, dat binne gjin minsken fan it wurd; hja makken my wiis, ik wie alles; leagen, de koartse is my oermânsk.

Gloster Hiem is dat lûd my tige; it is wol wis
De kening?

Lear Kening, ja, fan top ta teil;
As ik swart sjoch, dan rilje s' allegear.
Dy man mei 't libben hâlde. – Wat misdiest?
It houlik skeinste?
Dêr stjerst net foar. Foar houlikskeinen! Nee;
Dat docht it tomke; it lytse goudmichje ek,
't Is foar myn eagen geil.

Ei, pearje ta; want Glosters bastert-soan
 Wie better foar syn heit as myn twa dochters,
 Bern, tusken wett'ge lekkens fokt!
 Dat joei, wyld troch inoar! 'k Ha kriichslju brek.
 Ei, sjoch sa'n eptich keintsje!
 Oan 't antlit liket hja fan snie omleech;
 Wat sedich mûleteart, skodhollet hja,
 Wurdt leafde' nocht mar neamd;
 Mar murd noch sljochte merje jout har oer
 Mei gleoner willichheid.
 Under de mul bin hja Sintauren lyk,
 Dêrboppe in frouljusbyld,
 Mar oant de gurdle bin hja goad'ne diel,
 Dêrûnder duvels-poaten;
 Hel is dêr, tsjusternis, de swevel-kûle,
 Barnend, sinzjend, stank, rotterigens, fij, fij, fij! Bah, bah!
 Jou my in ûnske mûskes, bêste apoteker, swietsje myn
 ferbylding; dêr hast jild.

Gloster O, lit my dy hân patsje!

Lear Earst fei 'k har ôf; hja rûkt te deadlik sa.

Gloster Untheist're stik natoer! De hiele wrâld
 Sil sa ta neat fertoarkje. – Kenst my jit?

Lear Dyn eagen stean my kleardernôch foar. Skean-eagesto nei
 my? Nee, al dochsto it slimste, Cupido, ik wol fan leafde
 net witte. Lês do dizze útdaging; tink goed om it skrift.

Gloster Wie eltse stêf in sinne, ik koe net sjen.

Edgar Ik leaude nea soks as men 't sei; 't is wier,
 En 't herte brekt jin sa.

Lear Lês.

Gloster Mei myn eachsholten lêze?

- Lear Aha, stiesto der ek sa foar? Gjin eagen yn 'e holle, gjin jild yn 'e pong? Dyn eagen, dat is in swier stik, en dyn ponge in licht; och, do sjochst like goed hoe't dizze wrâld giet en stiet.
- Gloster Ik sjoch it mei myn fielen.
- Lear Wat, bisto bûten? In minske kin bêst sûnder eagen sjen hoe't it mei dizze wrâld giet. Sjoch mei dyn earen; sjoch hoe't dy rjochter dy ûnnoazele tsjeaf útmakket. Hark, ik sil dy wat talústerje: wy boartsje plakje-feroarje, en hantsje-pantsje, wêr is de rjochter, wêr de tsjeaf? Hasto wol ris in boerehûn tsjin in biddeler byljen sjoen?
- Gloster Wis, hear.
- Lear En sa'n stumper fuortrinnen foar sa'n bist? Dan koesto in grut byld fan de bewâldsmacht dêryn oanskôgje; om in hûn syn sizzen jout men, as er in amt hat. Do smjunt ta boalsfeint, del dy bloed'ge hân! Wat gys'lesto dat ljidske? Dyn rêch bleat! Gleon bist en brûk har sa, dêrst har no wyld Foar swypkest. Grutte tsjeaven hingje lytse. Troch foddën is it lytste brek te sjen; It steatlik amtsklaad dekt. Set sûnde yn goud, En sjoch, rjochts hurde lânse brekt as reid; Yn foddën, en in eardske' strie is deadlik. Net ien docht tsjoed, nee nimmen; 't mei, sis ik; Maat, leau 't fan my; want ik ha macht en slút De klagers lippen ta. Nim glêzen eagen, En hear, in rúd'ge steatsman lyk, datst sjochst Wêrsto gjin spier fan sjochst. No, toe no, kom; Lûk út myn learzens; hurder, hurder, sa.
- Edgar O grienmank fan begryp en sottepraat!

- Yn dwylsin jit sa'n rede!
- Lear Wolsto myn lot beskrieme, nim myn eagen.
Ik ken dy guoddernôch: dyn namme is Gloster;
Ei, jou dy del; wy kamen kritend harren;
Do witst, sadree't wy d' ierde' loft mar rûke,
Dan gûzj' en gûle wy. Hear ta; 'k wol preekje.
- Gloster Wee, wee sa'n dei!
- Lear Daalk by ús berte skrieme wy ta 't kommen
Op sa'n toaniel fan sotten. – Lang net min,
Dy hoed; in skoand're fynst, en slaan
Filt ûnder hynstepoaten! 'k Sil it besykje;
En ha 'k dy sweagers sa temûk beslûpt,
Dan dei har, dei har, dei har, dea, dea, dea!
(In ealman komt op, mei tsjinner.)
- Ealman Dêr is er, lis de hân op him. – O heechheid,
Jins djoerste dochter –
- Lear Gjûn útwei? Wat, ik finzen? Ik bin wol
Lots berne nar. Mar jim, wês goed foar my,
Jim krije losjild, fiks. 'k Ha dokters brek;
Hja wûnen my yn 't brein.
- Ealman Hear, wat jo winskje.
- Lear Gjûn stipers? Ik allinne?
O, sa waard sels in man in man fan sâlt,
En koene d' eagen tsjinje as blomme-jitters
En delslaan 't stof by 't hjerst.
- Ealman Myn eale hear –
- Lear 'k Wol krigel stjerre, in brêgeman sa kwier.
Kom, fleurich, ljuwe, fleurich! Kening bin ik,
Hearen, betink dat goed!
- Ealman In foarstlik kening, en jo hearskje oer ús.

- Lear Dan ha wy noch tiid fan libben. Nee, binne jim derop begien, dan hurdrinne om it te krijen. Sa, sa, sa, sa!
(Hurdrinnend ôf, tsjanners folgje bim.)
- Ealman In oanloaits dy't jin oandart yn de leechste,
 Lûd-smoarend yn in kening! Ien bern hast,
 Dy't fan de miene flok Natoer befrijt,
 Dêr't twa har ta ferdoaren.
- Edgar Heil eale hear!
- Ealman Gods seine, freon; wat is 't?
- Edgar Ha jo ek heard, hear, dat in fjildslach wankt?
- Ealman Wis, it is almans-praat; dy't hearre kin,
 Fernimt it sûnder mis.
- Edgar Mar, as 't jo haget,
 Hoe nei is 't oare leger?
- Ealman Deunby, mei hasten kommend; wis de haadmacht
 Al binnen d' oere.
- Edgar Tank, hear; dat wie alles.
- Ealman De keninginne bleau hjir mei in doel,
 Mar fierder tsjocht it leger.
- Edgar Hear, ha tank. *(Ealman ôf.)*
- Gloster Algoede goaden, nim myn siken fan my;
 Lit net myn leger geast my wer ferliede
 Te stjerren foar jim tiid!
- Edgar Goed frege, heit.
- Gloster En wa bin jo, goe-freon?
- Edgar In slim earm man, oan 't lot syn slaggen wend,
 Dy't, om't ik lijen koe en fielde, wit
 Wat wier begrutsjen is. Jou my jins hân,
 Ik wiis jo in goed skûlplak.
- Gloster Tige tank;

En himels myldens en syn rike seine
Dêrta, dêrta!

(Op komt Oswald.)

Oswald Dy priis is mines! Tige!
Dy holle sûnder ljochten waard ornearre
Foar myn skoan lok. Ferrieder, âlde smjunt,
Slút ôf dyn rekken; lutsen is al 't swurd
Dat dy ferdylgje sil.

Gloster Freon, stjit mar ta,
Benammen fûldernôch!
(Edgar komt tusken beiden.)

Oswald Wat dryste wrotter!
In fûgelfrij ferrieder doarsto stypje?
Hjirwei! Dat net de goarre fan syn lot
Ek dines oantaast. Gau, lit los syn earm.

Edgar Ik sil dat net dwaan, hearskip, as der neat oars bart.

Oswald Los, slaaf, of 't is dyn ein!

Edgar Ei goede hear, gean jins wegen, en lit earme lju fierder tsjen.
As ik it bestjerre koe fan swetsen en swarren, dan hie 'k al
wol fjirtjin dagen dea west. Nee, kom net te ticht by de âld
man; bliuw fan him ôf, wik ik dy, of ik wol hifkje oft dyn kap
of myn kneppel hurdst is; ik sil der gjin doekjes omwine.

Oswald Fuort, stik dongbult!

Edgar Hearskip, ik sil jo wol fine mei dizze toskepluzer; al
hippe jo noch sa, dat bruit neat. *(Oswald falt.)*

Oswald Do hast my deadien, smjunt. Tsjirl, nim myn ponge;
Mar silst bedije, gun myn lea in grêf;
En jou de brieven dysto by my fynst,
Oan Edmund, Glosters greef; do fynst him wol
Oan Britske kant. Untidich komsto, dea! *(Hy stjert.)*

Edgar Ik ken dy skoan; in smycht, yn alles tsjinstich,
Sa'n reeë feint ta al dyn frouwe' tsjoed,
As sûnde ea winskje kin.

Gloster Wat, is er dea?

Edgar Jou jo wat del, en rêst wat, heit. Lit my
Ris yn dy bûsen sjen; dy brieven ha
Faaks freonen rjocht op. Hy is dea; mar 't muoit my
Dat net in oar him date. Lit ús sjen:
Waaks, nim dit goed; do hoaskens, lekje ús net;
Om fijâns hert te kennen, snie men 't iepen;
Allicht syn brieven dan.

(lêzende)

“Lit ús oer en wer yn oantinken hâlde wat wy ûnthieten.
Jo ha kânsen genôch om him oan syn ein te helpen; as
jins wil it net sitte lit, sille tiid en plak wierliken net op
har wachtsje litte. Wy binne neat fierder, as hy werom-
komt as oerwinner; dan bin ik de finzene, en moat ik yn
syn bêd bliuwe; befrij my fan de wearzige waarmte dêre,
en nim as beleaning syn plak yn.

Jins – wiif, hie 'k jerne sein –
leavjende en tsjinstfeardige, Goneril.”

O tsjoede froulju' lust, do stiest foar neat!
Yn 't spier tsjin 't libben fan har eale man,
En yn syn plak myn broer! Hjir, yn it sân,
Bergje ik dy wei, ûnhill'ge tyngje fan
Ferrieders, hjit op moard; mar, komt de tiid,
Dan lis ik 't skandlik stik de hartoch foar,
Waans dea it doel hjir wie. 't Is him ta nut,
As ik dyn ein en boadskip him betsjut.

Gloster De kening bûten! O dit steech earm brein,

Cordelia O mylde goaden,
Hielje de wûne yn syn oerweld'ge geast!
Span de wanlûd'ge, skrille sinnen goed
Dy't heite bern sa rieken!

Dokter Keninginne,
Jins heit sliepte al moai lang; sill' wy him weitsje?

Cordelia Lit fan jins keunst jo liede, en doch alhiel
Lyk jo it riedsumst tinkt. Is hy goed klaaid?

Kent Ja, frouwe; yn syn djippe sliep ha wy
Him nije rissing oantein.

Dokter Wês tichteby as wy him weitsje, frouwe;
Hy sil wis rêstich bliuwe.

Cordelia Dat is bêst.

Dokter As 't haget, tichter. Lûder it muzyk!

Cordelia O leave heit! Mei yn myn lippen heil
Ta dyn genêzing wêze; en lit myn pea
It flymjend leed wer hielje, dat myn susters
Dyn griisheid diene!

Kent Mylde en eale frouwe!

Cordelia Al hiest har heit net west, dit tin wyt hier
Hie dochs har ferge op meileed. Moast dit antlit
Sa bleat steld wurde oan stoarmen, wyld te striid?
Oan 't rouwe bearen fan de grou's me tonger?
Oan 't skriklik giselslaan fan wyld, rêd ljocht?
Moast hy op post dêr stean, ferlern, te-lider
Yn dizze tinne helm? Myn fijâns hûn,
Al hie 'k syn tosken field, hie dy nachts dochs
In honk fûn by myn fjoer; en, earne heit,
Dy taflecht wie by fee en djipste illinde,
Op tin en moassich strie! O wee my, wee!

Dat net dyn libben mei dyn geast dêr briek,
't Is wûnder. – Hy wurdt wekker; praat tsjin him.

Dokter Doch jo it, frouwe; 't is it foechsumst sa.

Cordelia Hoe is 't, hear kening? Hege foarst, hoe giet it?

Lear It is net goed en rop my út myn grêf;
In sill'ge geast bisto; mar ik bin bûn
As op in tsjil fan fjoer, dêr't hyt myn triennen³⁰
Op siizje lyk raand lead.

Cordelia Hear, bin ik kunde?

Lear Jo binne in geast, dat wit ik; hoenear stoarn?

Cordelia Sa fier jit bûten!

Dokter Hy dreamt jit heal; lit him mar stil betsjen.

Lear Wêr haw ik west? Wat bin ik? Is dit deiljocht?
Wat hâlden hja har min. Ik stoar fan meileed,
Moast ik in oar sa sjen. Ik wit neat mear.
Bin dit myn hannen? Swarre wol 'k it net.
Dy spjeldeprip, dy fiel ik. Wie 'k mar wis
Hoe't it no mei my stiet.

Cordelia O sjoch my, hear,

En spried jins hannen seinjend oer my út;

Nee, hear, net knibbelje!

Lear Och, spot net mei my;

Ik bin in tige bjuster, dom âld man;
Goed tachtich, ja gjin oere mear of minder,
En, iepen sein,
'k Ha soarch, it rint my wol in bytsje troch.
My tinkt, ik moast jo kenne, en dy man ek;
Dochs twifelje ik; ik ha alhiel gjin hichte,
Wêr't ik hjir bin; sa goed ik tinke kin,
Bliuwe ek dy klean my frjemd; en wêr't ik sliepte,

iepen te hawwen; de striidmacht fan it keninkryk komt
hard opsetten.

Ealman It hat der folle fan dat de útwizing gâns bloed kostje sil.
Far jo wol, hear. (*Of.*)

Kent Myn tiid foar wurk en doel lûkt hard nei d' ein;
De slach wiist út, is 't goed of tsjoed beslein. (*Of.*)

BEDRIUW V

TOANIEL I

(It Britske kamp, tichteby Dover. Op komme, mei trommen en flaggen, Edmund, Regan, Eallju en soldaten.)

Edmund Freegje oft de hartoch bliuwt by syn lêst plan,
Of dat him sûnt eat oantrúnd hat, dat hy
Wer oars wol. Hy is wakker hinne en wer,
Eat pleaget him. Bring my syn fêst beslút.

(In ealman giet ôf.)

Regan Der kaam ús susters boade grif wat oer.

Edmund Ik bin der bang foar, frouwe.

Regan Goede hear,
Jo witte, ik ha it tige mei jo foar;
Sis my, mar wier, mar fral de súv're wierheid,
Leavje jo net myn suster?

Edmund Dan yn eare.

Regan Mar ha jo nea de wei fûn fan myn sweager
Nei it ferbeane plak?

Edmund Dy tins misliedt jo.

Regan 'k Ha soarch, jim wiene 't iens, en jo har hert
Sa nei, dat jo foar harres trochgean kinne.

Edmund Nee, by myn eare, frouwe.

Regan Nea dulde ik dat fan har; myn freon en hear,

Wês net gemiensum mei har.

- Edmund Ha gjin noed. –
Dêr is hja, mei har man de hartoch!
(Op komme, mei trommen en flaggen, Albanje, Goneril en soldaten.)
- Goneril *(fansiden)* Leave de slach ferlern, as dat myn suster
Him skiede soe fan my!
- Albanje Us leave suster, wolkom. – Hear, ik hearde,
De kening is no kommen by syn dochter,
Mei oaren, troch ús strang bewâld wis puond
Ta tsjinwar. Hie ik 't rjocht net oan myn kant,
Dan stried ik ek nea goed. Hjir giet my nei
Dat Frankryk yn ús lân falt; net dat hy
De kening stipet, of dy oaren, dy't
Faaks wol mei earnst'ge reden har fersetste.
- Edmund Hear, dat seit nommel!
- Regan Mar wêrta sok reedzjen?
- Goneril Tegearre moatte wy de fijân stean;
Gekreau mank sibben en sok oar lyts skeel
Komt hjir net yn it pleit.
- Albanje Lit ús oer 't plan
Mei d' âld-bedreaune krigers dan beslute.
- Edmund Sa dêrmei bin ik by jo yn jins tinte.
- Regan Suster, ek jo gean mei?
- Goneril Nee.
- Regan 't Is fierwei foechsumst; gean beleaven mei.
- Goneril *(fansiden)* Oho, no ha 'k it troch. – Goed, ik sil gean.
(Op komt Edgar, fermomme.)
- Edgar Hat ea jins heechheid praat mei sa'n earm man,
Hear dan ien wurd.

Albanje Ik kom jim nei. Do, sprek.
(*Allegearre ôf, op Albanje en Edgar nei.*)

Edgar Iep'nje dit brief, ear't jo de slach begjinne.
Is jim d' oerwinning, lit dan de trompet
Blieze foar dy't it brocht. Hoe leech ik lykje,
In kampioen ha 'k ree om wier te meitsjen
Wat dêryn foarbrocht wurdt. Giet it jo wan,
Dan fynt jins wurk op ierde in ein dêrmei,
En driget neat jo mear. Mei 't lot jo leavje!

Albanje Doch tiid oant ik it lês.

Edgar Dat mei ik net.
Is 't tiid foar soks, lit de heraut dan roppe,
En dan ferskyn ik wer.

Albanje Goed, far dan wol; dyn brief sil ik wol ynsjen.
(*Edgar ôf. Edmund wer op.*)

Edmund Men sjocht de fijân; opsteld moat jins macht.
Hjir is de skatting fan syn krêft en soarte,
Nei soarchsum neigean. Tiid lykwols driuwt fûl;
't Is hast safier.

Albanje Us is dy stûne wolkom. (*Of.*)

Edmund Dy beide susters ha ik leafde sward;
Hja haatsje inoar, lyk hja dy't stutsen binne
De njirre dogge. Wa fan har sil 'k nimme?
Beide? Ien? Net ien? Mar fan net ien ha 'k wille,
As beide 't libben bliuwt. Naam ik de widdo,
It makke Goneril fan grime dûm;
Mar ek by har is min myn aventoer,
Bliuwt dy har man yn wêzen. Goed, dan brûke
Wy foar de slach syn stipe; is dy wer oer,
Lit har, dy't fan him ôf wol, dermei rêde

Dat hy gau oarwei is. En syn genede,
Dy't hy Cordelia en Lear ornearre,
As dy yn ús macht binne nei de striid,
Dy rêdt har net. It stiet mei myn kâns sa,
Fan wapens, net fan wifkjen moat ik 't ha. (*Of.*)

TO ANIEL 2

*(In fjild tusken de beide legerkampen. Kriichsgeroft efter.
Op komme, mei trommen en findels, Lear, Cordelia en
soldatefolk; hja tsjogge oer it toaniel en geane ôf.
Op komme Edgar en Gloster.)*

- Edgar Heit, lit it skaad fan dizze beam ta honk
Jo wêze, in skoft. Bid dat de goeden winne;
Kom ik hjir ea werom, dan bring ik jo
Grif treastlik nijs.
- Gloster Mei God jo hoedzje, hear. (*Edgar ôf.*)
*(Kriichsgeroft efter, tebektsjen fan Cordelia' striidmacht;
Edgar wer op.)*
- Edgar Kom mei, âld man; jou my jins hân; hjirwei.
Lear hat ferlern, is finzen mei syn dochter.
Jou my jins hân, kom gau.
- Gloster Net fierder, hear; ek hjir kin men fergean.
- Edgar Wat, wer dy tsjoede tinzen? Wy as minsken
Moatte ús ús fuortgean treastgje, lyk ús kommen.
Ree wêze is alles, kom.
- Gloster Ek dat is wier. (*Of.*)

TOANIEL 3

(It Britske kamp by Dover. Mei tromme en findels komt Edmund op, as oerwinder; Lear en Cordelia, as finzenen; in kaptein, soldaten ensfb.)

- Edmund Jim hjir, ofsiers, lied har hjirwei, en hâld
Strang wacht oer har, oant fan har hege rjochters
Us 't oardiel wytge wurdt.
- Cordelia Wy bin net d' earsten,
Dy't, dreaun fan 't ealste, it slimste rispje moasten.
Foar jo, beneare foarst, giet my dit nei;
Sels wie 'k de niid fan 't falske lot wol treast.
Sill' wy dy dochters jitte sjen, myn susters?
- Lear Nee, nee, nee, nee. Foar ús de finzenis,
Lit ús dêr sjonge as fûgels yn in kouwe;
En, fregest om myn seine, op myn knibbels
Freegje ik dy om ferjaan. Sa libje wy,
En bidde en sjonge en helje âld-teltsjes op;
Wy laitsje om gouden flinters, hearre nijs
Oer 't hof fan earme smjunten; kâtsje mei har
Oer wa't ferliest en wint, wa't riist, wa't sinkt;
En beare, yn alle riedsels bin wy thús,
As hien' wy God beharke; en efter muorren
Oerduorje wy dy keppels, smiten grutten,
Eb, floed, nei moanne' macht.
- Edmund Lied har hjirwei.
- Lear Sokke offers, myn Cordelia, dêr struie
Sels goaden wijreek oer. Haw ik dy krige?
Dy't ús skaat, moat in himel-toartse hawwe

En fuort ús barne as foksen. Wiskje d' eagen;
De sjochtme sil har flesk en hûd fertarre,
Ear't wy mear gûle om har . . . Hja stjerre earder
De dea troch honger. – Kom.

(Lear en Cordelia ôf, bewekke.)

Edmund Harren, kaptein; en harkje.
Nim do dit briefke; folgje nei de finz'nis.
Ien trime ha 'k dy heger set; dochst dit,
Lyk as beskreaun stiet hjir, dan kliuwst jit heger,
Ta grutter steat. Wit wol, de minsken binne
Lyk as de tiid is; tear fan hert te wêzen,
Kin net foar dy't it swurd fiert. Dit grut wurk
Moat fierder net nei frege; sis, do dochst it,
Of sykje yn oarwei tier.

Kaptein Ik doch it, hear.

Edmund Te set; is 't dien, dan bist in lokkich man.
Jou acht: ik sis, fuortdaalk; en fier 't sa út
As ik it oanjûn ha.

Kaptein Ik kin gjin weinen lûke en hjouwer frette;
Mar is it minskewurk, ik doch 't. *(Of.)*
(Trompetten. Op komme Albanje, Goneril,
Regan, in oare kaptein, en soldaten.)

Albanje Hear, jo ha hjoed jins moed en kriich bewiisd,
En 't lok hat mei jo west. Jo ha de finz'nen,
Dy't foar ús oer stien ha yn dizze striid;
Wy easkje dy, dat wy mei har sa dogge,
Lyk as har dieden en ús feilichheid
Allikens fergje.

Edmund Hear, ik achte it gaadlik
En stjoer d' ûnsillige âlde kening fuort

Dy't dat jo sei, seach mei in skilich each.

Regan Ik bin net goed; oars fjurre ik fan my ôf,
Want der is stof yn oerfloed. Jo, myn oerste,
Nim jo myn striidmacht, finz'nen, erflik part;
Beslút oer har en my; de sterkste is jowes.
De wrâld mei tsjûgje: ik meitsje jo myn hear
En master hjir.

Goneril Do silst him ha, tinksto?

Albanje Of't sil of net, giet net by jo wil út.

Edmund Noch jowes, hear.

Albanje Wis, healbloed, wol by mines.

Regan (*tsjin Edm.*) Bring 't op 'e tromme: dines is myn rjocht.

Albanje Doch tiid; hear goed. Edmund, ik nim dy finzen,
Foar heechferrie, en mei dy, op dy grûn,
Dy moai fergulde slang (*op Goneril wizend.*)
Jo, sêfte suster,
Moat ik jins eask ûntstride foar myn wiif;
By him hat hja de bêste brieven; ik,
Har man, lis op dat boask dêrom it near.
Bin jo sa houliksswiet, doch war by my;
Myn wiif is al fersein.

Goneril 't Is in komeedzje.

Albanje Do bist jit waap'ne, Gloster; lit dan blieze!
Komt nimmen dy't dyn kenber, fûl ferrie,
Hieltiten wer bedreaun, bewiist mei 't swurd,
Dêr leit myn pân dan (*smyt in want del*); op dyn hert
bewiis ik,
Wat ik hjir fan dy wytge.

Regan Siik, sa siik!

Goneril (*fânsiden*) Wie 't oars, 'k soe nea wer doktersguod betrouwe.

Edmund (*smyt in want del*) Myn tsjinpân dêr! Wat hy op ierde ek is,
Dy't my ferrieder neamt, hy liicht, de smjunt;
Rop rûn mei de trompet; dy't komme doar,
Tsjin him, tsjin jo, wa net? Sil ik myn trou
En eare sterk bewize.

Albanje Hei, in heraut!

Edmund Hjir, in heraut, op slach!

Albanje Bou net op oarmans krêft; want al dyn kriichsfolk,
Oannommen yn myn namme, binne ek yn
Myn namme ûntslein.

Regan Ik stjer, sa siik bin ik.

Albanje Hja is net goed; lied' jim har nei myn tinte.
(*Regan ôf, mei lieder.*)
Harren, heraut; lit de trompetten blieze,
En lês dit foar.

Kaptein Trompetter, blaas! (*In trompet klinkt.*)

Heraut (*lêst*) "As hokfoar man fan namme of steat yn de rigen
fan it leger heechhâlde wol tsjin Edmund, him
neamend greve fan Gloster, dat hy yn ferskate stikken
in ferrieder is, lit him ferskine by de tredde kear dat de
trompet klinkt; de beskuldige stiet derop him te ferdi-
genjen."

Edmund Blies! (*Foarste trompet.*)

Heraut Jitris! (*Oarde trompet.*)

Heraut Jitris! (*Tredde trompet.*)

(*In trompet docht efter it toaniel beskie. Edgar komt op, yn
wapenris, mei in trompetter foar him.*)

Albanje Fernim wat hy fan doel is, wêrom hy
Op dit trompetsein komt.

Heraut Wa binne jo?

Dy leagens, hate as hel, dy't dy oerstjelpje;
En daalk, om't hja jit skampe, skraachoan wûnje,
Sil ta dyn hert myn swurd in wei har bane,
En dêr har dobjje yn 't grêf. Trompetters, lûd!
(Lûd fan trompetten. Hja ffochtsje. Edmund falt.)

Albanje O, sparje him!

Goneril Dit is in streek, o Gloster;
Nei 't wapenrjocht wiesto net bûn en striid
Tsjin ien dysto net koest; oerwûn bist net,
Mar wol bedragen.

Albanje Twing dyn mûle, wiif;
Oars twingt har dit pompier. – Hjir man, te min
Foar hokfoar namme, lêd dyn tsjoed sels –
Nee, dit ferskuorst net, frouwe; ik sjoch do kenst it.
(Jout it brief oan Edmund.)

Goneril Al wie 't sa, mines is de macht, net dines!
Wa, wa soe my ferkleie?

Albanje O meunsterlik!
Witsto hjirfan?

Goneril Gjin freegjen wat ik wit! *(Of.)*

Albanje Har nei! Hja sjocht gjin wei mear; tink om har.

Edmund Wêrsto my fan beskuld'gest, ik ha 't dien,
En mear, gâns mear; de tiid bringt it wol út;
Ferline is 't, as iksels. Mar wa bisto,
Datsto it my sa ôfwûnst? Hast eal bloed,
Dan wol 'k ferjaan.

Edgar Ek dy ferjou ik dan.
Net minder is myn bloed as dines, Edmund;
Is 't better, slimmer kaamst my ek tenei.
Sjoch, ik bin Edgar, en dyn heite soan.

De goaden hoedzje it rjocht; ús wille-sûnden
Wurde yn har hân de middels ta ús straffe;
It tsjuster hoal dêr't hy dy rôp yn 't libben,
Hat him syn eagen koste.

Edmund Wierheid is 't.

Alhiel is 't rêd no omkeard; hjir bin ik.

Albanje Dyn gong allinne al, tocht my, wytge my
In foarstlike ealens. Lit my dy omearmje;
Mei leed my 't herte spjalte, as ik dyn heit
Of dy ea hate!

Edgar Eale prins, dat wit ik.

Albanje Wêr holdsto dy ferhoalen?
Hoe hasto heard fan 't lijen fan dyn heit?

Edgar Ik wie syn hoeder, hear. Lit koart my 't sizze,
En ha 'k it sein, o, dat my 't hert dan briek!
Dat ik de bluodd'r'ge oprop jit ûntkaam,
Dy't my sa nei ferfolge – O libbens swietens,
Dat wy deads pine leaver stjerre eltse oere
As ienkear te ferstjerren – skûle ik wei
Yn dwylsins fodden, naam in skôging oan
Dat hûnen sels my skoud'ren; sa foar 't each,
Moete ik myn heit, jit bliedend út 'e holten
Waans eale stiennen rôve wien'; ik waard
Syn liedsman, skoaide om brea, dreau wanhoop wei;
Nea sei ik wa't ik wie, dat djip my muoit,
Oant in healoere lyn; doe wie ik waap'ne,
En fan myn sege ûnwis, hoe't ik ek hope,
Frege ik syn seine, en fan begjin oant d' ein
Fertelde ik him myn swalkjen; mar syn hert –
Sa faak teskuord, foar sok in striid te swak –

Albanje Man, sprek!
 Edgar Wat moat dat bluodd'rich mês?
 Ealman 't Is waarm, it rikket;
 't Is lutsen út it hert – Hear, hja is dea!
 Albanje Wa dea? Sprek op, man!
 Ealman Jins frouwe, hear, jins frou; har suster is
 Fan har ferjûn; hja hat it tajûn, hear.
 Edmund Ik wie fersein oan beide; trij'risom
 Trout ús ien amerij.
 Edgar Sjoch, dêr komt Kent.
 Albanje Bring hjir har lichems, dea of jitte libjend;
 Wÿ rilje fan dit skriklik himelsk rjocht
 Mar fiele gjin begrutsjen. (*Ealman ôf.*)
 Dit is Kent?
 Us gunt de tiid it mylde groetsjen skraach,
 Dy't wiere hoaskens ferget.
 Kent Ik bin kaam
 Om foar it lêst myn master nacht te winskjen.
 Is hy hjir net?
 Albanje Dat wy sok gruts fergeaten!
 Wêr is de kening, Edmund, wêr Cordelia?
 (*De liken fan Goneril en Regan wurde ynbrocht.*)
 Sjochsto dit skouspul, Kent?
 Kent Wee, hoe komt dat?
 Edmund Sa waard ek Edmund leave;
 Want d' iene joech oan d' oare om my fenyn
 En date doe harsels.
 Albanje Sa wie 't; dek 't antlit harren ta.
 Edmund Ik hymje om libben; 'k wol eat goeds jit dwaan,
 Al giet it tsjin myn wêzen. Stjoer fuortdaalk,

Gjin útstel, nei 't kastiel; ik joech befel,
Lear noch Cordelia mocht langer libje;
Stjoer daalk in boade.

Albanje Flean, o flean dêrhinne!

Edgar Oan wa, hear? Wa is haad dêr? Stjoer in teken
Dat dit befel te neate is.

Edmund 't Is wier, dat moat; hjir, nim myn swurd, en jou 't
De haadman.

Albanje By dyn libben, fuort no! Hurd! (*Edgar ôf.*)

Edmund Hy hie in opdracht fan dyn wiif en my,
Hy moast Cordelia ophingje yn har sel,
En 't wite oan har fertwiiv'ling, dat hja sels
Har ein socht hie.

Albanje Goaden, kom op foar har! – Bring him hjirwei.
(*Edmund wurdt fuortbrocht. Wer op komme Lear,
mei Cordelia dea yn syn earmen;
Edgar, in kaptein en oaren dy't folgje.*)

Lear Gûl, gûl, gûl, gûl! Minsken fan stien bin jim;
Hie ik jim tonge en eagen, himels wulft
Soe skuorre fan myn kriten! Gien, foar jimmer!
Ik wit wannear ien libben is en dea;
Hja 's ierde-dea. Lien my in spegelglês;
As fan har sykjen syn kristal beslacht,
Dan moat hja libje.

Kent Wee! Is dit wrâlds ein?
Of fan dy grouwel 't byld?

Albanje O fal, fersink!

Lear Dy fear ferweecht, hja libbet! Is dat sa,
Dan is 't in hope, swider as al 't leed
Dat ea my delbûgd hat!

Kent (*knibbeljend*) O, goede master!
 Lear Gean do hjirwei.
 Edgar 't Is d' eale Kent, jins freon.
 Lear Jim moard'ners en ferrieders, pest oer jim!
 Faaks hie 'k har rêden; wei is hja, foar jimmer!
 Cordelia, toevje jit! Cordelia, o!
 Wat seisto no? Har lûd wie tige sêft,
 Sa myld, sa stil; dat is sa moai, by froulju.
 De smjunt waans hân har smoarde, die ik dea.
 Kaptein Dat die er, hearen, wier.
 Lear Sa wie 't, no maat?
 Ik ha de dei sjoen, dat myn sichtsjend swurd
 Sok folk as ieren ôfsnie; no bin 'k âld,
 En al dat lijen knoeit my. – Wa bin jo?
 Ik sjoch sa goed net mear; doch efkes tiid.
 Kent Geit ea it lot, it leave en hate twa,
 Dan is hy dêrfan d' iene.
 Lear Myn sjen is dof. Binn' jo net Kent?
 Kent Dy bin 'k,
 Jo tsjinner, Kent. Wêr is jo tsjinner Caius?
 Lear In fiksen-ien, dat sis ik jo; dy hie
 De hannen ree. No is er dea, ferrotte.
 Kent Nee, goede hear; ik bin dyselde man, –
 Lear Ik sjoch it dalik wol.
 Kent Dy't sûnt jins ûnk en jins fersfal begûn,
 Jo folge op jins drôf paad.
 Lear Wês wolkom hjir.
 Kent Oars nimmen; tsjuster, deadsk is alles no.
 Jins âldste dochters ha harsels ferdien,
 En stoaren fan fertwiiv'ling.

Lear Ja, dat leau 'k.

Albanje Hy wit net wat er seit; it is omdôch
Dat wy ús ta him rjochtsje.

Edgar It batet neat.
(*Op komt in kaptein.*)

Kaptein Edmund is dea, hear.

Albanje Dat telt hjir skraach mei.
Jim hearen, eale freonen, ken ús doel.
Wy sille ús warre en hielje dit grut ûnk
Sa goed wy kinne; ús macht oer hiel de steat,
Stean wy, salang't ús âlde kening libbet
Of oan syn majesteit. (*tsjin Edgar en Kent*) Jim winne swiid
Jim rjocht werom, útweide lyk jim eare
Mear as fertsjinne hat. Har rjochtlik lean
Sil al ús freonen priuwe; lyk de fijân
De tsjelk dy't hy fertsjinne. – Sjoch, o sjoch!

Lear Hongen, myn earne lytse! Nee, gjin libben.
Moat der in hûn, in guds, in rô't bestean
En do gjin siken ha? Nea komsto wer,
O nea net, nea net, nea net!
Beleaven, doch dy knoop los: hear, myn tank.
Mar sjoch dochs, sjoch har lippen, sjogge jim 't?
O sjoch dêr, sjoch – (*Stjert.*)

Edgar Hy swimet! Hear, myn hear!

Kent O herte, brek no, brek!

Edgar O hear, sjoch op!

Kent O, doch syn geast gjin lêst mear; lit him gean;
Him langer op de wrâld har pynbank bine,
Wie slimme hate.

Edgar 't Is sa; hy is wei.

Kent 't Is wûnder, dat hy 't jit sa lang fernearde;
 Hy hie gjin libben mear.
 Albanje Draach har hjirwei. De rou fan 't hiele ryk
 Is no ús soarch. (*tsjin Kent en Edgar*) Jim freonen fan
 myn hert,
 Weeg'rje de wûne steat jim krêften net!
 Kent My driuwt in grutte reis, hear; tige yn 't koart;
 Myn master ropt my, dy't ik folgje moat.
 Albanje Us parset dizze tiid mei drôvich wicht;
 Wy út'rje no ús fieling, net ús plicht.
 Dy't âldst wie, droech it measte; ús jonge dei
 Giet nea, sa swier fan lêst, sa'n fiere wei.
 (*Allegearre ôf, mei in deademars.*)

Ta ferklearring

- 1 Albanje is in âlde namme foar Skotlân.
- 2 Hecate; Grykske goadinne fan de magy.
- 3 Skyth; de Skythen wiene oarlochssuchtige nomaden yn Súd-Ruslân, tusken de Donau en de Don.
- 4 Apollo; ek god fan pleagen.
- 5 De stjerren fan de Grutte Bear hiene deselde kweade ynfloed as Mars, wie it betinken. De sturt fan de Draak betsjutte wat lilkaardichs.
- 6 Tomke út it gekkehûs; fersjoanliking fan de kranksinnige, dy't út it gekkehûs wei, as biddeler omswalke.
- 7 Ik yt gjin fisk, ik bin in trou oanhinger fan myn foarst; yn Elizabeth har tiid wiene de Katoliken (de fiskiters op freed b.n.) gjin oanhangers fan it regear.
- 8 Do mislike fuotbalder; it fuotbaljen stie net heech oanskreaun yn dy tiden. It waard op strjitte dien troch ombongeljende jongerein, ta arge-waasje fan de boargers.
- 9 Gloster; de stêd, dêr't Cornwall tydlik toeve.
- 10 De rigels tusken heakken binne grif tafoege troch in toanielspylder dy't de narre-rol hie; en om de wille fan it mindere publyk waarden hja der by litten. Hja passe net yn de mûle fan dizze nar; Shakespeare sels hat dit brûkme feroardiele yn syn Hamlet.
- 11 Jonge mannen, ûnder ynfloed fan drank, fiken harsels yn 'e earm, en mongen it bloed yn har wyn, om op 'e sûnens fan 'e leafste te drinken.
- 12 De grutte flakte fan Sarum yn Somersetshire, dêr't ek Camelot lei, wie ferneamd fanwege de guozzefokkerij dêre.

- 13 By Jupiter, by Juno; yn de maitiid fan 1606 waard it by de wet ferbean yn toanielstikken de nammen God, Jezus Kristus, Hillige Geast ensfh. te brûken. Dêrfandinne dizze útroppen oan goaden.
- 14 Dit is in bêste nacht, ensfh.; dit is wer in fan in spylder ynskood stik; sjoch noat 10.
- 15 As men Kening Lear as in tiidgenoat fan Kening Joas fan Judea rekkenje moat (3100 jier foar Kristus), dan komt it út dat de nar libbet foar de Keltyske tsjoender en wiersizzer Merlyn.
- 16 Rigel út in âld deuntsje.
- 17 Rigels út in âlde ballade, oer Bevis fan Southampton.
- 18 Thebe, plak yn Grikelân, ferneamd yn de âldheid.
- 19 Wer wurden út in âlde ballade.
- 20 Frateretto, Flibbertigibbet, Modo, Mahu ensfh. binne duvelsnammen ûntliend oan in boekje oer duvelbannen fan Dr. Harsnet, dat yn 1603 ferskynd wie. Yn de Gargantua fan Rabelais, al foar 1575 yn it Ingelsk oerset, stie dat Nero yn de hel fioelspylder en Trajanus angelfisker wie.
- 21 Kom oer de wjitt'ring; wer rigel út in âlde ballade.
- 22 Hobberdidûns; noch in namme út it boekje fan Dr. Harsnet.
- 23 Dyn fiif; dyn ferstân.
- 24 De dwylsinnige biddlers plachten mei in kowehoarn rûn te gean foar jeften, en om út te drinken.
- 25 De lêste wurden fan de nar; syn hert is tebrutsen, en hy stjert mei gauwens op 'e middei fan syn libben.
- 26 Dy dolhúsman; Tomke, Edgar.
- 27 Flaaks en aaiwyt; in plaster fan flaaks mei aaiwyt wie in remeedzje foar seare eagen.
- 28 In Ingelsk sprekwurd seit: it is in nearzich hûnebist, dat it floitsjen net wurdich is.
- 29 Marjolein; in remeedzje foar harsensyktmen.
- 30 Op in tsjil fan fjoer; Lear mient dat hy yn it faaiefjoer tahâldt.

